de vrije fries

Jaarboek
Uitgegeven door het Fries Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde en de Fryske Akademy

Zevenenzeventigste deel (1997)

Redactie:
Ph.H. Breuker, L.G. Jansma, G.Th. Jensma, H. Spanninga

Redactieadres:
Doelestraat 8 (Fryske Akademy)
Leeuwarden

Wumkes.nl

CIP-GEGEVENS KONINKLIJKE BIBLIOTHEEK, DEN HAAG

Vrije

De Vrije Fries: jaarboek: zevenenzeventigste deel (1997)/uitg. door het Fries Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde en de Fryske Akademy. - Ljouwert [Leeuwarden]: Fryske Akademy.-III.-(Fryske Akademy; nr. 851)
Met lit.opg.
ISBN 90-6171-851-1
NUGI 641

FA-nr. 851

Wumkes.nl

Inhoud

Personalia medewerkers en redacteuren 6

Artikelen 7

H. de Jong
Fersierde slibtegels yn it Haskerkonvint 7
Victoria B. Greep
Wytskes *in memoriam* en de kroniek van haar familie 37
K. van Berkel
Het Oldeklooster in de Friese politiek, 1572-1580 55
Hans van de Venne
Nogmaals Vibrandus Dominicus Bornstra (ca. 1530-ca. 1579), rector te Gouda en professor te Dowaai 89
Feico Hoekstra
Wybrand de Geest, schilder van 'Asch en Stof' 115
Onno Hellinga
It register fan Feicke Tetmans (± 1537-1601) 125
Tony (A) Feitsma
Oardielen oer J.H. Halbertsma as etymolooch 139
Ph.H. Breuker
Feitsma fan replyk tsjinne oer Halbertsma 153

Panorama fan Fryslân 157
Geart de Vries
Fryske kultuer 157
Tineke Steenmeijer-Wielenga
Fryske taal- en letterkunde 161
S. ten Hoeve
Monumintesoarch 167

Archeologische kroniek van Friesland over 1996 175

Jaarverslag van het Fries Genootschap 187

Wumkes.nl

Personalia medewerkers en redacteuren

K. van Berkel (1953), is sinds 1988 als hoogleraar in de Geschiedenis na de Middeleeuwen verbonden aan de Rijksuniversiteit te Groningen.
J.M. Bos (1957), studeerde filosofie en middeleeuwse archeologie aan de Universiteit van Amsterdam (prom. 1988), universitair docent aan het Archeologisch Centrum van de Rijksuniversiteit Groningen.
Ph.H. Breuker (1939), studearre Nederlânsk en Frysk (prom. 1989), wittenskiplik amtner Fryske Akademy en (bysûnder) heechleraar Fryske taal- en letterkunde oan de Ryksuniversiteit Leiden en de Universiteit fan Amsterdam, publisearre oer literatuer, skiednis en nammekunde.
A. Feitsma (1928) is emeritus-heechlearaar Frysk yn Amsterdam, hat yn de lêste jierren benammen publisearre oer J.H. Halbertsma as taalkundige.
Victoria B. Greep (1941), studeerde kunstgeschiedenis aan de Rijksuniversiteit van Leiden, specialiseert zich in het 15de en 16de eeuwse portret in zijn context; houdt lezingen en geeft cursussen kunstgeschiedenis.
Onno Hellinga, (1960), studearre skiednis oan 'e Ryksuniversiteit te Grins. Wie yn tsjinst by it Ryksargyf yn Fryslân te Ljouwert en wurket oan in stúdzje oer Hessel Aysma, de lêste presidint fan it Hof fan Fryslân. Is no as bûtengewoan lid ferbûn oan 'e fakgroep Letterkunde, Skiednis en Nammekunde fan 'e Fryske Akademy.
F. Hoekstra (1967), studeerde kunstgeschiedenis aan de universiteit van Nijmegen. Sinds zijn afstuderen in 1994 is hij actief als free-lance kunsthistoricus en publiceerde onder andere over Rembrandt, Christoffel Bisschop en Pier Pander.
S. ten Hoeve (1945), direkteur Frysk Skipfeartmuseum, publisearre oer lokale skiednis, tsjerkeskiednis, monumintesoarch, tsjerke-ynrjochting en ambachtskeunstners.
L.G. Jansma (1943), studearre sosjology oan de Ryksuniversiteit Grins (prom. 1977 yn Rotterdam) teology oan 'e universiteit fan Utert, wittenskiplik direkteur Fryske Akademy, publisearre oer religieuze bewegingen en minderheden.
Goffe Jensma (1956), is cultuurhistoricus en publiceerde onder andere over Friese geschiedenis.
Hindrik de Jong (1946), wurket sûnt 1968 by de keuringstsjinst fan de Coffee, Treatment & Supply divyzje fan Douwe Egberts op De Jouwer. Is sûnt 1994 foarsitter fan it Argeologysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy.
Hotso Spanninga (1954), studearre skiednis yn Grins, learaar skiednis en ierdrykskunde yn Dokkum; publisearre oer sosjale en politike skiednis.
Tineke Steenmeijer-Wielenga (1946), studearre Nederlânsk en Frysk, is konservator fan it FLMD, wie resinsint Fryske literatuer by de LC, publisearre in dichtbondel, in roman en literêr-histoaryske skôgings; (mei)besoarchster fan de *Samle fersen* fan Fedde Schurer, Obe Postma, Piter Jelles Troelstra en Sjoerd Spanninga.
Hans van de Venne (1945), studeerde klassieke talen te Nijmegen. Hij bereidt een proefschrift voor over het leven en werk (*Terentius Christianus*) van de Neolatijnse dramaturg Cornelius Schonaeus (1540-1611).
Geart de Vries (1956), studearre skiednis mei byfak Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins, en is sûnt 1981 as redakteur yn tsjinst by Omrop Fryslân.

Wumkes.nl

Fersierde slibtegels yn it Haskerkonvint

H. de Jong

Ynlieding

Oer it foarkommen fan stiennen flierren yn tsjerken en kleasters is de lêste desennia wat langer wat mear bekend wurden.[1] Fan guon tsjerken binne houten foargongers fêststeld. Fan dizze tsjerkjes meie wy, troch it ûntbrekken fan stiennen, konkludearje, dat it tsjerkfolk guontiden op de keale grûn stienen. Yn dy tsjerken waard foar it bedekken fan de flierren fakentiids liem of klaai brûkt. Materiaal as platen marmer en laaistien, dêr 't se yn lannen as Frankryk en Itaalje rom oer beskikke koene, wie hjir net foarhannen Yn 'e rin fan de tolfte ieu kamen se der op 'en nij efter, dat fan klaai bakstiennen makke wurde koenen. Dat kaam benammen troch it him yn dizze ieu krêftich oppenearjen fan ferskillende kleasteroarders. It brûken fan bakstiennen naam yn in koart skoft in grutte flecht. Yn 'e oergongsfaze tusken de tsjerken fan hout en dy fan bakstien (alfte en it begjin fan de tolfte ieu), waarden benammen út stiengatten yn it fulkaangebiet fan de Eifel yn Dútslân stiennen weihelle, dy't oer de Ryn en de Isel nei Fryslân transportearre waarden. Dat stiente hiet tefryt, mar stiet te uzes better bekend as dowestien. Ut de Eifel komme ek de bekende mealstiennen. Dy binne lykwols fan basaltlava, in hurder fulkanysk stiente. By argeologysk ûndersyk yn de tsjerken fan Friens en Easterein binne stikken flier fan reade kleastermoppen fûn.[2] Hja leine yn it saneamde fiskgraatmotyf. Dy flierren wurde oer it generaal in ûntstean yn de trettjinde ieu taskreaun. It restant fan de oant no ta âldst bekende flier yn Noard-Nederlân is by opgravings op it plak fan de yn 1627 ôfbrutsen St. Walburgtsjerke yn Grins fûn. It giet hjir om griis-grauwe tegels út de earste helte fan de tolfte ieu. It nijsgjirrige is, dat njonken fjouwerkante, der ek rjocht- en trijehoekige tegels leine.[3] By de ôfgravings fan kleasterterpen as bygelyks dy fan Foswert by Ferwert en Klaarkamp by Rinsumageast, beide foar 1200 stifte, koe spitigernôch de oanwêzigens fan stiennen flierren net fêststeld wurde. By in eardere restauraasje fan it tsjerkje fan Haskerdiken (gem. Skarsterlân) wie lykwols al ris dowestien fûn, lykas sein, it boumateriaal fan benammen de alfte en tolfte ieu. Doe't op 6 desimber 1994 de restauraasje fan de binnenkant fan de tsjerke in ferfolch krige mei it weiheljen fan in tsjokke laach púngrûn, stie in tal leden fan it Argeologysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy klear mei de opdracht om yn it foarste plak nei dowestien út te sjen, en dêrneist nei diggels fan kûgelpotten, Pingsdorf en Paffrath. ierdewurk. Uteinlik binne der yndie 25 stikken dowestien fûn. It grutste stik hie in lingte fan 21½ sm. De tsjokte fan dat stik en fan guon oare stikken is 8 oant 9 sm.[4] Inkelde hawwe kapspoaren (fan in beitel?). It is bekend dat by de yntroduksje fan bakstien it net ûngebrûklik wie om dowestien fyn te klopjen om it sa as in speesjekomponint te brûken. It trochsykjen fan de likernôch 40 sm. dikke laach grûn dy't út de tsjerke weigroeven waard, hat mei-inoar mear as fjouwer moanne duorre. Dat dat salang duorre, hat mei de dowestien net it measte te krijen, mar alles mei de ûntdekking, dat yn de Midsieuwen yn 'e kleasterkapel in flier fan mozayktegels lein hat. De ynteresse foar stikken dowestien waard op de earste dei dan ek al rillegau ferpleatst nei dy fan de kleurige mozayktegeltsjes.

Wumkes.nl

It tsjerkje fan Haskerdiken stiet mei inkele huzen en in pear pleatsen wat apart tusken de snelwei A32 en de spoardyk Swol-Ljouwert. De spoardyk leit op syn bar tusken in pear farwetters. Dy ferbinings rinne fan it súdeasten nei it noardwesten troch it lânskip. It tsjerkje en it tsjerkhôf lizze op in ferheging. Ut ferskate boarnen docht bliken, dat de omtrek fan dy ferheging yn it ferline in stik grutter west hat. Sa meldt yn 1857 skoalmaster Brons oan it Fries Genootschap, dat by it ôfgraven fan de terp in soad minskebonken fûn binne.[5] Yn 1934 lit de pake fan tsjerkfâd Sies Mulder de oerbleaune stikken fan de kleasterterp oan de súd- en westkant fan de tsjerke fierder ôfgrave. Hy wist wêr't er mei dwaande wie; sadwaande waard yn Ljouwert om argeologyske stipe frege. Spitigernôch kaam dy net. Dêrom hat er sels mar in tekening makke fan de fûneminten en oare saken dy't foar it ljocht kamen en opromme waarden. Hûnderten kleastermoppen binne doe nei Ferwert oerbrocht foar de restauraasje fan de toer fan de herfoarme tsjerke. In útsûnderlike fynst wie in geef bewarre, grutte midsieuske brûnzen kaai dy't troch boargemaster Vegelin van Claerbergen meinommen waard en letter yn besit kaam fan de famylje De Jong, oant 1978 eigners fan de firma Douwe Egberts. Yn desimber 1995 is dat moaie oantinken oan it kleaster Haskerkonvint oan de tsjerkfâdij werom jûn. It hjoeddeistige tsjerkje stiet dus op it restearjende stik fan de ferheging, dêr't likernôch 350 jier lang it kleasterkompleks op stien hat. Neffens de tinkstien boppe de tagongsdoar is it tsjerkje yn 1818 boud. De opdrachtjouwer wie Domeinen. Yn 1823 waard it eigendom fan de Herfoarme Gemeente Haskerdiken en Nijehaske, dy 't yn 1746 gearfoege binne. By de bou yn 1818 wie it lizzen fan in fûnemint net nedich. Der waard gebrûk makke fan de kleastermopfundearring fan de it jier dêrfoar ôfbrutsen kleasterkapel. It toponym 'De Kapelle' wurdt yn 'e folksmûle noch altyd brûkt. Fan de oare kleastergebouwen is neat oerbleaun. Yn 1579, by it begjin fan de Reformaasje, waard it kleaster en har besittings oan de Steaten fan Fryslân oerdroegen. Blykber binne net lang dêrnei de measte gebouwen ôfbrutsen, en preke yn de âlde kapelle de earste dûmny, Nicolaas Gualtheri.[6] Oer it algemien wurdt as jier fan stifting fan it kleaster ien fan de jierren nei de dea fan de kluzener Dodo (yn 1231) oannommen. Oer Dodo, waans efternamme Tizelinga wie, stiet yn syn libbensbeskriuwing dat er muonts wie yn it kleaster Mariëngaarde by Hallum. Nei 't er in skoft yn in úthôf fan dat kleaster yn Bakkefean taholden hie, ferfear er yn 1225 nei it Haskerlân. Hy makke foar himsels in lyts ûnderkommen by of yn 'e buert fan in besteand tsjerkje, in foargonger fan it hjoeddeistige tsjerkje.

Dodo syn komst wie, sa 't it like, bewurke troch in lokale geastlike mei ynfloed, Wibrandus fan Haske. De posysje fan dy persoan wurdt troch Mol justjes oanstipt, want in soad trettjinde-ieuske boarnen is yn lettere tiden weiwurden.[7] De komst fan Dodo yn 1225 nei it part fan it Lege Midden fan Fryslân jout oanlieding om efkes te sjen wat minsken oant dat jier yn dizze omkriten efterlitten en/of ta stân brocht hienen. Feitliken betsjut argeology, dat jo oan 'e hân fan fynsten (as skriftlike boarnen ûntbrekke), besykje in rekonstruksje te meitsjen fan it ferline. Yn 'e praktyk falt soks lang net ta. Fan belang binne yn dat ferbân inkele ûnderdielen yn de hagiografyske libbensbeskriuwing fan Dodo, dy 't nei syn dea, nei alle gedachten yn it Haskerkonvint skreaun is. Dêr wurde twa doarpen by de namme yn neamd; Westermar en Gersleat. Op it tsjerkhôf Gersleat binne okkerdeis in pear stikken fan sydkanten fan sarkofagen fan reade sânstien fûn. Hja wurde oer it generaal yn de

Wumkes.nl

tolfte ieu dateaere. Fan Westermar binne (noch) gjin fynsten bekend. Dodo kaam út it easten, fan de kant fan Bakkefean. Underweis moat er bewenners fan ferskate delsettings moete hawwe, en hat er de tsjerken fan Weinjeterp, Beets en mooglik



Ofb.1 Tsjerke 1723

ek fan De Ryp (De Tynje) en Katryp (by Lúnbert) sjoen. Aardich is de fermelding yn de libbensbeskriuwing fan it rinnen oer in iislaach fan ien nacht froast, dat op guon sleatten lei. Sleatten binne groeven om ûnlân yn oan te meitsjen. Dêrom kin in part fan syn rûte lein hawwe yn wat no it natoergebiet De Deelen is. Hjir lizze by de súdkant fan it Ald Deel lâns tsientallen fynplakken fan diggels, saden en feangraverijen út de tolfte ieu en wat earder. It ferlitten tsjerkje dat Dodo oantrof hearde neffens Mol en De Langen by in âlder doarp Haske; in foargonger fan it lettere Aldehaske.[8]

Wumkes.nl

Yn de neiste omkriten fan it tsjerkje binne yn it ferline by it oanmeitsjen fan lân op twa plakken fynsten dien, dy't foar Midden- en Súd Fryslân tige seldsum binne. Yn 't foarste plak neamt Halbertsma hússteden mei Karolingyske diggels fan it type Badorf en Reliëfbânamfoar.[9] Der wurdt no oannommen dat de produksje fan Badorf-ierdewurk, yn 'e buert fan Keulen, foar 900 opholden is.[10] Dy fynsten wize op in delsetting, dy't súdlik fan it tsjerkje, by Vegelinsoard lei. In oare fynst, de histoarje fan dit gebiet oanbelangjend, is dy fan in houten doopfont(?), dat yn it Fries Museum bewarre wurdt. Dizze fynst waard earne yn de feanterij fan Korf dien, in gebiet noardwestlik fan it tsjerkje. De âlderdom stiet net krekt fêst, mar dy soe yn it tiidrek fan it Badorf-ierdewurk lizze kinne.

It oare fynplak fan Badorf- en Reliëfbânamfoarierdewurk yn dizze kontreien kaam yn 1986 by Aldeboarn foar it ljocht. Oan de westkant fan de pleats Doumastate waard troch leden fan it Argeologysk Wurkferbân op fersyk fan it Fries Museum socht nei in midsieuske saad fan de yn de earste helte fan de 16de ieu fernielde bertestins fan Jancko Douwama. Ynstee dêrfan waarden de omsmiten muorren opgroeven. De grutste ferrassing wie lykwols de fynst fan in tal diggels út de perioade 500-900. Dêrûnder fragminten fan it niisneamde Karolingyske ierdewurk. It âldste stik is dat fan de boaiem fan in Merovingyske pot. De diggels leine mar inkele meters ôf fan de terpeftige ferheging mei dêrop de Doumastate. In tige âld stee dus, âlder as Aldeboarn. It falt net ta om it yn in krekte kontekst te pleatsen.

It Karolingyske fynplak by Vegelinsoard wie om 900 hinne de iennichste, of yn alle gefallen ien fan de earste delsettings yn dit gebiet. Hoe lang hat dy delsetting bestien? Twa fynsten út de perioade 1050-1125 kinne fan belang wêze. Yn it Fries Museum wurdt ien fan de grutste en meast komplete Pingsdorfkruken fan Fryslân bewarre. Dat moaie stik ierdewurk waard foar 1900 by graafwurk fûn. Der wurde lykwols twa fynplakken neamd: Vegelingsoard en Spitsendyk, noardlik fan Lúnbert, (mooglik it yn de Midsieuwen ferdwûne doarp Katryp). Master Brons fertelde yn 1857 ek noch dat er praat heard hie fan in stiennen bak (grif in sarkofaach)[11], dy't by it fergraven fan de kleasterterp fûn wie. Oer it uterlik fan de deadskiste is neat bekend. Hy kin likegoed út de begjintiid (13de ieu) fan it kleaster datearje, as út de tiid dêrfoar. Mei it lêste wurdt it tiidrek fan it tsjerkje bedoeld, oant it momint dat Dodo him hjir yn 1225 (of 1227) ta wenjen set.

Mozaykflieren

Fan de Romeinen is bekend dat hja fan kleurige stientsjes yn harren timpels en wenhuzen prachtige mozaykflierren oanlein hawwe. Yn it dêroanfolgjende Byzantynske Ryk waard dy metoade noch lang tapast; bygelyks yn de seisde ieu yn de Hagia Sofia yn Istanbûl.

Hoe't en wannear't yn Nederlân begûn waard mei it meitsjen fan fliertegels fan klaai, is noch net hielendal dúdlik. Sa't al earder sein is, binne yn Noard- Nederlân de âldst bekende dy fan de St. Walburgtsjerke yn Grins út de perioade 1100-1150. Dy wiene fan it formaat 15x15x1 of 2 sm, en ek 10x10x2 sm. De tegels wiene net fersierd.

De manear om mei in houten of metalen stimpel in ôfdruk yn in noch net bakte tegel fan klaai oan te bringen, kaam yn de tolfte ieu yn 'e moade. Benammen yn Flaanderen en Frankryk. Antwerpen wie om 1200 hinne in wichtich produksjesintrum. By opgravings yn de Boudelo-abdij te Klein-Sinaai yn België yn 1911 en

Wumkes.nl

letter, binne mear as 10.000 hiele en 30.000 fragminten fan tegeltsjes fûn. Dy't mei in stimpel bewurke wiene, hiene oer it algemien as ûnderwerp: hûnen, liuwen, harten, grutte leeljes en ruters mei in swurd.

Foarsafier't no bekend is, binne yn Nederlân de earste fynsten fan sokke tegeltsjes yn de foarige ieu yn Utert dien. Hiel moai is de ynkleure tekening fan in mozaykflier, dy't yn 1862 yn in hûs fan it kapittel fan St. Jan fûn waard.[12] In inkele ûndersiker wie fan betinken dat it komôf fan dy tegels yn Utert sels lei.[13] Algemien waard lykwols oannommen dat se út tegelbakkerijen yn Flaanderen en oare plakken weikamen. It definitive bewiis dat ek yn Utert tegels makke waarden, is yn 1984 levere mei de fynst fan ûnen yn it gebiet 'De Bemuurde Weerd'.[14] It wie in lúkse soks binnen jins muorren te hawwen. Yn Utert waarden se dan ek allinnich fûn yn tsjerklike gebouwen en wenhuzen fan hege geastliken en rike ynwenners.

Wannear't yn Fryslân foar it earst bewurke fliertegels fûn binne, is net bekend. De earste melding dy't wy tsjinkomme, is dy fan de ôfgraving fan it terrein fan it Benediktiner kleaster Foswert tusken Ferwert en Wânswert.[15] Njonken in pear mozayktegeltsjes kamen ek tegels mei in fersiering yn reliëf foar it ljocht. Dan folgje twa meldings út 1923. De iene út de tsjerke fan Winaam, de oare fan it terrein fan it Nijekleaster by Skearnegoutum. De omstannichheden dy't dy fynsten mooglik meitsje, binne typearjend foar de lettere fynsten: 1) it fernijen fan tsjerkeflierren; 2) it opromjen fan kleasterterreinen.

Tsjin de ein fan de tolfte en yn de trettjinde ieu wurde tegels makke, dêr't de fersiering fan boppe it oerflak fan de tegel útstekt: de saneamde reliëftegel. Yn Fryslân bestiet de fersiering fral út akantusranken en fjouwer- en seisblêdige motiven, mei of sûnder leeljes. Ek fabeldieren en in oaljefant komme foar. Yn Ingelân wurde yn it begjin fan de trettjinde ieu tegels mei liuwen, draken en griffioenen makke.Yn Fryslân binne se fûn by de ôfgravings fan de kleasters Foswert, Genezareth, Klaarkamp en Mariëngaarde. Bûten Fryslân leine se yn it St. Bernarduskleaster by Aduard, in dochter fan Klaarkamp, en yn it tusken 1230 en 1250 stichte kleaster Ihlow by Aurich, op har beurt in dochter fan Aduard. Alle trije wiene Sistersiënserkleasters.[16] De produksje fan slibfersierde- en mozayktegels kaam yn Ingelân foar 1250 op gong. En lykas sein: yn de stêd Utert barde itselde in heale ieu letter yn it produksjesintrum 'De Bemuurde Weerd'.

De flier fan Haskerdiken

It ûndersyk yn de út it tsjerkje weihelle grûn hat 1546 registrearre fynsten opsmiten. (ôfbyldings)[1] Wat mear as de helte – 788 – hawwe fan in mozaykflier west, dy't lang ferlyn stikken makke is. Fan dizze 788 hawwe 96 in yn slibfersiering oanbrochte ôfbylding. Dêrnjonken binne op seis stikken, op in troch tinglazuer ûntstiene ljochte ûndergrûn, mei in pinsiel, yn it swart, figueren oanbrocht. Fan dy seis en fan 45 fan de 96 mei slibfersiering is de oarspronklike betsjutting noch net bekend. De fynst fan de seis, spitigernôch net oan elkoar passende stikken, is in grutte seldsumheid. Oant no ta witte wy fan it bestean fan ien stik – mei in gesicht – yn it Fries Museum fan de opgraving fan it kleaster Klaarkamp. Yn de stêd Utert binne ek hiele eksimplaren fûn. De eksklusiviteit blykt dêr út de sintrale posysje fan dy tegels yn guon flierren. De 51 werkenbere ôfbyldings wurde, wat Haskerdiken

---

1 De tekeningen binne makke fan frou W. Hagen.

Wumkes.nl

oanbelanget, yn fjouwer haadgroepen ferdield: A) Minsken; B) Dierlike motiven; C)Planteftige motiven, en D) Diversen.[17] Alle stikken binne kodearre mei de letters HD fan Haskerdiken, folge troch in nûmer.

A. Minsken
Fan de ôfbyldings dy't op persoanen slaan, binne 26 stikken; 12 fan in ruterfiguer (A1), en 14 fan in holle mei delhingjend hier, in halskeatling en in nei alle gedachten trijepuntige kroan. (A2).

A1: De ruterfiguer: HD 7 o/m 16, 69, 76
Fan de holle fan de ruter binne fjouwer aparte stikken fûn. Wy nimme dêrom oan dat der op syn minst fjouwer tegels west hawwe moatte, mei ôfmjittings fan likernôch 17x17x1,5 sm. Nei wat passen en mjitten is der in rekonstruksje makke, sjoch ôfbylding.

Wat stelt dy ruterfiguer foar? Al op de dei fan de fynst, 6 desimber 1994, waard it fermoeden utere, dat it de hillige Joris foarstelt dy't dwaande is om mei syn lâns it Kwea yn de foarm fan in draak troch te stekken. Joris waard yn de Midsieuwen yn Nederlân, mar foaral ek yn Ingelân fereare.

Nei it rieplachtsjen fan ôfbyldings út benammen Ingelân, België en Dútslân, en út de kontakten mei de ûndersikers yn Utert, hat safolle bliken dien, dat sa'n ruterfiguer noch net earder fûn is. Wat tsjin de Joristeory fan de nei rjochts steande ruter pleitsje kin, is de posysje fan de lâns. Dy stekt rjocht foarút en net nei ûnderen lykas op guon Russyske Jorisikoanen út deselde perioade (earste fearn fan de 14de ieu) te sjen is. Dêrop sjogge wy de draak ûnder de poaten fan it hynder tsjinwrakseljen. Dat part ûntbrekt op de rekonstruksje. De haadtoai is in nuveraardich gefal. Yn de tsjerke fan Eksmoarre binne twa tegels te sjen mei in nei links steande ruter mei it swurd yn 'e hichte, en mei in helm op de holle. Sa'n soarte útbylding fan in ruter waard ek yn Utert makke. Yn it 13de ieuske Ingelân wie it 'byldmerk' fan de krúsfarder Richard Leeuwenhart, kening fan Ingelân fan 1189-1199, populêr. Syn fijân Saladdin komt er mei de lâns yn 'e hichte en it helmfizier del, fan links temjitte.

Ofb. 2. Rekonstruksje ruter

Wumkes.nl

A2: De holle: HD 83-94 (HD 83 bestiet út 4 stikken)
Fan de 14 stikken dêr't noch in part fan in holle yn werom is te finen, falt spitigernôch gjin kompleet antlit te meitsjen. It belangrykste dat ûntbrekt, binne de eagen; sjoch ofbylding.

Om der in idee fan te krijen waard de tegel mei in holle yn it yn 1985 ûntdutsen flierrestant yn de tsjerke fan Longerhou besjoen. It antlit is hjir smeller, en, sa liket it, ek ienfâldiger útfierd. De kroan hat wat fan in troedeltsje. Oan de oare kant is it ûntwerp op in tegel út De Jouwer breder fan opset as yn Haskerdiken. Op dat fragmint (ôfb.) ûntbrekt de kroan. It waard fûn by in ûndersyk yn 1995 efter Heremastate.[18]

Earder waarden dy gesichten Kristushollen neamd. Ottema makket melding fan sa'n tegel by de ôfgraving fan it Nijekleaster, noardeastlik fan Skearnegoutum. It formaat fan de tegel is neffens him likernôch 12 by 12 sm.[19] Dat komt oerien mei de-soms-skatte ôfmjitting fan de niisneamde oare fynplakken.



Ofb. 3. Fragminten fan in 'keningsholle'

Yn Ingelân wurde tegels mei lyksoartige motiven keningshollen neamd. Trije tegels mei itselde patroan as yn Haskerdiken binne yn de tsjerke fan Hoarne op Skylge fûn, wylst op it terrein fan it Berchkleaster yn Burgum koartlyn it boppestik fan sa'n tegel fûn is.

B. Dierlike motiven
B1: De twakoppige earn: HD 39.
Allinnich de boppekant fan de rjochterhelte fan sa'n tegel waard fûn. Neffens de ûndersikers yn Utert moat it ûntwerp út deselde hoeke komme as B2. It is neffens harren dêrom mooglik, dat dy tegels net út Utert komme.[20] Fan dat type earn binne yn Fryslân twa kear earder foarbylden fûn; ien op in sawat komplete tegel yn de tsjerke fan Rinsumageast, en twa op skeinde tegels út (alwer) Hoarne. De twakoppige earn wie it wapen fan it Hillige Roomsk- Dútske Ryk, dêr't Fryslân yn de lette Midsieuwen diel fan útmakke. Guon Fryske famyljes (Dekema, Roarda) namen yn

Wumkes.nl

it rjochterpart fan harren wapens de helte fan de earn op. Yn Longerhou is ek in tegel mei in earn fûn, dochs it ûntwerp is oars.

Ofb. 4. Part fan in twakoppige earn

B2: De liuw: HD 32, 33A+B:
De liuw komt trije kear foar. Twa stikken passe oan elkoar. Dat is ien fan de seldsume kearen, dat wy it krekte formaat fan in tegel bepale kinne: 12x12x1,5 sm. It model fan dy liuw kin neffens de ûndersikers út Utert út deselde hoeke komme as de earn. Foar de stimpelûntwerpers wie de liuw in ûnderwerp dat yn Utert en de lannen om ús hinne op ûnderskate wizen útbylde wurde koe. Op de iene tegel stiet er nei lofts, op de oare nei rjochts. De figuer is ek net altiten deselde. Dy fan Haskerdiken is noch net earder fûn. Hy stiet op syn efterpoaten nei lofts.



Ofb. 5. Part fan in nei lofts steande liuw

B3: In liuwêftich gesicht: HD22: Ofb.
Dat stik mjit 9,6x7,9x1,3 sm. Bûten Fryslân binne ek twa fan sokke gesichten fûn. In misbaksel yn Utert en ien yn Heukelum. Opfallend is wer de oerienkomst mei inkele fynsten út de opgraving fan it kastielkompleks fan Pleshey yn Ingelân. De term 'liuweftich' is fan Drury.[21]

Wumkes.nl



Ofb. 6. In 'liuweftich' gesicht en ien op nûmer 28 yn Pleshey Castle

B4: In draak? HD 50A, 50B,. 51, 67A en 67B. Ofb.
Meidat inkele stikken oan elkoar pasten, koe dat fiiftal ta trije werombrocht wurde. De ôfbylding soe ien of oar meunster wêze kinne. Foar safier of it bekend is, binne se noch net earder yn Nederlân of dêrbûten fûn. In relaasje mei de ruterfiguer A1 is mooglik.



Ofb. 7. In mytologysk beest

Wumkes.nl

C Planteftige motiven

By it ûndersyk yn Pleshey binne út ferskillende perioaden slibfersierde tegels fûn. De âldste neamt Drury de 'Central Essex Group' út it begjin fan de fjirtjinde ieu. Hy ûnderskiedt by dy groep 35 ferskillende patroanen, dy't allegear in fersiering fan blêden fan planten en blommen hawwe; de iene wat mear as de oare. Twa fan de 35 patroanen sitte op oan elkoar passende mozayktegels, de 33 oaren binne stik foar



Ofb. 8. HD19 en 20: Plantmotyf

stik ien fan fjouwer tegels mei itselde patroan, dy't yn in fjouwerkant kamen te lizzen. Soks wie ek yn Haskerdiken it gefal. Dêr hawwe tsien fan de 102 fragminten fan slibfersierde tegels in patroan fan blêden en/of blommen. By it ûndersyk nei it komôf fan dy tsien binne fan HD19, 20 en 21 oant no ta noch gjin parallellen fûn. HD18, 25, 37A en 37B binne identyk oan Pleshey 3 en 4. Yn beide gefallen giet it om hoekopfollings.





Ofb. 9. HD 37 A + B en de oerienkomsten yn de Plesheynûmers 3 en 4

Wumkes.nl



Ofb. 10. HD 66 en 77 Blommotyf

Fan de beide Plesheytegels is ek it haadmotyf bekend. By nûmer 3 binne dat de wapens fan Ingelân, mei trije nei lofts geande liuwen; en fan Frankryk; mar dan it âlde wapen mei leeljes. By nûmer 4 giet it om de wapens fan de adellike slachten de Clare en de Bohun.[22] Fan it haadûnderwerp fan de tegels HD18, 25 en 37 A en B falt gjin rekonstruksje te meitsjen. It is mooglik dat it yndied om de wapens fan de niisneamde famyljes giet; benammen om't HD79 o/m 82 dy yndruk jouwe (sjoch fierderop). Aardich binne de blompatroanen op HD31, 66 en 77. Se sitte ek op in fragmint út it kleaster Foswert by Hallum njonken patroanen dy't wy yn Haskerdiken net kenne. Alteast, se binne dêr net fûn. Fierders is yn it tegelbakkerssintrum 'De Bemuurde Weerd' yn Utert in stik fûn en ien yn it kleaster Mariëndaal yn deselde stêd. Op de Plesheypatroanen komme se net foar.

D) Diversen: HD17, 24, 27, 28, en 78 o/m 82:
HD 17 en 79 o/m 82 hawwe skaaimerken, dy 't troch de Utertse ûndersikers Hoekstra en Van Rooijen by harren besite oan Haskerdiken op 26 april 1995 as typysk Ingelsk werkend waarden. Lykas de measte slibfersierde tegels yn Pleshey sitte dizze skaaimerken as kwadranten op de tegels, dy't op har bar dus elk it fjirdepart fan in fjouwerkant binne. It hat eigenskip te konkludearjen, dat dy 'werheljende fjouwer-tegel' patroanen yn Pleshey mear foarkamen as yn Haskerdiken. By HD 17 en 79 bestiet de (konsintryske) sirkel út in puntige en in wat smellere bûtenbân. Dy kombinaasje sit yn nûmer 6 yn Pleshey en ek, mar dan krektoarsom, yn nûmer 15. By 6 is it haadtema fan it patroan it wapen, mei it patroan fan in skaakboerd, fan de famylje Warenne, wylst de hoekynfolling oars is as by HD 17. By it fragmint HD 79 is te min oanwêzich om fan de oarspronklike ynfolling in goede rekonstruksje te meitsjen. Mei de sierlike ynfolling fan HD 17 is lykwols noch wat oars te rêden. Hoewol't der in stik ûntbrekt, kin it nammentlik hast net oars of yn de oare helte fan Pleshey 28 (dy mei it liuweftige gesicht), sit itselde ûntwerp. Beide wurde hjir skieden troch in dûbele, elkoar reitsjende sirkel, wylst dit by HD 17 giet om in oarsom oanbrochte puntige en in gewoane sirkel. Giet it hjir om in patroan dat ta de Central Essex Group heart, mar dat, sa't it skynt, yn Pleshey noch net fûn is? It produksjesintrum fan dy groep wurdt yn 'e buert fan Pleshey tocht. Fansels is it wol sa, dat it 'gesicht' ek yn Utert en Heukelum fûn is, wêrtroch ek it Utertse produksjesintrum yn 'e beneaming komme kin. Feitliken reitsje wy hjirmei it essinsjele fraachstik fan dizze hiele matearje; nammentlik hokker bannen wiene der no tusken de produksjesintra yn Utert, by Pleshey, en miskien earne yn Fryslân.

Wumkes.nl

Ofb. 11. HD 17 en 79 'Typysk Ingelsk'

Van Rooijen en Hoekstra tinke oan wurkleaze Ingelske ûntwerpers, dy't nei it teloargean fan it produksjesintrum by Pleshey – om 1320 hinne – nei Nederlân lutsen.[23] HD 79 is yn de ûne in bytsje krombakt. Dat ferklearret de hurdens fan it baksel. Fan alle fynsten is dat it iennichste stik dat sûnder speesjeresten is. Men kin jin ôffreegje oft dat stik as fliertegel yn gebrûk west hat. It glazuer is noch sûnder slitaazje. It brûken fan floeiber lead as beskermingsmiddel wie yn it begjin fan de 14de ieu noch net sa lang yn 'e moade. De oardel sm brede bân fergriemd glazuer oan de ûnderkant fan it tsien sm lange stik, jout de yndruk dat de lju net al te sunich wienen mei dat sûnder mis djoere spul. By it bakken yn de ûne binne stikjes fan oare tegels oan de boppe- en sydkant fêst kommen te sitten. Lykas sein, de hoekige en de bûtensirkel is itselde as by Pleshey 6. De oare stikjes wize op in oar, noch ûnbekend patroan. HD80, 81 en 82 hawwe mien dat se in brede en in smelle sirkel hawwe. Op mear as de helte fan de patroanen yn Pleshey komme se ek foar. Op de trije stikken út Haskerdiken binne yn de brede kwartsirkelbannen stippen oanbrocht. By nû. 80 is de ûnderlinge ôfstân 21 mm; by de nrs. 81 en 82, 12 en 13 mm. De brede bân mei stippen komt yn Pleshey mar twa kear foar. Nû. 4 hat de lytste, nû. 5 de grutste tuskenromte. De ôfstannen yn millimeters binne itselde. By HD 80 is in part fan de hoekynfolling oanwêzich. It fertoant oerienkomsten mei dy fan HD 18, 25 en 37 AB, en P3 en 4.

By 81 en 82 is in stikje fan it haadûnderwerp te sjen. De streken wize op in wapen. Fan hokker famylje? Yn alle gefallen net dy fan P4 en P5, mar mooglik wol fan de Fitzwalter-famylje, dy't oars gjin 'konneksje' mei it kastiel fan Pleshey hie.

HD 24 is it part fan in patroan, dêr't oars gjin parallellen fan te finen binne.

Wumkes.nl

Ofb. 12. HD 80, 81, 82 'Ek Ingelsk'



Ofb. 13. HD 24

It aardige fan de hoekynfolling fan HD 27 is, dat dy syn gelikensens skynt te hawwen yn P22; neffens Drury in komplisearre ûnderwerp, dêr't in fjouwerkant, sa't it liket, troch in fjouwerblêdich motyf yn fuortwurke wurdt yn it sintrum fan in tegelpatroan dat oerdiedich mei grien oerdutsen is.

HD 28 is in stik fan in tegel dêr't fjouwer ferskillende symboalen op stien hawwe. Alteast dat meie wy ôfliede út in soartgelikense fynst yn Utert. Dy is sawat kompleet. Dêrop steane: de Frânske leelje, in seispuntige stjer-, sinne- of blom; itselde yn twa yn elkoar oer gripende trijehoeken, en in rozet.[24] HD 28 hat de Frânske leelje ek, mar dan, sa't it wenst wie, yn ien gehiel oanbrocht. Yn Utert sitte de ûnderskate ûnderdielen los fan elkoar. Fierders sjogge wy op it stik it part fan it

Ofb. 14. HD 28

Wumkes.nl

seispuntige symboal, dat binnenyn in sirkel pleatst is. Yn 'e râne fan de sirkel sjogge wy twa leeljes. Wy geane der lykwols fanút, dat dat oarspronklik fjouwer west hawwe. De ôfmjittings fan de tegel yn Utert binne 11.7 x 11.7 sm. Dat komt oerien mei de rekonstruksje fan ús stik.Yn beide plakken hawwe wy dus itselde patroan, allinnich de útfiering is wat oars. In oar nijsgjirrich aspekt is it rozet. Dat meie wy op it ûntbrekkende stik ferwachtsje. Soks soe foar Haskerdiken de earste kear wêze, wylst it rozet op oare fynplakken in 'normale' fynst is. Dêr wurdt it as in op harsels steand symboal op tegels oantroffen (byg. Longerhou en Eksmoarre).

HD 78 is in mei opsetsin brutsen tegel dy't, lykas de measte oaren, foar de twadde, en miskien ek wol in tredde kear, wer brûkt is. Wy witte dan ek de maten: 11.8 x ±11.8 x 1.8 sm. Fan de twadde 11.8 is 7.3 sm oerbleaun. Genôch om in idee fan it ûnderwerp te krijen. De tegel en it byldflak is oars slim skansearre. Mar nei alle gedachten komme trije objekten – lâns, swurd? – yn 'e midden fan in ek yn dit gefal út fjouwer tegels besteand tablo, yn in punt tegearre. Bûtenom leit in stik fan in sirkelbân. De ynfolling fan de hoeke bûten de sirkel is net nei te gean. It patroan stiet ek op in tegel yn Eksmoarre. Der binne lytse parallellen oanwiisber yn de Pleshey nûmers 8, 13 en 15.

Ofb. 15. HD 78 en Plesheynûmer 13

Tinglazuere en beskildere tegels: HD 1 o/m 6:
Wie de ûntdekking fan slibfersierde tegels yn Haskerdiken op himsels al in ferrassing, de oanwêzigens fan seis stikken, mei tinglazuer oerdutsen en mei de hân beskildere, kaam dêr nochris oerhinne. It brûken fan it ûntrochskinende tinglazuer moat foar dy tiid seldsum en djoer west hawwe.[25] Ieuwen letter, benammen yn de 17de en 18de ieu, waard dat glazuer in soad tapast by de produksje fan it te uzes sa bekende majolika-ierdewurk. Soartgelikense fynsten yn Utert wurde dêr datearre yn it begjin fan de 14de ieu. Yn 1984 waard by de opgraving Oudenoord it definitive bewiis levere, dat se dêr ek makke waarden.[26] Oer it materiaal dat foar de beskildering brûkt waard is gjin dúdlikens oer.[27]

Wumkes.nl



Ofb. 16. Pinseelbeskildering op tinglazuer

Yn Utertske publikaasjes binne oant no ta ien hiel tegeltsje (5.5 x 5.5 sm) en fjouwer fragminten ôfbylde. Fan de lêste wurde fan trije de maten neamd: 5.9 x 5.9 / 8.7 x 8.7 x 8.7 / en ien mei in lingte fan 13.5 sm. De seis stikken út Haskerdiken hawwe as maten: 14.8 x 7.8 / 7.7 x 7.8 / 7.2 x 7.2 / 7.0 x 7.3 / 5.4 x 5.3 / 5.4 x 4.5 sm. Hja binne wat tsjokker as de slibfersierde tegels: 1.6 - 2.0 sm.

Yn Utert is it motyf fan de beskildering op it hiele tegeltsje in blom. Op de fjouwer fragminten binne njonken de holle fan in man, de dielen fan gebouwen dy't opfalle en kwa arsjitektuer oangiet it nijsgjirrichst. HD 1.2 en 4 hawwe dy struktueren ek. By 3 en 5 is it net wis en 6 is net nei te gean. Want fan de opbrochte tinglazuer is noch mar tusken de 25 en 65% bewarre.

Op de prachtige ynkleure tekening fan in yn 1862 ûntdekte flier yn it hûs fan in kanunnik (domhear) fan de St. Janstsjerke yn Utert, lizze de tinglazuertegels yn 'e midden fan de foar Utert karakteristike fjouwerkante flierpatroanen.[28] De hege wurdearring foar dy tegels docht fierders bliken út fynsten yn de Domtsjerke en de Paulusabdij. Yn de flierren fan rike ynwenners binne se net fertsjintwurdige. Dy lieten it by flierren mei, mar ek wol sûnder, slibfersierde tegels. Neist Utert en Haskerdiken witte wy fan in stik tegel, mei in antlit, fan de opgraving fan it kleaster Klaarkamp yn de jierren 1939-1941.[29]

De Frânske leelje

Fan slibfersierde tegels binne 55 besprutsen. Fan de 41 dy't oerbliuwe is it motyf te fragmintarysk oanwêzich om dêr wat fan te meitsjen. Tegels mei Frânske leeljes wurde as in aparte groep fynsten besprutsen, mei útsûndering fan HD 28. Dy hat as ûnderdiel fan in grutter gehiel al oan bod west. De Frânske leelje wurdt ek wol 'fleur de lis' neamd. As symboal wie it ien fan de attributen fan Karel de Grutte (742-814). Letter wie it wapen fan Frankryk in skoft mei leeljes bedekt. It seit him sels hast, dat se yn de Midsieuwen ek op fliertegels oanbrocht waarden. Dat diene

Wumkes.nl

se wer mei in stimpel, wite klaaibrij en glazuer as ôfdeklaach. Yn in eardere perioade, ein tolfte en yn de trettjinde ieu, waard de leelje yn reliëf oanbrocht. Fandatoangeande binne fynsten dien yn de kleasters Mariëngaarde en Aduard.

Foarsafier bekend, datearje de earste fynsten yn Fryslân út 1913. Yn 1923 wurdt troch de arsjitekt Veenstra yn de tsjerke fan Winaam in tekening fan leeljes makke.[30] Mear fynplakken folgje. Notaris Nanne Ottema skriuwt yn 1947: 'Tegels met Fransche lelies versierd komen veel voor.'[31] Yn Haskerdiken binne 122 tegelstikken mei leeljes fûn. Hja binne yn twa groepen ferdield: 31 mei oardel of mear leeljes; 91 mei ien hiele of lytser. Benammen by de earste groep binne de oerienkomsten yn de folge bewurkingsmetoadyk mei Utert en Fryslân (Rinsumageast, Klaarkamp en Boazum bygelyks), opfallend: a) fóar it glazuerjen ritsten se breklinen yn de tegel, wêrby b) de maten likernôch gelyk binne en c): tusken de leeljes sitte stippen mei in trochsnee fan 1.1/1.2 sm. De standertmaat yn Utert is 17x17x2 sm. De helte en it fjirdepart fan dy mjitte komme we yn Haskerdiken tsjin. De tsjokte fariearre lykwols tusken 1.4 en 1.6 sm. Yn Utert is yn 1984 it restant fan in tegelûne opgroeven. By it meitsjen fan in rekonstruksje die bliken, dat de ôfstân tusken de brêgen 15 sm wie (in heale bakstien). De 17 by 17 tegels koene dêrneffens kreas op de treksluven stean.[32]



Ofb. 17. Leeljes fan it Haskerkonvint

Yn Pleshey komt de leelje yn dizze útfiering net foar. Op de Plesheytegel nûmer 3 steane leeljes yn it âlde wapen fan Frankryk, dat njonken it wapen fan Ingelân yn it patroan opnommen is. By de nûmers P38 en P47 is de leelje as iennichst ornamint diagonaal oanwêzich en op nûmer P50 stiet ien tusken fjouwer kwartsirkels yn.

Wumkes.nl

Wiene it yn de midsieuwen famyljes as de Dekema's dy't yn harren wapen de leelje hiene, hjoed-de-dei is dit symboal yn in soad gemeente-, doarps- en famyljewapens te finen. Sels tsjinnet it as dekoraasje op alderhanne produkten.

Fynplakken yn Fryslân fan de leelje, sa't dy yn Utert it meast makke waard, binne (ûnder foarbehâld): Boazum, Dokkum, kleaster Foswert, kleaster Haskerkonvint, Hoarne, kleaster Klaarkamp, Longerhou, kleaster Nijekleaster, Rinsumageast en Winaam. Leeljes yn in oare (gruttere) útfiering – ek yn reliëf – binne fûn yn kleaster Mariëngaarde, Berchkleaster (Burgum), kleaster Foswert en mooglik Jannum en Terwispel.



Ofb. 18. Fynplakken fan Frânske leeljes (oktober 1996):

1. Hoarne	5. Klaarkamp	9. Burgum	13. Haskerkonvint
2. Mariëngaard	6. Dokkum	10. Boazum	14. Terwispel
3. Foswert	7. Rinsumageast	11. Nijekleaster	
4. Jannum	8. Winaam	12. Longerhou	

De mozayktegels yn Haskerdiken

Oant no ta binne besprutsen 96 fragminten fan slibfersierde tegels, 6 tinglazuertegels en 122 mei leeljes. Der bliuwe dan oer 564 fynsten fan ûnfersierde tegeltsjes. Dêr fan hearre 488 ta ûnderskate soarten fan mozayktegeltsjes. Hja binne yn trije groepen yndield: 121 rjochthoekige, 148 fjouwerkante en 219 trijehoekige. De measte binne mei in laachje klaaibrij oerdutsen en allegear hawwe se in behanneling mei leadglazuer hân. Ferminging mei kerrels koper of mangaan joech respektivelik giel-griene en swarte kleuren. Oars bleaune se giel en brún-read. De lêste kleur is dan sûnder sliblaach. De ferhâldingen yn de persintaazjes tusken it brûken fan allinnich leadglazuer en leadglazuer mei in mingsel binne respektivelik 65.4 -

Wumkes.nl

39.8 - 61.4 en 34.6 - 60.2 - 38.6. It is opfallend dat de persintaazjes fan de fjouwerkanten krekt oarsom binne. Alle tegels binne fan 'basistegels' losmakke. Ommers, al foar it bakken waarden breklinen yn de wiete klaai ritst. Yn Utert hat Hoekstra al ris in rekonstruksje fan sokke tegels makke.[33] De maten fan de measte rjochthoeken lizze tusken 2.5-4.5 sm bridte, 5.5-6,5 sm lingte en 1.5-1.7 sm tsjokte. Dy fan de measte fjouwerkanten lizze tusken 5.5-6.0 sm, by in tsjokte fan 1.4-1.7 sm. De trijehoeken binne ûngelyksoartich. By de determinaasje foel it op, dat troch de wize fan brekken fan de 'basistegel' der feitliken fjouwer modellen te ûnderskieden binne. Fan 132 fan de 219 trijehoeken binne de ôfmjittings fêststeld. Fan model 1 is de basisline yn trochsnee 7-8 sm; by model 2 is dat 5-7 sm; model 3 is 4-6.5 sm en model 4 4-6 sm. By de rest fan de trijehoeken sitte fiif dy't trochinoar twa kear sa grut binne. By de fjouwerkanten binne dat trettjin. Se binne slim skansearre, mar inkelen hiene it formaat 11x11x1.8/2.1 sm. By de rjochthoeken springe trije stikken derút troch de kleur, de ôfmjittings en de bewurking. De fragminten binne nûmere; RH 39, 41 en 42. De ôfmjittings binne 6x8x1.7, 6.7x10.2x1.7 en 17.4x 11.8x1.8 sm. In opfallend aspekt is dat der foar it glazuerjen mei in boarstel(?) strepen yn de noch wiete klaaibrij oanbrocht waarden. Troch it mingen fan koper mei lead hat it glazuer in moaie griene kleur. Oars makket ek Drury melding fan de fynst fan inkele stikken fan Flaamske tegels fan likernôch 23x23x3 sm yn Pleshey, dy't mei in boarstel bewurke binne.[34]

In lytse yndikaasje op hokker wize de flier derhinne lein hat, komt fan fiif fragminten mei respektivelik fjouwer, trije en trije fan elk twa tegeltsjes yn de kleuren swart en giel/grien. Dy fan fjouwer bestiet út in griene trijehoek mei trije swarte, fjouwerkante (3x3 sm) tegeltsjes. Se lizze yn in laach speesje fan 2.3 sm. Ut de lizzing falt op te meitsjen dat se yn in sirkelfoarmich patroan lein hawwe. In moai foarbyld fan sa'n flier kaam yn 1965 yn de herfoarme tsjerke fan Dokkum foar 't ljocht. Fan oare plakken is it flierpatroan net bekend; mei útsûndering fan Longerhou. Dêr oerhearsket it fjouwerkante model, hoewol't yn de struktuer fan in part fan de bewarre flierresten in grut sirkelpatroan liket te sitten. Mooglik wie it yn Noard-Nederlân moade om sirkels ta te passen. Yn Utert komme allinnich fjouwerkante patroanen foar. Yn Ingelân nimt Drury soks ek foar Pleshey oan. Yn Winaam wie de flier net mear yn de orizjinele tastân, mar yn in lettere perioade op 'en nij wer lein. Der binne oanwizings, dat soks ek yn Haskerdiken bard is.

Guon fragminten binne nei't se stikken rekke wiene wer op 'en nij brûkt. In foarbyld is HD 47, in tegel dêr't de slibfersiering troch skea sawat fan ferdwûn is. De fiif kanten fan it stik binne yn speesje besletten, dat oan de ûnderkant oardel sm dik is. Yn de speesje sitte brokstikjes fan oare tegeltsjes. No hawwe hast alle 788 fynsten wol wat fan dizze skelpespeesje oan harren sitten, mar by 85 is it dúdlik oanwêzich. By 13 stiks sitte de nijsneamde brokstikjes. Dat kin betsjutte dat de flier yn syn gehiel, of foar in part fernield is. Der binne berjochten oer slimme fernielings oan it kleasterkompleks yn 1420.[35] De oarspronklike mozaykflier soe der dan likernôch hûndert jier lein hawwe moatte. Drury giet út fan in libbensdoer fan 70 oant 80 jier. Neffens Schwarz neamt ek frou Landgraf dy getallen foar midsieuske mozaykflieren yn Dútslân.

Yn de tsjerke fan it Haskerkonvint lei de flier op in laach speesje mei in dikte fan likernôch oardel oant trije-en-in-heale sm. De ûndergrûn fan it speesjebêd hat mooglik in laach klaai west. Soks is net mear nei te gean, om't it hiele binnenste fan de tsjerke oant in djipte fan op syn minst oardel meter folslein oer 'e kop gien is. It stikje flier yn Rinsumageast (1945) lei ek op in liem- en klaailaach, lykas de bewarre flierfragminten yn Longerhou. Yn it algemien wie it koar it plak dêr't it

Wumkes.nl

moaiste part fan de tsjerkeflier (=mei slibfersierde tegels), kaam te lizzen. Dat wie it gefal yn Dokkum, Longerhou, Rinsumageast en Winaam. Sokke stikken leine yn de kapel fan it kastiel fan Pleshey njonken it koar ek yn it skip, in situaasje dy't ûndersikers ek yn de tsjerke fan it kleaster Ihlow tsjinkamen.

Gearfetsjend wurdt fan de 55 besprutsen fragminten fan slibfersierde tegels út it Haskerkonvint fan 50 in Ingelsk komôf tocht. Fan 13 is dat wis troch it ferlykjen mei fynsten út de kapel fan it kastiel fan Pleshey. Fan de oare fiif is HD 28 wol yn Utert oanwêzich, mar HD 32, 33A, 33B en HD 39 binne dêr net yn dizze foarm bekend. It is dêrom mooglik dat dizze motiven of in Ingelsk, of in Frânsk/Flaamsk ûntwerp binne.

Resumearjend oersjoch fan de oerienkomsten fan de fynsten yn de tsjerke fan it Haskerkonvint mei dy fan oare fynplakken:

HD 1-7:	tegel mei tinglazuer en pinsielbeskildering. Ien fragmint út it kleaster Klaarkamp.
HD 22:	In holle mei in liuweftich uterlik. Yn Utert en Heukelum elk ien fragmint. Yn Pleshey (nû. 28) ien hiele en fjouwer fragminten. De betsjutting fan de holle en de twa 'bannen' dy út de mûle lykje te kommen is it measte noch net fan sein. Typearjend is de likenis mei in stik byldhoud wurk yn it Dútske Hammersleben mei fûgels, leeljes en palmetten, út de lette Midsieuwen.[36] Op syn minst sa nijsgjirrich is de foarstelling op it timpaan (trijehoekige romte) boppe de noardyngong fan de tsjerke fan Kimswert. It model fan de holle komt oerien mei de beide niisneamde. De beide 'bannen' of ranken bûgje lykwols út de mûle wie nei binnen ta.[37] Neffens Van der Molen komt de 'holle mei ranken' yn de Romaanske byldhoukeunst wol faker foar.[38]
HD 31, 66, 77:	Blommepatroan. Kleaster Foswert en Utert (2x).
HD 39:	De earn. Rinsumageast en Hoarne op Skylge (2x). Longerhou.
HD 78:	Trije lânseftige objekten dy't yn ien punt útkomme. Eksmoarre.
HD 83-94:	Keningshollen. Burgum – De Jouwer (losse fynst) – Longerhou – Nijekleaster(?).
HD 17-22, 37A+B:	Plantemotiven. Pleshey.
HD 79-83:	Kwartsirkel mei punten en/of stippen. Pleshey.

Parallellen yn Fryslân en dêrbûten yn de 13de en 14de ieu

De measte ynformaasje oangeande mozayk-slibfersierde en reliëftegels yn Fryslân en omkriten komt oant no ta fan frou H.M. van den Berg. De befinings fan de fynsten út it Haskerkonvint en dy fan de tegels dy't no besprutsen wurde sille, binne dan ek in oanfolling op de resultaten fan har krewearjen.

'It is de dei foar Kryst 1985. Oer de post kaam in needgjalp fan de provinsjaal argeolooch G. Elzinga. Tusken Kryst en âld en nij waarden yn alle hastigens yn de tsjerke fan Longerhou inkele moai bewarre stikken fan in mozaykflier mei fersierde tegels ûndersocht. De oannimmer wie al dwaande in nije betonflier te stoarten.

Wumkes.nl

Foar de skriuwer wie dit barren in earste konfrontaasje mei in stikje midsieuske tsjerkeskiednis fan Fryslân. Tanksij ynspannings fan de hear Elzinga binne de stikken flier bewarre bleaun en kin elkenien, dy't dat wol, se besjen.'[39]

Longerhou

Op de kaart lizze de beide terpdoarpen, Longerhou en Eksmoarre, krapoan oardel kilometer fan elkoar ôf. Yn de beide tsjerken waarden yn it begjin fan de 14de ieu, of wat earder, mozaykflieren mei slibfersierde tegels lein. Wie yn Longerhou it koar de romte dêr't sa'n moaie flier kaam te lizzen – soks wie yn de measte tsjerken it gefal –, yn Eksmoarre waarden by de restauraasje yn 1965 op in oar plak yn de tsjerke tolve losse tegels fûn, dy't dêrnei in plakje yn de noardmuorre krigen hawwe. It is dêrom miskien gjin tafal dat yn beide tsjerken likernôch deselde patroanen tapast binne. Grif binne der by de restauraasjes tegels weirekke, mar yn Longerhou telden wy altyd noch njoggen patroanen en yn Eksmoarre seis. Dêr lizze ek fiif yn Longerhou. De ferdieling fan de Longerhouster stimpelpatroanen is as neikomt:

1. In grut formaat tegel (likernôch 17x17 sm), mei in nei lofts steande griffioen. Dat fabeldier is oant no nearne yn Fryslân fûn. De gelikenis mei in griffioen op in gouden plaat út 550 foar Kristus yn it Grykse hillichdom Delphi is sprekkend.[40]
2. In keningsholle mei in lytse kroan.
3. In konkaaf fjouwerkant mei op alle hoeken in leelje.
4. In nei rjochts steand hart. Ek yn Utert, yn it kleaster fan Oostbroek, yn de abdij fan Boudelo yn België stiet it hart nei lofts.
5. In leelje mei de ranken fan de sierplant akantus deromhinne. Dat patroan stiet as ienling op in lytse tegel, mar ek mei syn fjouweren op in tegel fan likernôch 17x17 sm. Neffens in tekening fan A. Jager waarden yn de jierren sechtich by de restauraasje fan de tsjerke fan Hoarne op Skylge, seis tegelfragminten mei dat patroan fûn. Ien kear stiet it op in stik tegel út Foswert.[41]
6. Ek yn Longerhou ûntbrekt de Frânske leelje net. Fjouwer op ien tegel is yn de Midsieuwen in algemien bekend patroan. Tegels mei diagonaal oanbrochte leeljes binne yn Fryslân (noch) net fûn.[42]
7. De dûbele rozet. Njonken Longerhou/Eksmoarre waarden se yn 1965 ek yn it koar fan de herfoarme tsjerke yn Dokkum oantroffen. Se binne alteast op in foto te sjen. Spitigernôch is der fan de oare ôfbyldings neat bekend.



Ofb. 19. Dûbele rozet yn Eksmoarre en rozetten op sarkofaach út Jeruzalim

Wumkes.nl

De dûbele rozetten hawwe twa kear sân bledsjes. De rozet is in tiidleas symboal. Wy komme se al tsjin as dekoraasje yn de grêfmonuminten fan de Mykeenske kultuer; likernôch 1500 foar Kristus. Fia de Grykse keunst kaam de rozet yn Israël teplak. In moai foarbyld is de sarkofaach út it grêf fan Helena yn Jeruzalem út de earste ieu nei Kr. Sawol de kist as it deksel binne hielendal mei inkele en dûbele rozetten fersierd. Rozetten mei sân, acht of sechtjin bledsjes yn ferskillende foarmen. Guon lykje sprekkend op dy fan Longerhou en Eksmoarre. Schwarz datearret foar it kleaster Ihlow in dûbele rozet yn de fyftjinde ieu.

8. In nei lofts geande ruter mei yn de rjochterhân in swurd omheech. Ek yn Eksmoarre. Yn Utert komt in wat ôfwikend patroan foar.
9. De earn. It ûntwerp foar dat patroan komt út in oare hoeke as dat fan it Haskerkonvint, Hoarne en Rinsumageast.

Eksmoarre

In hektyske tiid briek yn Fryslân en de oare gewesten oan. De fûle kalvinisten en nasjonalisten *avant la lettre*, dy't út ballingskip weromtein wiene, hiene foar in grut part de boppeneamde fakatueres opfolle, dêr't de Opstân hieltyd mear troch radikalisearre. De religyfrede waard ôfkundige en op 'en nij waarden de bylden en altaren út tsjerken brutsen en de muorren wytkalke foar wat no it wiere leauwen hjitte te wêzen. Op it lêst gong it de roomske Rennenberg steilernôch en oft it no ferrie of ynkear west hat, hy hie syn nocht fan dy hjithollen en fermoedsoene him yn maart 1580 mei de kening. Grins, dêr't er tahold, gong mei yn syn oergong, mar yn Fryslân hiene Deputearre Steaten him foar west. Mei it feroverjen fan de blokhuzen te Ljouwert, Harns en Starum earder dat jier, in klearebeare steatsgreep, hiene de Steaten de toutsjes hjirre fêst yn hannen. Op 'e lândei waard it dwaan en litten fan it kolleezje sanksjonearre en dêrnjonken opdracht jûn ta it reformearjen fan 'e tsjerke yn kalvinistyske sin en it konfiskearjen fan it kleasterbesit. Feicke Tetmans hat him fertsjinstlik makke troch it kleasterbesit fan Nes, Aelsum en Ingwird te ynventarisearjen.[8] Foar it roomske leau-

Wumkes.nl

wen wie net langer plak en op 'en nij wiene hûnderten twongen harren heil earne oars te sykjen.

It Steatebewâld dat begjin 1580 oan 'e macht kaam, hie net samar de fuotten ûnder it gat. It waard fuortendaliks konfrontearre mei in oarloch oan de grinzen en yn Fryslân sels bestie ek in soad tsjinstân. Dêrmei binne mei-ien de twa wichtichste taken fan it nije regear oantsjut, nammentlik it fieren en finansearjen fan de oarloch en it festigjen fan in stabyl steatsbestel. Ynearsten stie it faai. De fijân wie oermachtich en koe út Grins en Stienwyk wei op nochal ienfâldige wize syn wil oan it Fryske plattelân oplizze. Allinnich yn de acht fêste stêden (de alve mei útsûndering fan Drylts, Hynljippen en Warkum) hied er gjin sizzenskip. Op it bestjoerlike mêd hearske gaos. Al gau wiene it Hof fan Fryslân en Deputearre Steaten deilis mei de bestjoerlike macht as ynset, in striid dy't yn 1581 troch de tuskenkomst fan de nije steedhâlder Willem van Oranje foar it grutste part yn it foardiel fan Deputearre Steaten besljochte waard. It Hof woe him dêr lykwols net by deljaan en hat allegeduerigen besocht om syn âlde foegen werom te krijen.

De Steaten fan Fryslân wiene hopeleas ferdield. Hoewol't de eardere opposanten fan keizer en kening ynearsten kwalik beseften dat hja de nije dragers fan de soevereiniteit wurden wiene, wie it fan it begjin fan de Opstân ôf elkenien dúdlik dat foar dy Steaten in wichtige rol weilein wie. Sânwâlden en de Stêden wisten harren, ynspyljend op it kompetinsjeskeel tusken it Hof en Deputearre Steaten en de deistige krapte oan jild, te emansipearjen ta folweardige kertieren. Troch dy ûntjouwing ferlear de adel, dy't yn Eastergoa en Westergoa foar master opsloech mar yn de twa earstneamde kertieren hast net fertsjintwurdige wie, in soad fan syn eardere macht.

Op it fiskale mêd ûntstiene ek konflikten om't de ferdieling fan de floreenrinte, de wichtichste pylder binnen it fiskaal bestel, net langer in ôfspegeling fan de ekonomyske ferhâldingen foarme. Troch de feanterijen yn 'e Wâlden en de eksplosive ekonomyske ûntjouwing fan 'e stêden wie de befolking dêr gâns yn tal tanommen en dyjingen dy't besochten om it belestingstelsel om te foarmjen troch mear en mear de klam op yndirekte belestingen te lizzen, koene op fel ferset fan de stêden rekkenje.

De sintrale bestjoersorganen fan de Feriene Nederlannen wiene net by steat de politike krêften yn de ûnderskate gewesten te manearjen. Sa hong de posysje fan 'e steedhâlder – foarsafier't dy noch as in fertsjintwurdiger fan it sintrale regear beskôge wurde koe – nei it ferlitten fan de kening fan Spanje yn it luchtlege, al hat dy yn 'e persoan fan Oranje wichtige steatsregelingen yn Fryslân ta stân brocht.[9] Yn Fryslân sels wiene ek kwalik sintripetale[10] kolleezjes foarhannen. Sa wie it Mindergetal noch net fan in kommisje *ad hoc* evoluearre ta it permaninte kolleezje, dat binnen de beslútfoarming op 'e lândagen in regulearjend en sintraal plak ynnimme soe. Dêrtroch koene de ôfsûnderlike kertieren harren ûntwikkelje ta brânkearnen fan sintrifugale krêften, dy't der alhiel net foar tebekskrillen om ôfsûnderlike resolúsjes te nimmen en harren fertsjintwurdigers yn de sintrale organen de wacht oan te sizzen. De Stêden beleinen sels, gewoanlik op inisjatyf fan Ljouwert, eigenmachtich gearkomsten en sieten faker al of net yn tsjok waar mei de plattelânskertieren, dy't op harren bar sa yn 'e jierren om 1590 hinne troch ynterne faksjestriid it eigen bloed ek wol sûpe koene. Dat der yn 1594 ek sa'n faksjestriid yn Sânwâlden spile, is winliken allinnich mar bekend út it register fan Feicke Tetmans.[11]

As grytman seach Feicke Tetmans alle jierren wer kâns om him as folmacht fan Utingeradiel nei de lândei ôffurdigje te litten. Hoewol't it brûkme wie dat elke gritenij twa folmachten nei foaren brocht, ien út de adel en ien út de einierden, spile soks yn Sânwâlden net. Dêr wenne einliks gjin adel, dat sadwaande koe mei ien folmacht wol folstean wurde, en dat wie hast altiten de grytman. Soks hie foar dy grytmannen in

Wumkes.nl

soad foardielen, want yn Eastergoa en Westergoa, dêr't hja dus in kear sa machtich wiene, moasten de lukrative baantsjes tusken de adel en einierden ferdield wurde, wylst yn Sânwâlden de grytmannen soks ûnderling regelen. Dêr komt noch by dat Feicke Tetmans yn Sânwâlden ta de boppelizzende faksje hearde, dat sadwaande wie der altiten wol in funksje foar him weilein. Wy treffe him dan ek jierrenlang oan as lid fan it Mindergetal, de Rekkenkeamer of de Fryske Admiraliteit.[12] Dêrnjonken hat er gauris kommissaris mei in beskate opdracht west, lykas it ynspektearjen of it befoarriedzjen fan it garnizoen dat yn 'e skâns by Aldeboarn lei, it ferrjochtsjen fan ûnderhâldswurk oan dy skâns en dy by Terbant, it begelieden fan sokke garnizoenen nei oare plakken, it op 'en nij ynhieren fan de Biltmeiers en it oanhearren fan it fonnis fan Willem van Oranje yn it skeel tusken de lannen en de stêden, dêr't er foar nei Hollân moast. Om de Grinslanners oer te heljen om mei Fryslân in mienskiplike admiraliteit op te rjochtsjen hat er ek nei Grins ta west.[13]

Op it oarlochsfront kearden de kânsen nei de oerwinning op de Armada (1588). Under lieding fan Maurits en Willem Loadewyk waard oergongen ta it offensyf, dat bekroand waard mei de Reduksje fan Grins (1594) en it ferdriuwen fan de fijân oer de grutte rivieren (1597). In lêste bestjoerlike krisis waard begjin 1601 nei tuskenkomst fan Willem Loadewyk en de Generaliteit besljochte, dy't troch harren súksesfol fierde belied oer foldwaande macht en oansjen beskikten om kompromissen twingend op te lizzen.[14] It is de fraach wat Feicke Tetmans noch allegearre fan dy krisis meikrige hat. Nei't er yn 1596 yn 'e Fryske Admiraliteit beneamd wie, waard er yn 'e simmer fan 1598 al ferfongen fan Mathijs Oenema, wylst de oare trije rieden sitten bleaune.[15] Yn maart 1598 naam er foar 't earst in adjunkt mei nei de lândei yn 'e persoan fan Jelle Andringa, de siktaris fan Utingeradiel, dy't him yn 1601 as grytman opfolgje soe.[16] Sels trof ik Feicke Tetmans yn augustus 1599 foar 't lêst as folmacht oan[17] en de lêste stikken út syn register datearje ek fan dat jier. It soe my net fernuverje as er in minne âlde dei hân hat.

It fermidden fan Feicke Tetmans

Hoewol't Feicke Tetmans dus in tige ynfloedrike politikus wie, is oer syn libbensferhaal yn 'e histoariografy mar in bytsje te finen en moatte wy ús behelpe mei de biografyske sketskes dy't Scheltema, Baerdt van Sminia en Andreae fan him gearstald ha.[18] Fan Feicke Tetmans wie oan no ta oars net folle mear bekend as dat er om 1537 hinne berne waard en dat er op 2 april 1601 ferstoar en yn 'e tsjerke fan Aldeboarn begroeven leit. Hy wie troud mei Popck Rinia,[19] dy't sa'n trije jier jonger as him wie en yn 1610 ferstoar en njonken har man beïerdige waard.[20] Ut it houlik is ien dochter bekend, Wisckje, dy't de lettere grytman fan Opsterlân, Martinus Fockens,[21] troude. Oer Popck har famylje, in wat ferearme haadlingegeslacht, is gâns mear bekend.[22] Hja wie de âldste dochter fan Saecke Rinia, grytman fan Westdongeradiel, en Romckje Sjoerds Jaersma. Har broer Ritscke soe letter ek grytman fan dat diel wurde. Har âldste suster Saeck troude earst mei Gale Wigles Hania en foar de twadde kear mei de heechlearaar Eilardus Auckes Reynalda, dy't yn 1591 grytman fan Doaniawerstal waard en ek jierrenlang deputearre west hat. Har jongste suster Fedt boaske oan Sjoert Johannes Saeckma, dy't roomsk bleau en yn 1581 as balling yn Oldenzaal ferstoar.

Fan Feicke Tetmans wurdt wol skreaun dat er oan syn dea ta op Halfwassen wenne, in pleats oan 'e eastkant fan Aldeboarn, mar dêr binne inkele fraachtekens by te pleatsen.[23] Alderearst waard op dat plak, lyk foar syn glêzen oer, yn 1581 in skâns opsmiten, dêr't yn 1582 fûl om fochten is en soks noeget út om nei in oar wenplak om te

Wumkes.nl

sjen. Nei alle gedachten hat er yn Ljouwert ek in hûs hân, dêr't it in drok besteld man wie en dêr't er ek lidmaat fan 'e grifformearde tsjerke wie. Doe't er yn 1596 sit krige yn de Fryske Admiraliteit moat er syn thús yn Dokkum hân ha, sa't bliken docht út de tsjerklike attestaasje, dy't de grifformearde gemeente fan Ljouwert yn maart 1598 oan dy fan Dokkum ôfjoech en dy't er eigenhannich yn syn register ôfskreaun hat.[24]

Yn 1640 hawwe de trije pakesizzers fan Feicke Tetmans, Wisckje, Romckje en Saco Fockens, sa'n alve pleatsen yn Aldeboarn, trije yn Nes en ien yn Akkrum yn harren besit.[25] Is al dat besit oanurven of hawwe hja dat oankocht? Ik tink it earste. De Fockens' hiene har thús yn Opsterlân en hiene der dus gjin belang by om yn Utingeradiel lân en stimrjocht op te keapjen. Boppedat binne de trije oanparten fan de pakesizzers sa'n bytsje like grut, wat it oannimlik makket dat se út ien hân komme. It kin dan hast ek net oars as dat Feicke Tetmans goed buorke en syn jild yn lân belein hat. Soks is net sa frjemd, want yn 'e jierren 1580 wie it lân yn 'e Wâlden gjin sint wurdich. Sa waard yn 1583 fan de plakferfangend steedhâlder Merode en Deputearre Steaten in ordonnânsje útfeardige, dêr't de lânhearren de mooglikheid yn bean waard om harren pleatsen om 'e nocht te ferhieren, salang't de meiers alle lêsten mar foar harren rekken namen en ôfseagen fan it rjocht op ôfkeap. Dat Feicke Tetmans krekt dy ordonnânsje en ek in oanfolling dêrop út 1587 ôfskreaun hat,[26] mei ek as bewiis jilde dat er sels in soad lân besiet en opkocht hat. En sa kinne wy ek de klacht fan fjouwer ûntefreden eallju út 1584 better begripe, de klacht dat oan Feicke Tetmans foar syn fertsjinsten foar it lân hast hiele kleasters skonken wiene, lykas dat fan Nes.[27] Ik haw nammers oars net fûn as dat er it saneamde fjouwerkant fan it korpus fan dat kleaster, dus it tsjintwurdige tsjerkhôf fan Nes, foar tsien gûne yn 't jier hierde. Doe't er yn 1594 op 'en nij ynhierde, hied er plannen om dêr ek te wenjen, mar oft dêr wat fan op 'e hispel kommen is, docht nergens bliken.[28] Al dat oankochte lân sil ynearsten net in soad rendemint dien ha, mar as politikus wie Feicke Tetmans wis fan in fêst ynkommen en koed er it him permittearje en spekulearje op bettere tiden. Boppedat waard fan it stimrjocht dat op it lân lei, syn politike machtsbasis yn Utingeradiel ferstevige.

Fan Feicke Tetmans is bekend dat er in broer hie, dy't begjin jierren 1580 siktaris fan Utingeradiel wie. Om't twa bruorren net it grytmans- en siktarisamt fan ien en deselde gritenij beklaaie mochten, skreau Merode begjin 1583 oan Feicke Tetmans dat er opdracht jaan moast ta it opstellen fan in trijetal, dêr't in nije siktaris út keazen wurde koe.[29] In moanne letter waard de siktaris sels oanskreaun om ôfstân fan it amt te dwaan.[30] Spitigernôch wurdt beide kearen de namme fan de broer net neamd, mar út in oare boarne mien ik op te meitsjen dat er Tetman Fockes hjitten hat. Doe't Feicke Tetmans yn 1581 de sekwestraasje fan it kleaster Ingwird behoffene, waard er bystien fan de siktaris Tetman Fockes en út de oerlevere rekken fan dy sekwestraasje falt wol op te meitsjen dat dy siktaris ek syn thús yn Utingeradiel hie.[31] No is Tetman Fockes net in namme, dêr't men fuortendaliks by tinkt oan in broer fan Feicke Tetmans, mar de mooglikheid kin net útsletten wurde dat der in healbroer bedoeld wurdt en yn dat gefal lit de húshâlding him maklik rekonstruearje. Feicke Tetmans syn mem hat twaris troud west: earst oan in Tetman en twads oan in Focke. Har twadde soan moat dan ferneamd wêze nei har earste man.

Yn 1597 spande Tetman Fockes in proses oan tsjin Sydts Botnia, as man fan en fâd oer Teth Douma, om de ynkomsten út it Doumalien te Aldeboarn, dat ek wol bekend stiet as it Sint Krúslien. De oanklager wie mei oare sibben dy't ta it lien berjochtige wiene, oerienkommen dat syn soan Frans op it lien studearje soe. Hja koene dêr oanspraak op meitsje op grûn fan in ús net oerlevere baar, dy't yn 1539 sletten wie tusken Rempt Douma en Ebe Diorreș, dy't de 'respective olderen' fan Teth Douma en Tetman Fockes neamd wurde. Mei't Rempt Douma in omke en nèt de heit fan Teth wie, docht

Wumkes.nl

wol bliken dat dit 'olderen' rom ynterpretearre wurde moat. It Doumalien wurdt foar it earst beskreaun yn it Benefisjaalboek fan 1543.[32] Eksplisyt wurdt dan steld dat it kollaasjerjocht de neikommelingen fan Jancko Douwama takaam en dat wiene doe boppeneamde Rempt en syn bruorren en susters. Yn datselde boek wurdt Ebe Diorres ek neamd, mar oars net as dat syn erven lân hiene dat oan it Doumalien grinzge. Hoe't soks him ferhâlde ta de fjouwer jier earder sletten baar is my net dúdlik wurden.

Faaks hat it Botnia ek net rjocht dúdlik west, want dy hie fan 1597 ôf, nettsjinsteande fonnissen fan it Hof fan Fryslân út de jierren 1606, 1608 en 1609, hieltiten de ynkomsten út it lien opstrutsen. Dat wie yn 1608 oprûn ta in bedrach fan hast 700 goudgûne. Boppedat hie Botnia ek foar 1597 de fruchten fan it lien al lutsen, en wol fan 1586 ôf, doe't de lêste benefisjant yn 'e slach by Boksum sneuvele wie en it lien sûnt dy tiid fakant bleaun wie. Hoewol't dy perioade likernôch deselde tiid bestrykt as de perioade nei 1597, hie it lien gâns minder opsmiten, nammentlik mar sa'n 375 goudgûne – in moai foarbyld fan de sosjaal-ekonomyske krisis, dêr't de Wâlden yn 'e oarlochsjierren mei kampten. Tetman Fockes syn easkwie dan ek twaliddich: restitúsje fan it jild dat Botnia nei 1597 bard hie oan syn persoan (mei dêr de rinte oerhinne), en it op it kleed bringen fan it jild dat er foar 1597 bard hie om dêr besittingen foar it lien mei oan te keapjen en dat sa út te wreidzjen. Doe't it Hof yn 1612 it definitive fonnis yn dy saak útspriek (nei fyftjin jier!), stimde it ta yn de earste eask, mar fersmiet it de twadde.[33] Ut ien en oar docht wol bliken dat it Tetman Fockes-folk in stim yn 'e kollaasje fan it Doumalien hie,[34] mar doe't yn 1640 de stimkohieren opmakke waarden, waard de widdo fan Sydts Botnia as eignerske fan datselde lien oantsjut en hearde it kollaasjerjocht ta oan de eigners fan Doumastate, ek ûnder Aldeboarn.

Transkripsje:
Noch is hier ut Spangiën tijdinghe dat des princen van Orangiën hoochloflicker memorie sone in Spaniën toe Madrit bij den coninck zij ende gemaeckt prince van Orangiën, daer benevens van den koninck vereerdt sij van drie heerlicke peerden, ende dat die jonghe prince met eertshertoch Albertus, eertshertoch Ernestus hoechloflicker memori broeder, in dese landen wert afcomen. Wat hierop volgen sal, werdt dye tijdt geven. Vale domine, ut in literis.
Opten 2 februarii 1596 een brief in franchoys gescreven aen den Staten-Generael van de Nederlantsche Provinciën van den koninck Henrick van Burbon ut Franckrijck gelesen [in] den Rekencamer, waerin zijne Majesteyt d' Vereenichde Nederlantsche Provinciën bedanckt voer het secours, 'twelck hun gelieft heeft sijne Majesteyt toe te schicken, versoeckende aen den heren Staten-Generael, dattet hun gelieve dit aenstaende jaer 1596 hun garnisonen aldaer verbliven te laten, besondere geduirende den aencompste van den cardinael van Oestenrijck, Albertus, des keizers broeder. Ende verclaerde zijn Majesteyt goede hope te hebben denselven cardinael van Oestenrijck zijn aencoempste alsoe te bejegenen, dat zijn meeste macht gebroecken sal kunnen werden. Ende waeraff dese Geünieeerde Provinciën den vrucht mede geraecken sullen te genieten, die andersins geanimeert solde werden, bij soferren die heren Staten van den Geünieerde Provinciën heure macht van crijchsvolck nu weder doen roepen. Daer wordt oeck in denselven brieff van zijne Majesteyt mentie gemaeckt dat die hertoch van Zavoy mede solde versoecken aliancie ende verbondt te maecken met zijne Majesteyt van Vranckrijck. Insgelijcx dat duc du Maienne mede in tractaet staet om met zijn Majesteyt te accorderen, dan werdt hetselve accoerdt alsnoch belet van eenighe, diewelcke verclaeren 'tselve soe zeer dienstich niet te sullen zijn, vermits die viandtschap, die gewest is tuschen den olden koninck van Vranckrijck ende den huise van Guise, doch Maienne sone is alrede bij zijn Majesteyt.

Wumkes.nl



Ofb. 1. In bledside út it register fan Feicke Tetmans (folio 604) mei in net-datearre oantekening oer Filips Willem, de soan fan Willem van Oranje, en in eigenhannich ekstrakt fan Feicke Tetmans út in brief fan Hindrik IV fan Frankryk oan de Steaten-Generaal, dat op 2 febrewaris 1596 yn 'e Rekkenkeamer lêzen waard. Feicke Tetmans hat dy oantekeningen makke op ìn bôge papier, dy't earder brûkt wie foar it meitsjen fan berekkeningen foar it útbeteljen fan it soldatefolk (de nammen dêrby tsjutte hoplju oan)

Wumkes.nl

Yn 1601 dûkte Tetman Fockes op 'en nij yn Utingeradiel op, doe't er in raam die nei it grytmansamt dat nei it ferstjerren fan Feicke Tetmans fakant wurden wie. Twa doarpen setten him op it trijetal, dat stik foar stik út 'geborige ende vaste goederen hebbende personen in deese gritenie' bestie. Ien fan 'e stimmen waard útbrocht fan Meint Claeses, dy't yn Aldeboarn buorke en dy't Tetman Fockes as syn 'wijfsbroeder' bestimpele. Der moat dus ek in (heal)suster west ha.[35] De Swob Tetmans, dy't yn 1560 stoar en flakby Feicke Tetmans yn 'e Boarnster tsjerke begroeven leit, sil in oare suster west ha.[36]

Tetman Fockes hat yn alle gefallen fan 1586[37] ôf oant syn dea om 1620 hinne siktaris fan Starum west en ûndersyk yn 'e argiven fan dy stêd hat in fracht oan ynformaasje opsmiten oer syn persoan en neiteam.[38] Alderearst ûndertekene er altiten mei fermelding fan 'e datum en syn leeftyd, dêr't út bliken docht dat er op 1 febrewaris 1548 berne wie. Dat hâldt dus yn dat Feicke Tetmans syn heit yn 1547 of earder ferstoarn wêze moat. Der wie in soan Frans, dy't syn heit letter opfolgje soe as siktaris en in soan Feicke, dy't rintmaster fan Starum wurde soe.[39] Dêrnjonken wiene der in stik of fiif dochters, ûnder wa in Wisckje.[40] Troch dy nammen, Feicke en Wisckje – sa't de dochter fan Feicke Tetmans ommers ek hjitte – is it wol wis dat Tetman Fockes yndie de healbroer fan Feicke Tetmans is.

De kontoeren fan Feicke Tetmans syn fermidden binne linkendewei strakker wurden. Syn âlden moatte ta de rike einierden heard ha, oars hiene hja gjin sizzenskip yn in lien hân, hiene hja de soannen net leare litten[41] of wie Feicke Tetmans wol nea mei in haadlingedochter troud. Syn broer en suster(s) hawwe de woartels yn Aldeboarn lizzen, dat dêr sil er sels ek hikke en tein wêze en dêre sille syn âlden ek socht wurde moatte. Yn in rjochtsaak om in erfskip foar it Hof fan Fryslân út 1538 komt in Taedman Renicx út Aldeboarn foar, dy't yn ien sike neamd wurdt mei (nei alle gedachten) syn bruorren Feycke en Tyebbe Renicx en noch in hantsjefol hypotetyske neven, ûnder wa in mooglike foarfaar fan de Andringa's fan Boarn.[42] Krekt it goede miljeu en krekt de goede nammen, mar dêr is noch net mei sein dat Feicke Tetmans de soan fan Taedman Renicx is.[43] Fan dy lêstneamde is bekend dat er yn alle gefallen yn 1552 wei wie,[44] en dat strykt wer aardich mei ús eardere konklúzje dat de heit fan Feicke Tetmans yn 1547 of earder ferstoarn wêze moast. Taedman Renicx komt yn 'e rintmastersrekkens fan 1540/1541 foar mei de namme fan syn frou, in Wlcke.[45] Hat de klerk by it ynskriuwen fan dy akte net in flaterke makke en hie der net Wiscke stean moatten ha?

It register fan Feicke Tetmans

Foarst in foarbyld om sjen te litten hoe't it register fan Feicke Tetmans resolúsjes fan – yn dit gefal – Deputearre Steaten op bytiden prachtige wize oanfolje kin. Op 7 juny 1588 besleat dat kolleezje dat it hûs, dêr't in binde fijannelike knevelders him yn sammele hie en dat as útfalsbasis brûkt wie om in tal Friezen te ûntfieren, fuortendaliks ôfbaarnd wurde soe. As letter bliken dwaan mocht dat de eigner frijút gong, soe it hûs op kosten fan de buorlju wer opboud wurde. Boppedat soene der yn Reduzum likefolle boeren finzennommen en op it blokhûs te Ljouwert fêstset wurde, as der dy dei troch de knevelders yn it bywêzen fan de Reduzumers ûntfierd wiene.[46] Sadwaande woene Deputearre Steaten in foarbyld stelle oan de lânslju, dy't de fijân gjin striebreed yn 'e wei leine, mar soe it beslút sa ek útfierd wêze?

Dêr mei men wol fan út gean, want sa'n wike letter tsjinnet Feicke Tetmans by Willem Loadewyk en Deputearre Steaten in rekest yn mei it fersyk om Sipcke Abbema op boarchtocht frij te litten. Abbema wie ien fan de Reduzumers dy't op lêst fan

Wumkes.nl

Deputearre Steaten op it blokhûs finzen setten wie, mar fan de ûntfiering hied er net tsjûge west om't er dy dei fan moarns ier oant middeis let yn Ljouwert west hie. En om him dan krekt op te pakken wie al te sneu. Boppedat soe de frijlitting fan Abbema 'grotelick strecken tot vertroestinge van zijn bedructe huisfrouwe, die met heur eerste geboerte dagelix den utganck verwacht ende deurdien met meerder blijtschap een blijde moeder sal werden.' De steedhâlder en Deputearre Steaten willigen it fersyk yn en soks is net allinnich in blyk fan harren filantropy foar Abbema oer, mar ek fan de grutte ynfloed dy't Feicke Tetmans jilde litte koe. Dêroerhinne hat Feicke Tetmans by it ôfskrift fan syn rekest optekene wa't de fjouwer persoanen wiene, dy't de knevelders ûntfierd hiene (ûnder wa de dûmny Suffridus Pauli), en it losjild dat hja opbringe moasten: mei-inoar 3600 gûne en dêr koene je yn dy dagen in moaie boerepleats foar keapje.[47]

It register fan Feicke Tetmans, in tsjokke pil fan 1248 siden, is ien grutte griemmank. Der sit werklik gjin inkele struktuer yn en wat Feicke Tetmans allegearre sammele en ôfskreau, hied er op 'en doer sels ek net folle doel mear oer. Sa komt mannich stik twaris foar en inkele stikken sels trije kear. De gronology is fier te sykjen, al binne de lêste twa stikken wol de jongste. Op de earste siden steane stikken fan 1586, wylst it âldste stik fan 1524 datearret, in plakkaat fan Karel V oer dy syn ynhuldiging as hear fan Fryslân. Wat fierders opfalt is it grutte tal ûnderskate hânskriften, al komt it poatsje fan Feicke Tetmans it faakst foar. Der sitte orizjinele akten en brieven tusken fan bygelyks Willem Loadewyk en Elbertus Leoninus, de kânselier fan Gelderlân, autentike kopyen dy't fan 'e lânssiktaris of de griffier fan de Steaten-Generaal kollasjonearre binne, ôfskriften fan de hân fan klerken, konsepten en minuten fan resolúsjes en oare steatsstikken, gauris mei skraste wurden en sinnen en mei marzjinale oanfollingen. Dat it papier yn dy dagen djoer wie, docht ek in inkele kear bliken. Feicke Tetmans skromme net om steatsstikken oer kladoantekeningen hinne ôf te skriuwen, dêr't in bytiden net te ûntsiferjen brij fan letters troch ûntstie.

Dochs binne der oer it ta stân kommen fan it register wol inkele konklúzjes te lûken. Mei't de earste stikken fan it register, dus de stikken dy't foaroan yn 't register sitte, fan 1586, 1587 datearje, sil Feicke Tetmans yn dy jierren mei it sammeljen út ein set wêze, faaks sûnder dat er dêr in bepaald sin by hie. Sa healwei de jierren 1590 feroaret dat. By it stik dat er yn 1577 yn Brussel ôfskreaun hie, hat er ûnder skreaun dat er dat stik yn 1595 mei yn it register ynbine litten hie.[48] Yn 'e augustus- en septimbermoannen fan datselde jier, sa't út syn datearre ûnderskriften bliken docht, hat er dagenlang op it Lânshûs dwaande west om steateresolúsjes út benammen it begjin fan de jierren 1580 ôf te skriuwen. Mei't dy ôfskriften in romme marzje ta de boekbân hâlde, kin konkludearre wurde dat dy bân der doe al omhinne siet en dat it register yn 'e simmer fan 1595 ynbûn wêze moat. It is net útsletten dat de lêste siden der nei dy tiid oan taheakke binne.

Hoewol't it grutste part fan it register wol út oare boarnen bekend is, hat it troch it unike materiaal dat it befettet in soad histoaryske wearde. Sa kin bygelyks de skiednis fan it Mindergetal net skreaun wurde sûnder it register te rieplachtsjen, want hoe soene wy oars witte moatte dat der in skoftlang twa mindergetallen njonken-inoar bestien hawwe, ien ta de punten fan de proposysje dêr't op 'e lândei resolúsjes op nommen wurde moasten en ien ta de rekesten, dy't yn grutte oantallen oan de Steaten rjochte wiene.[49] Foar de stúdzje nei Hessel Aysma, de lêste presidint fan it Hof fan Fryslân, kin men likemin om it register hinne, mei't Feicke Tetmans yn it Mindergetal siet, dat yn 1588 it skeel om dy politikus hinne besljochtsje moast.

Njonken de steatsstikken, dy't Feicke Tetmans foar fierwei it grutste part op grûn fan syn ûnderskate funksjes sammele, hat er út nijsgjirrigens ek in pear gedichten,

Wumkes.nl

profesijen, pamfletten, ferhannelingen fan oaren oer útienrinnende ûnderwerpen en nochal wat, al of net partikuliere brieven ôfskreaun of dêr gearfettingen fan makke. Fierders hat er sa'n 30 oantekeningen makke, dy't it karakter fan in deiboek drage en begjinne mei it neamen fan de datum en wat der doe bard wie of wat er doe heard hie. Al dat materiaal jout in prachtich byld fan wat de man beweegde. Sa lêze wy bygelyks oer de berte en dea fan in pakesizzer dy't mar sa'n seis wike âld wurden wie, oer in rekkendei fan de dielskosten fan Utingeradiel dy't yn Akkrum holden wie, oer it ûnthalzjen fan in deserteur te Ljouwert en it útbeteljen fan de preemje fan 50 gûne oan dyjinge dy't him finzennommen hie, oer it ferstjerren fan in grytman fan Frjentsjerteradiel dêr't er twaris in oantekening fan makke hat, oer dat er wer ta rekkenmaster keazen wie en dat hysels seis stimmen krige hie en Obbe Asses, in soan fan de grytman fan Haskerlân, mar fjouwer en oer in moardoanslach op prins Maurits. Fansels is der ek rom omtinken foar it oarlochsferrin en de ûntwikkelingen yn 'e ynternasjonale polityk. Benammen it wol en wee fan de boargeroarloch yn Frankryk wurdt op 'e foet folge.

En dan binne der noch trije histoaryske ferhannelingen, dy't inoar foar in part oerlaapje en hannelje oer it kriichsferrin yn 'e jierren 1590-1594, dat ynlaat waard mei it turfskip fan Breda en ôfsletten mei de ferovering fan de stêd Grins. It is net sein dat Feicke Tetmans dy ferhannelingen sels skreaun hat, hy kin se ommers ek ôfskreaun ha. Wol liket it wis dat se troch in Fries skreaun binne, want wa soe oars witte kinne dat de hopman Douwe Aylva, dy't foar Dimter sneuvele, yn Waaksens yn 'e Dongeradielen begroeven waard? Allyksa dat de hopman Rienck Dekama, dy't yn Spaanske tsjinst focht, him nei de ferovering fan Sutfen mei it Fryske regear fermoedsoene en him yn Fryslân nei wenjen sette.

Wat opfalt oan al dat grutte nijs en dy lytse nijtsjes is dat hja, lykas de measte brieven, foaral fan 'e jierren 1594 en 1595 datearje, dus út deselde snuorje as dat Feicke Tetmans it register ynbine liet en op it Lânshûs mei it ôfskriuwen fan resolúsjes warber wie. Hy moat der in bepaald sin by hân ha. Hat de Reduksje fan Grins (1594) de oanlieding west? Woed er in polityk-militêre skiednis fan de Opstân skriuwe of wie it oars net bedoeld as in handich neislachwurk? Wy sille it wol nea witte.

Ta beslút

Feicke Tetmans (1537-1601) is hikke en tein yn in ryk einierd fermidden út Aldeboarn, dêr't er ek begroeven leit. Ut syn houlik mei de grytmansdochter Popck Rinia hied er ien dochter, dy't in lettere grytman fan Opsterlân troude. Syn healbroer Tetman Fockes (1548-1619/'20), dy't siktaris fan Utingeradiel (1581-1583) wie en sûnt 1586 dat amt yn Starum útoefene, hie in stim yn 'e kollaasje fan it Doumalien te Aldeboarn. Sûnt 1574 wie Feicke Tetmans aktyf yn 'e Fryske polityk, dêr't er in deitaak oan krige doe't er yn 1578 ta grytman fan Utingeradiel beneamd waard. As sadanich hied er *de facto* sit yn 'e Steaten fan Fryslân en kaam er allegeduerigen yn 'e beneaming foar de amten, dy't letter as ambulatoir bekend stiene. Hy hat Fryslân fertsjintwurdige yn 'e Steaten-Generaal en jierrenlang wied er lid fan it Mindergetal, de Rekkenkeamer of de Admiraliteit te Dokkum. Gauris hat er ek as kommissaris *ad hoc* besteld west.

Al dy jierren hat er steatsstikken sammele dy't er yn 1595 ta in register ynbine liet. Behalven eigenhannige ôfskriften fan benammen steateresolúsjes, dy't er ek nei it ynbinen noch op lege siden makke hat, befettet it register ek orizjinele stikken dy't bytiden fan foaroansteande politisy of kolleezjes ôfkomstich wiene. Dêrnjonken hat Feicke Tetmans ek nochal wat gedichten, profesijen, pamfletten en brieven ôfskreaun

Wumkes.nl

of dêr gearfettingen fan makke. De ferskate deiboekoantekeningen binne sûnder mis fan syn eigen hân en faaks ek de histoaryske ferhannelingen oer it kriichsferrin yn 'e jierren 1590-1594. Mei't it gâns unyk materiaal befettet, kin men foar de skiedskriuwing oer de Opstân net om it register fan Feicke Tetmans hinne. Boppedat jout it in prachtich byld fan in grytman út dy tiid, fan wat er wist en fan wat him beweegde, al sil fierder proposografysk ûndersyk útmeitsje moatte foar hoefier't Feicke Tetmans as typysk foarbyld fan dy grytmannen jilde kin.

Der binne mear fragen omtrint Feicke Tetmans lizzen bleaun, alteast net ôfdwaande beäntwurde. Hat er in minne âlde dei han? Hat er in soad lân oankocht? Wie 't in soan fan Taedman Renicx? Woed er skiedskriuwer fan syn eigen tiid wurde? Mei dit artikel haw ik dan ek perfoarst net de yntinsje hân en skilderje in folslein en definityf portret fan Feicke Tetmans. Sa soe bestudearring fan de faksjestriid, dy't yn 1594 yn Sânwâlden spile, en fierder ûndersyk nei de eigensinnige fertsjintwurdiging fan dat kertier ein 16de ieu yn 'e Steaten fan Fryslân bydrage kinne ta in kompleter byld fan Feicke Tetmans. Fierders hat er ek in rol spile yn it skeel tusken Willem Loadewyk en Karel Roorda,[50] mar hoe nijsgjirrich oft Feicke Tetmans ek wêze mei, syn persoan en gewicht binne dochs te beskieden om yn dit ramt op sokke wichtige politike kwestjes nij ljocht skine litte te kinnen.

Noaten

* In eardere ferzje is as lêzing útsprutsen op 20 oktober 1994 foar it Histoarysk Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy.

1. Ryksargyf yn Fryslân (RAF), Verzameling Aanwinsten, ynv.nr. 35; Ein 18de ieu hat it register yn besit west fan de riedshear Jan de Kempenaer, dy't op it skutblêd skreaun hat: 'Politiecque stucken, raakende de Friesse landtsdagen en besoignes aldaer voorgevallen, beginnende met den jaere 1586, tot zijn eygen gebruyk verzamelt door Feycke Tetmans, bij andere Tatmans, grietman van Utingeradeel en substituut-grietman van Ængwirden, omtrent saken op lantsdagen voorgekomen in de jaren 1586 en vervolgens.' Mei tank oan B.H. de Vries, meiwurker RAF.
2. Sjoch de ynlieding by Onno Hellinga, *Resoluties van de Staten van Friesland 1580-1601; regesten en indices* (Ljouwert 1992), RAF, NT 5.26 (1580-1601).
3. Freonlike meidieling fan S.P. de Jong, âld-meiwurker RAF.
4. Onno Hellinga, *Het register van Feicke Tetmans (1524) 1579-1599; regesten en indices* (Ljouwert 1995) RAF, Nadere Toegang (NT) 345.1.
5. P. Winsemius, *Chroniqve ofte historische geschiedenisse van Vrieslant* (Franeker 1622) 591. Yn 1570 wurdt Feycke Taedmans neamd as folmacht fan Aldeboarn. M.P. van Buijtenen, *De Leppa* (Dokum 1944) 118.
6. *Resolutiën der Staten-Generaal van 1576 tot 1609* 14 dln. (Den Haag 1915-1970) I, 151, 440 en 550; Winsemius, 607 en 609.
7. A.J. Andreae, *Nalezing op de nieuwe naamlijst van grietmannen* (Leeuwarden 1893) 107. Op 23 desimber 1581 lei Feicke Tetmans, nei't de Steaten-Generaal earder dat jier de kening ferlitten hiene, de nije eed oan it Steatebewâld ôf. RAF, Collectie Gabbema, ynv.nr. 152.
8. J.A. Mol, *De Friese huizen van de Duitse Orde* (Ljouwert 1991) 225; Hellinga, *Register Feicke Tetmans*, nr. 235.
9. Hellinga, *Resoluties Staten van Friesland*, nrs. 23 en 135.
10. Sjoch foar de betsjutting fan sintripetaal en it fierderop neamde sintrifugaal: R. Reitsma, *Centrifugal en centripetal forces in the early Dutch Republic. The States of Overijssel 1566-1600* (Amsterdam 1982).
11. Hellinga, *Resoluties Staten van Friesland,* nrs. 424-427.
12. *Ibidem*, nrs. 20, 48, 112, 134, 157, 309, 310, 333, 347, 434, 457 en 666.

Wumkes.nl

13. RAF, Archief van de Staten van Friesland (1580-1795), ynv.nr. Gm7; Onno Hellinga, *Resoluties en andere stukken van Gedeputeerde Staten van Friesland (1579) 1580-1601 (1608); regesten en indices* 3 dln. (Ljouwert 1992), RAF, NT 5.35, nrs. 429, 432, 462, 754, 771, 965, 1097, 1289, 1290, 1349, 1355, 1461, 1719, 2910, 2980, 2983 en 2984.
14. Onno Hellinga, 'Sybout Aysma (Bitgum ± 1534 - Wurdum 1604); geus, ûntfanger en politikus' yn: *It Beaken* (1996), 100.
15. Hellinga, *Resoluties Staten van Friesland*, nr. 457; idem, *Resoluties Gedeputeerde Staten*, nr. 2942; *Resolutiën der Staten-Generaal*, IX, 362, 528 en X, 188.
16. Hellinga, *Resoluties Staten van Friesland*, nr. 493.
17. *Ibidem*, nr. 550.
18. J. Scheltema, *Staatkundig Nederland* (2 dln., Amsterdam 1805-1806) II, 361; H. Baerdt van Sminia, *Nieuwe naamlijst van grietmannen* (Leeuwarden 1837) 329-330; A.J. Andreae, *Nalezing*, 107. Oars as Andreae skreau hat er nea sit yn Deputearre Steaten hân. Dat fersin sil te krijen ha mei it ferkearde regest fan de akte fan 13 juny 1579, dêr't Feicke Tetmans by ferklearre dat de folmachten fan Sânwâlden Baerthe Idzaerda as harren deputearre kontinuearre hiene. *Groot Placcaat en Charterboek van Vriesland* (6 dln., Leeuwarden 1768-1795) IV, 42.
19. Feycke Tetmans en Popck Ringie ferkeapje yn 1599 acht pûnsmiet lân te Kollum. RAF, Rechterlijk Archief (RA) KOL, ynv.nr. Q2 229. Mei tank oan Ype Brouwers.
20. RAF, Kolleksje Grêfskriften, Utingeradiel, Aldeboarn. By syn ferstjerren op 2 april 1601 wie Feicke Tetmans 63 jier âld. Op 28 sept. 1584 ferklearret er dat er 47 jier âld is. RAF, Verzameling handschriften, afkomstig van de Provinciale Bibliotheek van Friesland, ynv. nr. 631.
21. In soan fan Hepcke Fockens en identyk oan de Marten Hepckens, dy't yn 1601 ek op it grytmanskip fan Utingeradiel die. RAF, Archief van de Staten van Friesland (1580-1795), ynv.nr. 2881.
22. M. de Haan en A. van Halmael jr., *Stamboek van den Frieschen, vroegeren en lateren adel* (2 dln., Leeuwarden 1846) I, 301.
23. Andreae, *Nalezing* 107; M. Groen, *Meiers en landheren te Oldeboorn in de 18-de eeuw* (s.l. 1992) 189.
24. Hellinga, *Register Feicke Tetmans*, nr. 291. Op 'e lidmatelist fan Ljouwert út dy tiid wurdt er frjemdernôch net neamd.
25. J.A. Mol en P.N. Noomen, *Prekasdastrale Atlas fan Fryslân; diel 6, Raerderhim en Utingeradiel* (Ljouwert 1993); Groen, 39-42.
26. Hellinga, *Register Feicke Tetmans*, nrs. 186 en 189.
27. *Groot Placcaat en Charterboek van Vriesland*, IV, 488. 'Sijnde mede onmoegelijck voorbij te gaen die liberaliteyt, die zij [= Gedeputeerde Staten] aen Feycke Tetmans hebben beweesen, hem schier gehele cloosters, als Nes, schenkende, voor die goede diensten die hij de Landen doet, daer hij nochtans nyet een voet weeghs en zoude buyttenlants gaen, sonder vijff carolusguldens 's daechs te genieten, hoewel die resolutie van den Lande anders is.'
28. Hellinga, *Resoluties Gedeputeerde Staten*, nr. 2890. Letter hiene 'Feyke Tethmans erven het viercant met die howinge' yn 'e hier. J.A. Mol en P. Nieuwland (ed.) 'Rekken fan de kleasteropkomsten yn Fryslân oer it boekjier 1606/1607, opmakke troch Joannes Henrici [Rhala]' yn: P.L.G. van der Meer, idem en idem (ed.), *Administrative en fiskale boarnen oangeande Fryslân yn de ier- moderne tiid* (Ljouwert 1993) 95 (nr. 1379).
29. Onno Hellinga, *Het journaal van Bernard van Merode, luitenant-stadhouder van Friesland 1580-1583; regesten en indices* (Ljouwert 1990), Provinciale Bibliotheek van Friesland, nr. 851. Op deselde dei waarden ek de grytmannen fan Doaniawerstal en Eaststellingwerf oanskreaun om in trijetal foar in nije siktaris op te stellen. De siktaris fan Doaniawerstal wie in skoansoan en dy fan Eaststellingwerf in broer fan de oanbelangjende grytman. Ik wit net oft soks oantsjut wurde moat as in blyk fan nepotisme of as in tekoart oan politike ambysje yn Sânwâlden.
30. Hellinga, *Resoluties Gedeputeerde Staten*, nr. 354.
31. Hellinga, *Register Feicke Tetmans*, nr. 235.
32. J. van Leeuwen (ed.), *Beneficiaalboeken van Friesland* (Leeuwarden 1850) 28a (Sânwâlden).

Wumkes.nl

33. RAF, Archief van het Hof van Friesland (HvF), ynv.nr. 16486, d.d. 27 okt. 1612 (nr. 41). Dizze en de foarige alinea binne basearre op dit fonnis.
34. It stiet net fêst oft Feicke Tetmans ek in stim yn 'e kollaasje fan it lien hân hat. Syn healbroer soe dy rjochten ommers ek fan heitekant urven kinnen ha.
35. RAF, Archief van de Staten van Friesland (1580-1795), ynv.nr. 2881.
36. RAF, Kolleksje Grêfskriften, Utingeradiel, Aldeboarn.
37. Onno Hellinga, *Ingekomen stukken van Gedeputeerde Staten van Friesland 1580-1601, regesten en indices* (Ljouwert 1995), RAF, NT 5.40, nr. 130.
38. RAF, RA STA, ynv.nrs. 19-22, passim.
39. RAF, RA STA, ynv.nr. 18, f. 16; RA HEM, ynv.nr. 32, ff. 271, 276, 279 en 280.
40. Wysk Tetmans wurdt neamd yn 1606. RAF, RA STA, ynv.nr. 20, f. 79. Fan har en de oare dochters haw ik gjin eksplisyt bewiis fûn foar harren ôfstamming fan Tetman Fockes. Guon trof ik lykwols as Eyckema's oan, sa't de soannen har letter ek skriuwe soene. Boppedat is Tetman in namme dy't like bekend as seldsum is. Yn in letter ferbân hoopje ik op de Eyckema's werom te kommen.
41. Ut soarte moatte bestjoerders as grytmannen en siktarissen it ien en oar leard hawwe.
42. *Andringa; actualisatie en nieuwe feiten over de geschiedenis van de families Andringa van 1450 tot heden* (s.l. 1996) 40; RAF, HvF, ynv.nrs. WW2 64 en YY3 46. Twa jier letter kamen hja wer foar it bankje en doe ûntbriek Feycke yn 'e opsomming. *Ibidem*, ynv.nr. YY3 161. Wer goed twa jier letter stiet it fêst dat dy doe ferstoarn wie. R.S. Roarda, *Nammen fan keapers en ferkeapers út rintmasters-rekkens* (Ljouwert 1965) 48.
43. Lykas De Kempenaer al stelde wurdt Feicke Tetmans syn namme ek wol as 'Tatmans' skreaun (sjoch noat 1). De foarm 'Taetmans' komt ek foar.
44. RAF, HvF, ynv.nr. YY4 276.
45. Roarda, 137. Oars as Roarda lies wennen hja te Aldeboarn en net te Aldehoarne. Mei tank oan Ype Brouwers, dy't Renick Jelderts, yn 1508 neamd te Aldeboarn en yn 1532 yn in proses foar it Hof fan Fryslân, foar de pake fan Feicke Tetmans hâldt. M. Oosterhout, *Snitser Recesboeken 1490-1517* (Assen 1964) nr. 3532; RAF, HvF, ynv.nr. YY1 528.
46. Hellinga, *Resoluties Gedeputeerde Staten*, nr. 1925.
47. Hellinga, *Register Feicke Tetmans*, nr. 191. Fan 'e oare finzenen hiene de knevelders boppedat fan Derck Wopckes in 'grote somme aen gelt' ûntstellen en Derck Jans goldtsmidt 'tyen paer sajetken hosen' ûntfytmanne. It fjirde slachtoffer, in net mei namme neamde jongfeint fan Ljouwert, soe neffens Feicke Tetmans ûntkommen wêze sûnder 'rantsoen' te beteljen.
48. *Ibidem*, nr. 296.
49. *Ibidem*, nr. 142.
50. L.H. Wagenaar, *Het leven van graaf Willem Lodewijk, een vader des vaderlands, 'Uz Heit'* (Amsterdam/Pretoria [1904]) 239 en 242.

Wumkes.nl

47. Hellinga, *Register Feicke Tetmans*, nr. 191. Fan 'e oare finzenen hiene de knevelders boppedat fan Derck Wopckes in 'grote somme aen gelt' ûntstellen en Derck Jans goldtsmidt 'tyen paer sajetken hosen' ûntfytmanne. It fjirde slachtoffer, in net mei namme neamde jongfeint fan Ljouwert, soe neffens Feicke Tetmans ûntkommen wêze sûnder 'rantsoen' te beteljen.
48. *Ibidem*, nr. 296.
49. *Ibidem*, nr. 142.
50. L.H. Wagenaar, *Het leven van graaf Willem Lodewijk, een vader des vaderlands, 'Uz Heit'* (Amsterdam/Pretoria [1904]) 239 en 242.

Wumkes.nl

Oardielen oer J.H. Halbertsma as etymolooch*

A. Feitsma

Ynlieding

Joast Halbertsma (1789-1869) is as taalkundige ont no ta meast beskreaun mei it aksint op it Fryske fermidden: syn ferhâlding ta en syn kontakten mei bûtenlânske gelearden binne ornaris net yngeand bestudearre. Sadwaande kamen de oardielen oer Halbertsma fakentiden streekrjocht fuort út de eigen taalkundige ideeën fan de ûndersiker en seine se gauris al safolle oer de beoardieler as oer Halbertsma sels. Myn ûndersyk rjochtet him op de bredere kontekst fan Halbertsma syn wurk en dêrom bin ik no dwaande om syn bûtenfryske kontakten en diskusjes stik foar stik nei te gean om sa stadichoan in yndruk te krijen fan Halbertsma as taalkundige en as taalideolooch mids de kontekst fan it taalkundige Europa fan de earste helte fan de njoggentjinde ieu.

De earste fraach is dan mei hokker foargongers en tiidgenoaten oft er besibbe wie en oft der faaks ek konkrete ynfloeden oan te wizen binne. En in twadde punt is hoe't Halbertsma sels te wurk giet en hoe't dat sjoen wurde moat yn it ramt fan de ideeën en wurkwizen fan syn tiid. In oardiel fan mysels of fan oare tweintichsteieuwers dêroer is yn earste opslach net relevant, noch ôfsjoen fan de fraach oft yn dit stadium in min ofte mear ridlik ôfwoegen oardiel al mooglik wêze soe. Mei't der yn it Halbertsma-ûndersyk noch sa'n soad ûnbekenden sitte yn ferskillende betsjuttingen fan it wurd, moat ik wol taastendewize besykje om myn wei te finen. Dat myn Halbertsma-stúdzje bliuwt ynearsten 'wittenskip ûnderweis'.

Fia myn bestudearring fan de analogy yn de Fryske taalwittenskip, bin ik op Halbertsma en syn bûtenfryske relaasjes kommen. Nei Tiberius Hemsterhuis (1685-1766) kaam doe al ridlik gau Jacob Grimm (1785-1863) op it aljemint. Halbertsma, sa die my bliken, is optein oer it nije ljocht, bestudearret it wurk fan Grimm en oaren en past de nije taalkundige begjinsels sels ek ta. Op grûn fan ûnder mear dy feiten besykje ik út te finen hoe't ik de taalkundige Halbertsma neier karakterisearje en pleatse kin. Bygelyks moat ik noch besjen hoe't de kwaliteit fan Halbertsma syn bydragen op dat mêd beoardiele wurde moat yn it ramt fan syn tiid. Mar dat Halbertsma syn wurk diel hat oan de eigentiidske ferlykjend-histoaryske taalkunde is wol wis.

No is it fansels net útsletten dat oaren al sa'n yngeande kennis fan de histoarryske ûntjouwing yn de taalkunde ha dat se sûnder sa'n ommelânske wei by taalkundich klimaat en bûtenlânske geleardheid yn it ferline lâns ta in kreas nuansearre en beargumintearre beskriuwing fan Joast Halbertsma as taalkundige komme kinne. Mar dan moat dat wol in beskriuwing wêze dy't fakgenoaten neikomme en har yntinke kinne. Oan dat kritearium foldocht it troch Ph.H. Breuker oer Halbertsma as taalkundige útsprutsen oardiel net.[1]

Neffens Breuker soe Halbertsma sûnt 1830-1840 in man fan de âlde tiid wêze en yn 1847 net goed op 'e hichte west ha mei de literatuer oer de lûdferskowingen fan guon konsonanten dy't Grimm systematysk opsteld hie ûnder de namme Ger-

Wumkes.nl

maanske en Heechdútske 'Lautverschiebung'; Halbertsma soe winliken ek gjin niget ha oan sokke 'lûdwetten'. Breuker giet der fan út dat Halbertsma praktysk gjin diel hat oan de 'skoalle fan Grimm' en dus ek net oan it nije ljocht yn de taalkunde. Syn arguminten tsjinje ta yllustraasje fan dy stelling, wylst feiten en arguminten dy't in oare kant út wize, my by Breuker net yn 'e wei west ha.

Yn Breuker syn ûndersyk is mei oare wurden amper plak foar in ferbân tusken Halbertsma en de nije taalkunde. Salang't Breuker dy fisy net better ûnderbout en ferantwurdet, hâld ik út dat syn hastige útspraken liede ta in yn prinsipe en yn nuânses fertekene byld fan Halbertsma as taalkundige. Safier't ik it no besjen kin, benimme dy útspraken ús sels it sicht op it útgongspunt foar in ûndersyk dat nei in bytsje in reëel byld liede kin.

Yn dit artikel wurde myn beswieren tsjin Breuker syn oanpak konkretisearre yn myn krityk op de boppeneamde stellingen. Earst wurdt, as oriïntaasje foar de lêzer, in beheind oersjoch jûn fan wat der op dit stuit fan Halbertsma as taalkundige sein wurde kin. Om in yndruk te jaan fan karakter, wearde en ûnderlinge ôfhinklikens fan ûnderskate oardielen oer de etymologyske wurkwize fan Halbertsma wurde sân eksimpels fan sokke oardielen jûn fan tusken 1874 en 1990, mei ta beslút it oardiel fan Breuker. By de behanneling fan de fragen oft Halbertsma nei 1830 in man fan de âlde tiid wie en oft er yn 1847 min op 'e hichte wie mei de literatuer oer de 'Lautverschiebung', lit ik sjen dat de fan Breuker bybrochte arguminten syn stellingen net drage kinne.

Halbertsma as taalkundige

Joast Halbertsma hat syn libben lang wurke oan syn *Lexicon Frisicum*, dat de foarrinder en de oarsprong fan it wurdboek fan Waling Dykstra wurden is. Mar syn taalkundich wurk besloech in folle wider fjild. Halbertsma wie goed op 'e hichte fan de taalkundige ideeën en wurkwizen fan syn eigen tiid en fan earder. Syn bibleteek, dy't er foar in hiel grut part oan de Provinsjale Biblioteek yn Ljouwert tamakke hat, syn hânskriften en publikaasjes en de oantekeningen yn guon fan syn boeken wize dat dúdlik út. Hy beoefene de nije histoarysk-ferlykjende taalkunde fan syn tiid, dy't him net beheinde ta it Germaansk mar ek it bredere gebiet fan de yndogermanistyk deryn behelle. Dy nije taalkunde wiene nammen as dy fan de Dútske yndogermanist Franz Bopp (1791-1861), de Deenske grammatikus Rasmus Rask (1787-1832) en de Dútske histoarysk-taalkundige Jacob Grimm oan ferbûn.

Halbertsma beskikte oer in brede kennis fan ferskillende talen. Alhiel yn de geast fan syn tiid hie er ek niget oan it Sanskryt, de Yndogermaanske taal dy't troch syn âlde foarmen hiel belangryk wie foar de histoarysk-ferlykjende taalkunde. Hy hat sels in wurdlistje fan it yn Nepal sprutsen – net-yndogermaanske – Newari makke. Yn de rin fan de njoggentjinde ieu begûnen de beoefeners fan it Sanskryt in soarte fan allinnerjocht op de taalwittenskip te claimen. Grimm stiet wat skeptysk foar dy ferhearliking fan it Sanskryt oer en beheint him leafst ta de Germaanske talen, en dat skeptisisme uteret him ûnder mear yn syn fûle krityk op it tredde diel fan it grutte Aldheechdútske wurdboek (1837) fan de tige op it Sanskryt rjochte E.G. Graff (1780-1841). Halbertsma is it mei dy krityk net iens: hy hat mear niget oan it Sanskryt as Grimm. Hy liket fandatoangeande in tuskenposysje yn te nimmen.[2]

Halbertsma syn belangstelling gie benammen út nei de etymology en alles wat dêrmei mank is oan ferliking fan wurdfoarmen en wurdbetsjuttingen en har ûntjou-

Wumkes.nl

wing yn ferskillende talen, en hy beseach ien en oar tsjin in bredere kultuerhistoaryske eftergrûn. Fangefolgen leit syn grutter wurk benammen op it mêd fan leksikografy en tekstkommentaren. In grammatika hat er net skreaun.

Taalskôging

Dochs bliuwt foar Halbertsma it Frysk sintraal stean en syn algemiene taalskôging hat in dúdlik Fryske kleur. Net allinne de âldere talen mar ek it eigentiidske Frysk en de ûnderskate sprutsen dialekten achtet er fan grut belang foar de ferlykjende taalstúdzje, wylst it Frysk as folkstaal by him heech yn it findel stiet. Ien fan syn punten fan krityk op de troch him tige heech achte Jacob Grimm is dat dy de dialekten net goed genôch kin en se te min achtslacht as helpmiddels by de taalferliking.

Foar Halbertsma is de taal 'als het gemeenschappelijk gewrocht van allen, hetzij hoog of laag, ... van nature bij uitnemendheid democratisch.' Hij neamt de taal 'het uitvloeisel des volks en democratisch door hare afkomst en innige natuur.'[3] Yn de 'eigenen boezem' fan it folk kin 'het bewustzijn der nationale taal alle taalgeschillen als opperste regter ... uitmaken,'[4] en de taal is 'in de wijzigingen harer beteekenissen het uitvloeisel der nationale ondervinding.'[5] De taal hat, ornearret Halbertsma, 'de som der uitdrukking van allen in zich ... opgenomen, en [is] als het ware de nationale bewaarplaats van de omkleedsels der denkbeelden.'[6]

Dat hat in soad wei fan de ideeën dy't de Göttinger heechlearaar, teolooch en oriïntalist J.D. Michaelis (1717-1791) yn syn bekroand priisskrift oer de ynfloed fan de begripen op de taal en fan de taal op de begripen (1759) nei foaren bringt. De Nederlânske oersetting fan dat priisskrift (1771) wie yn it besit fan Halbertsma.[7] Michaelis sjocht de etymology 'als eene boekery, of als een beredeneerd woordenboek van ontelbaare ontdekkingen.' De wetten fan de taal, ornearret ek Michaelis, 'zyn Volks-wetten, haare Regeering eene *Democratische* Regeering; Het geen den meesten behaagt, wordt in het gebruik overgenoomen, en het geen door het gebruik goedgekeurd wordt, is ... wettig en goed.'[8]

Dy demokratyske ynstelling fine wy werom yn Halbertsma syn fisy op de analogy en de geast fan de taal. Tiberius Hemsterhuis, heechlearaar Gryksk yn Frjentsjer en Leien, seach de analogy as it earste begjinsel fan taal en taalûntjouwing. Dy analogy fertsjinwurdige by him net allinne, lykas fanâlds, de rigelmjittigens fan de taalfoarmen, dy wie tagelyk in kreatyf elemint yn de ûntjouwing fan de taal. Halbertsma, dy't grutte bewûndering hat foar Hemsterhuis, is it dêrmei iens, mar as Hemsterhuis mient dat boeredialekten gjin regels hawwe, dan bestriidt er dat. It folk en syn taalgebrûk ha de taal skepen en dy ûntjout him ûnbewust troch de oanberne analogy.[9]

Njonken dy analogy ûnderskiedt Hemsterhuis ek noch de taalgeast (genius linguae). De sprutsen taal wie – neffens de ideeën fan dy tiid – in skepping fan it folk, wylst de genius linguae wurke troch it kultivearjen en behoffenjen fan de taal troch grutte skriuwers. Sadwaande waard it mêd fan de taalgeast beheind ta de skreaune talen. Dêr komt Halbertsma ek tsjin op. Ek de net of amper skreaune talen ha in taalgeast, dy't ta utering komt yn it eigene fan it mûnling gebrûk fan dy taal (dictionis proprietas).[10] Hy ornearret sels dat der foar de taal 'maar één ware toetsteen' is: 'de taal van het volk, die door de wijsheid der grammatici nog niet ... gestoord en bedorven is.'[11] En yn de ferantwurding fan syn Mattheus-oersetting achtet er krekt it Frysk – oars as it deftige Nederlânsk en de te rûge Nederlânske

Wumkes.nl

dialekten – gaadlik foar sa'n evangeelje-oersetting mei't dy taal 'geen klove gevestigd [heeft] tusschen volkstaal en schrijftaal; ... in geregelde huisgezinnen en onder eerlijke burgerlieden wordt in het dagelijksche leven geene andere taal gebruikt, dan welke men woord voor woord met aller goedkeuring ter perse kan leggen.'[12]

It dialektferskaat wurdearret Halbertsma posityf[13]; dat is in bewiis fan de frijheid fan in folk, sa't de Nederlânske taalkundige Lambert ten Kate (1674- 1731) al earder ferbân lein hie tusken folken dy't frijer fan aard binne en har 'velerhande' en 'merkelijk verschillige' dialekten.[14] Benammen de frije Friezen en Angelsaksen demonstrearje har frijheid yn it ferskaat yn har taal en yn har grutte tal dialekten. Ek yn dat opsicht is de taal de spegel fan de siel.[15]

Halbertsma wie it net iens mei Hemsterhuis oer it sosjale aspekt fan de wurking fan analogy en taalgeast, mar hy makke wol in prinsipieel gelikens ûnderskie tusken de rol fan de analogy en dy fan de taalgeast. Ek foar Halbertsma is de rigelmjittigens yn de taalfoarmen in kwestje fan analogy, wylst de taalgeast de frije sektor fan de phrase en de syntaksis behearsket (dus sa likernôch sinbou en idioom, en nei alle gedachten ek de betsjutting).[16]

De Nederlânske grammatikus Adriaen Verwer (±1655-1717) liket dy kant ek út te tinken. Yn syn grammatika neamt dy de genius linguae yn ferbân mei de dichterlike frijheid om wurden te ferkoartsjen, en fierder as kritearium foar de natuerlike wurdfolchoarder (mei it ûnderwerp foaroan yn de sin) en foar de begrinzing fan de mooglikheden om dy natuerlike wurdfolchoarder om te setten.[17] As ien fan de fjouwer 'Behulpmiddels' foar de etymology (dat betsjut hjir: foarmlear) sjocht Verwer de analogy, mar foar de syntaksis komt dêr noch in fyfte 'Behulpmiddel' by: de genius linguae.[18]

De menist Verwer wie in goede kunde fan de menist Lambert ten Kate (dy't safier't ik wit de term taalgeast net brûkt; hy behannelet de syntaksis ek net as spesjaal ûnderwerp en soe eigenaardichheden datoangeande faaks ek earder oan de 'schranderheid der Voorouderen' taskreaun ha); mooglik (mar dêr is gjin bewiis foar) hearde ek Hemsterhuis by dat ploechje, en dat soe dan ien fan de oarsaken wêze kinne fan de oerienkomst yn de ideeën fan Hemsterhuis en Verwer oer de taalgeast. Mar it is ek mooglik dat de spesjale taak fan de genius linguae yn de frije sektor al earder folle algemiener akseptearre wie. By de ferneamde taalkundige Wilhelm von Humboldt (1767-1835) bestie in selde soarte fan taakferdieling tusken analogy en taalgeast.[19]

Dy oerienstimming is ek dêrom fan belang omdat Grimm in hiel oar idee oer de taalgeast hie. Dy syn taalgeast giet oer de hiele taal, dus ek oer de rigelmjittigens yn de taalfoarmen, dy't Halbertsma by de analogy rekkenet. Mei dat idee oer de taalgeast hinget nei alle gedachten ek gear dat de taal – spesjaal de Dútske taal – en taalferskynsels lykas de 'Lautverschiebung' by Grimm hjir en dêr in wat 'übersteigerte' ideologyske betsjutting krije. Dêrfan en fan guon Dútsk-politike tendinzen by Grimm hat Halbertsma bytiden frijwat argewaasje hân. Tsjinoer it Dútske ienheidsstribjen fan Grimm sil Halbertsma dêrtroch noch namstemear de klam lein ha op de Fryske frijheid.[20]

Wy ha hjirboppe sjoen dat Halbertsma fan him heechachte foarbylden as Hemsterhuis en Grimm lykwols syn krityk net sparret en dat liket in konstant trekje te wêzen yn syn beoardieling fan wurdearre fakgenoaten. Wy sjogge it ek by syn beoardieling fan de Ingelske Grimm-oanhinger J.M. Kemble (1807- 1857). Dy priizget er wakker, mar ûnderwilens is er it der alhiel net mei iens dat dy de oarspronklike tekst fan in Angelsaksysk hânskrift ôfhingje lit fan de Grimmske taalferliking

Wumkes.nl

en te min op de hânskriften mei har fariaasjes te seil giet. Ek Kemble syn brûken fan aksinten yn de Angelsaksyske útjeften kritisearret er. Ik hoopje dêr neier op yn te gean yn in artikel oer Halbertsma en de Ingelske taalkunde dêr't ik noch mei dwaande bin.

Beoefening fan de etymology

De âldere etymology hie foar in grut part in spekulatyf-riedend karakter. Yn de rin fan de tiid begjinne regels en 'lûdwetten' in hyltyd gruttere rol te spyljen. De etymologyske metoade fan de earste helte fan de 19de ieu is in etappe yn dat proses. Dêrby moatte wy betinke dat de 'echte' lûdwetten, de 'ausnahmslose Lautgesetze', en ferskate nije fynsten op it mêd fan de lûdûntjouwingen earst yn de jierren santich, dus nei de dea fan Grimm en Halbertsma, opkomme mei de saneamde neogrammatici of Junggrammatiker. As wy de rekken opmeitsje wolle oer de risseltaten fan de etymology-beoefening fan Grimm en Halbertsma, kinne wy dy lettere eleminten der dus net yn behelje. Twad ha de regels fan Grimm en Halbertsma prinsipieel en praktysk útsûnderingen en ha se allebeide ek mear spekulative etymologyen útbrocht. Yn dat ramt sille oerienkomsten en ferskillen tusken har etymologyske wurkwize neigien wurde moatte.

In oare faktor binne de achttjinde-ieuske foarrinders. Der wurdt wol sein dat Grimm oarder en regel yn de histoaryske taalkunde brocht hat, mar yn de Schola Hemsterhusiana waard al stribbe nei rigelmjittigens, ek al ha har risseltaten net de goedkarring krige fan lettere taalkundigen. En Lambert ten Kate hat al hiel wat fan de ideeën fan de nije skoalle fan Grimm c.s. útfûn en tapast. Halbertsma is útdruklik in folgeling fan Hemsterhuis, wylst er, sûnder dat derby te sizzen, ek Ten Kate op hiel wat punten neifolget. Dat is fan dy gefolgen dat Halbertsma, al yn 1822, noch foardat er yn 'e kunde kommen is mei Grimm en Rask, regels tapast yn 'e trant fan de 'nije skoalle'. Halbertsma syn dialektregel liket streekrjocht út Ten Kate syn *Aenleiding* (1723) te kommen, en syn beskriuwing fan betsjuttingsûntjouwingen hat sawol fan Ten Kate as fan Hemsterhuis.[21] Yn hoefier't Grimm en Halbertsma yn har betsjuttingsbeskriuwingen oerienkomme en ferskille, kin ik noch net besjen. Faaks dat Anne Dykstra syn stúdzje oer it *Lexicon Frisicum* dêr meidertiid mear dúdlikens oer jaan kin. In better ynsjoch yn Halbertsma syn etymologyske praktyk út earder en letter tiid ferget yn alle gefallen noch yngeande bestudearring.

Resepsje fan Halbertsma syn etymologysearjen

De sanskritist H. Kern (1833-1917) kaam al yn 1874 mei in skôging oer Halbertsma syn *Lexicon Frisicum A-Feer*[22], dat doe noch mar koart lyn útkommen wie.[23] Kern wie in alsidich taalgelearde en polyglot út de 'skoalle fan Grimm', dy't yn it ramt fan de nije 'strange' rjochting hyltyd mear de kant opgie fan de neogrammatici mei har 'ausnahmslose Lautgesetze'. Hy hat behalven oer de Yndyske talen ek wol skreaun oer Frysk en dialektûndersyk. Miedema behannelet him yn it haadstik oer de neogrammatici (hoewol't er neffens him 'nea in dogmatysk neogrammaticus wurden' is) en ornearret dat Kern 'it earst en it bêst op 'e hichte wie fan 'e streamingen yn 'e nijere taelwittenskip.'[24] Huizinga karakterisearret him ûnder mear as 'de eerste, die de vergelijkende Indogermaansche taalwetenschap, met name die der Germaansche talen, tot op zijn tijd in ons land vrij dilettantisch beoefend, op hechten voet baseerde.'[25]

Wumkes.nl

Kern achte Halbertsma syn Lexicon 'een allermerkwaardigst en allernuttigst boek' en ornearre dat 'de schrijver iemand was die de zaken niet uit het oog verloor om de doode woorden.' De wearde fan it boek moast sjoen wurde yn 'hetgeen een verstandig lezer in de eerste plaats daarin zoeken en vinden zal: in de vermeerdering van kennis van Friesland en 't Friesch.' Mar, sa seit Kern, 'onder de bronnen door hem geraadpleegd zijn er enkele van minder allooi' en hy wie min te sprekken oer Halbertsma syn etymologyen; in pear foarbylden dêrfan wiisde er as lichtfeardich oan en ôf. Hy jout dizze algemiene karakteristyk: 'In 't algemeen was wijlen Halbertsma niet doordrongen van 't gewicht der door Grimm op eene vaste rots gestichte historische taalvergelijking,' en fierderop konkludearret er: 'Zoodra Halbertsma den Frieschen bodem en aangrenzende streken verlaat, begeeft hij zich op glibberigen grond.' Ofsjoen fan it oardiel oer Halbertsma syn konkrete etymologyen moat oantekene wurde dat de feiten tsjinsprekke dat Halbertsma 'niet doordrongen' wie fan de betsjutting fan Grimm syn histoarysk-ferlykjende metoade (sjoch de lêste seksje fan dit artikel).

Yn it spoar fan Kern skriuwt de germanist en neogrammaticus B. Sijmons (1853-1935) yn de ynlieding op syn útjefte fan Halbertsma syn briefwiksel mei Grimm oer Halbertsma: 'Leider war und blieb das etymologisieren seine lust, und es lässt sich nicht leugnen, dass Halbertsma sich auf diesem schlüpfrigen boden nicht zur festen methode erhoben hat.'[26] Dy fisy op Halbertsma syn taalferliking wie foar de brieve-útjefte fan dy gefolgen dat Sijmons de measte fan Halbertsma syn 'etymologische erörterungen' út dy syn brieven weilitten hat. Dy wurkwize sil doe nammers net sa ûngewoan west ha, want Denecke skriuwt: 'Schwer verständlich ist es (aus der zeitbedingten Zwangsvorstellung des 19. Jhs. zu erklären, daβ eben *nur Grimm*- Briefe den Abdruck lohnten), daβ die an die Brüder gerichteten Gegenbriefe noch ganz unzureichend berücksichtigt sind.'[27] It liket derop dat de brieven fan Halbertsma oan Grimm út de útjefte-Sijmons no net mear te finen binne; dat wy sille nei alle gedachten de folsleine brieven fan Halbertsma nea mear te sjen krije. Wol binne der yn Berlyn fjouwer ûnbekende brieven fan Halbertsma oan Grimm foar it ljocht kommen.[28]

De Buck (1893-1987) hat in folle positiver oardiel oer Halbertsma: 'Eerder dan één van zijn landgenooten heeft Halbertsma de uitkomsten van de Duitsche taalwetenschap ter harte genomen en daarbij in haar geest zelf verder gewerkt.' Hy achtet him 'in menig opzicht' besibbe oan de 'Nieuwe school'. De opfettingen yn Halbertsma 1851 wiene op dat stuit net sa nij mear, mar, sa seit De Buck, 'zij [hebben] hem reeds ... vervuld in het begin van zijn taal- en letterkundige studiën, in een tijd, toen deze denkbeelden ten onzent, ten deele afgezien van Bilderdijk, nog geen ingang gevonden hadden.'[29]

Jongsma (1894-1985) begjint syn útiensetting oer 'Halbertsma's taalkundige denkbeelden' mei de konstatearring: 'In tegenstelling met de meesten zijner tijdgenooten had Halbertsma een open oog voor het nieuwe licht, dat ontstoken werd [door de geweldige omwenteling in de taalwetenschap, die in het begin dier eeuw zich voltrok], en zijn arbeid draagt hiervan de duidelijkste sporen.' Jongsma is it oer Halbertsma syn tekoart oan 'feste methode' wol mei Sijmons iens, mar konstatearret oan de oare kant dat er 'de meesten zijner tijdgenooten te onzent zoo verre vooruit [was], dat op hem niet van toepassing is het verwijt van Jonckbloet: 'wie onzer woordafleiders heeft zich aan dien band (der historische vergelijking) gestoord, zoo men misschien ten Kate uitzondert.' Wol ornearret Jongsma oangeande it Lexicon 'dat Halbertsma's etymologieën nog te veel dilettantisme verraden.'[30]

Op itselde spoar sit Brouwer, as er skriuwt: 'Men kan ... geredelijk toegeven,

Wumkes.nl

dat Halbertsma's etymologiseren niet op de soliede basis van de Duitse historische taalwetenschap rustte, al blijven zijn sprongen bescheidener dan die van de meeste zijner tijdgenoten.' Brouwer wiist ek – noch wat konkreter as De Buck – op it iere ûntstean fan Halbertsma syn Germaanske taalstúdzje.[31] Dat in grut part fan Halbertsma syn taalbegjinsels al ier ûntstien binne, wurdt befêstige troch J.J. Kalma syn útjefte (1968) fan de briefwiksel Halbertsma-Luzac.[32] Dêrneffens moat Halbertsma al ± 1806 begûn wêze mei syn taalstúdzje.

Buma skriuwt yn 1969 yn de ynlieding ta syn eigen 'Priuwke fan in Frysk ôfliedkundich wurdboek', útgeande fan syn eigen swierrichheden by it meitsjen fan in etymologysk wurdboek, dat 'Halbertsma syn materiael net neffens in fêste, wittenskiplike methoade biarbeide hat. ... Sa út en troch hat er it, hwat de ôflieding fan in wurd oanbilanget, wol by de rjochte ein, mar gauris roait er de planke ek mis of jowt it komôf alhiel net op.'[33] Yn syn bydrage oan 'Joast Hiddes Halbertsma 1789-1869. Brekker en bouwer' út itselde jier is syn (mear histoarysk rjochte?) oardiel gâns mylder: nei oanlieding fan Halbertsma syn wurk oan it Lexicon ornearret Buma dêr dat Halbertsma him op it stik fan 'e ôfliedkunde sûnder mis fertsjinstlik makke hat. 'Skerper as syn tiidgenoaten yn Nederlân hie er foar 't forstân, dat men foar de goede ôflieding fan in wurd de skiednis dêrfan neigean en de wjergea yn bisibbe talen dêrmei forlykje moat. Ek seach er wol yn, dat it net sûnder kunde koe oan 'e oergongen en foroaringen, dy't mei de Germaenske lûdforskouwing anneks binne. Fansels hat er wol ris in misslach op 'e hispel dien. ... Oer 't algemien hat Halbertsma op ôfliedkundich mêd net sokke nuvere bûtensprongen makke as syn 19de-ieuske Hollânske fakgenoaten.'[34]

Mei dy karakteristyk is Dibbets it alhiel iens en hy konstatearret dat 'over het algemeen ... Halbertsma's etymologiseren, zeker zoals hij te werk gaat in zijn *Aanteekeningen* van 1851 [dêr't Dibbets him yn dit artikel op rjochtet], geen aanleiding [geeft] tot de negatieve generale uitspraak van Symons ... Dank zij zijn streven, te etymologiseren volgens strakke regels en daarbij gebruik makend van zijn niet te onderschatten kennis van de Middelnederlandse woordenschat en van woorden en woordvormen uit verschillende Indogermaanse talen en taalfasen, kon Halbertsma binnen de etymologie van zijn *Aanteekeningen* tot een behoorlijk niveau reiken'.[35]

Fan Kern ôf oan Buma ta – mei útsûndering fan De Buck – wurdt klage oer it ûntbrekken fan in fêste metoade by Halbertsma. Men freget jin ôf oft dy karakterisearring troch de ferskillende auteurs de frucht is fan eigen ûndersyk of fan it neifolgjen c.q. oerskriuwen fan grutte foargongers. Itselde jildt foar de fêste grûnslach foar de etymology dy't oan Grimm taskreaun wurdt. Dat fan dy grûnslach is wol wier, mar likemin as oaren hat Grimm sels him dêr altyd oan hoden. Men docht de fertsjinsten fan Grimm as ien fan de hiel grutten út de skiednis fan de taalkunde net tekoart, as men dochs wat nuânses oanbringe wol yn de ús oerlevere Grimm-myte.

Kern en Sijmons binne hiel negatyf oer Halbertsma syn etymologyske prestaasjes. Dat feroaret by de lettere taalkundigen dy't oer dit ûnderwerp skriuwe: te begjinnen by De Buck, binne dy it deroer iens dat Halbertsma al tige ier it nije ljocht yn de taalkunde sjoen hat en dêryn syn tiidgenoaten foar is, wylst de wurdearring foar syn etymology en taalferliking fan reedlik nei goed ferskoot. Yn alle gefallen Kern, Jongsma, Buma en Dibbets meitsje dúdlik dat se konkrete etymologyen fan Halbertsma neigien hawwe: Kern, Jongsma en Buma yn it *Lexicon* en Dibbets yn Halbertsma syn *Aanteekeningen* fan 1851.

Wumkes.nl

It oardiel fan Breuker

Breuker hat yn it ramt fan syn ûndersyk nei Joast Halbertsma in pear opmerkings makke oer dy syn taalkundige ideeën en aktiviteiten. Dy binne – yn tsjinstelling ta de sitaten fan de hjirboppe oanhelle taalkundigen út ús ieu – frijwat negatyf en steane fandat mear yn de njoggentjinde-ieuske tradysje. Breuker skriuwt yn it neiwurd fan de *Rimen en Teltsjes*:

> 'Oant 1830 ta hie [Halbertsma] mei dy by útstek op taal basearre nasjonale doelstelling de tiid mei, mar dêrnei, doe't nasjonaal besef yn steatkundich nasjonalisme feroare, rûnen oaren mei it Frysk en Fryslân net safier mear wei en waard hy in man fan de âlde tiid. Nei 1830 kaam der ek in oar soarte fan histoaryske taalstúdzje op, dy't net mear basearre wie op yndielingen neffens folken, mar op lûdwetten. ... nei 1840 wie der ferlet fan in oar soarte geleardheid, dat mear spesjalisaasje frege.'[36]

Yn in stik oer Bilderdijk en Halbertsma giet Breuker fierder yn itselde spoar:

> 'Van het toepassen van klankwetten vindt men zelden voorbeelden in de vele etymologische studies van Halbertsma. Hij was ook niet goed op de hoogte van de literatuur over klankverschuiving, getuige zijn verzoek aan J.F. Firmenich eerst, en daarna aan zijn zoon Hidde toen die in 1847 in Berlijn studeerde, om 'het beste geschrift over de betrekking, waarin de Latijnsche en Grieksche talen tot de Germaansche talen, zo als Gothisch, Angelsaxisch enz., staan, met terugzicht vooral op *lautverschiebung*, verschuiving van consonanten ... Zie b.v. Grimm Gramatica I 584.' Halbertsma's belangstelling was niet primair taalkundig gericht, maar nationaal, of zo men wil cultuurhistorisch. Het ging hem om 'de denkwijze der natie.' De taal was voor hem het medium waardoor hij de ware geschiedenis van een volk kon vinden.'[37]

Breuker jout yn 1997 noch oare arguminten: it wurk fan J.H. Behrns (1803- 1883), yn it bysûnder in stik fan Behrns út 1840,[38] hat him derta brocht 'om Halbertsma als historisch-taalkundige na 1840 verouderd te noemen ... en zijn kennis van klankwetten ter discussie te stellen.'[39] Mar it feit dat Behrns yn 1840 al goed thús is yn soartgelikense literatuer, taalregels en ideeën oer taal as Halbertsma yn de jierren tritich, bewiist inkeld dat ek Behrns diel hie oan it nije ljocht, it docht neat ôf oan it feit dat Halbertsma meidie oan de nije taalkunde en himsels dêrby in foargongersrol tatocht. Op dy mienskiplike basis fan ferlykjend-histoaryske taalkunde dogge Halbertsma en Behrns sa te sjen ferskillende dingen: by Halbertsma leit it aksint op leksikografy, etymology en filologysk kommentaar, by Behrns op grammatika en lûdleare. Dat hinget faaks gear mei it gruttere ramt dêr't se taalkunde yn beoefenje: Halbertsma set de folkstaal boppe-oan, wylst it de klub Behrns-Telting-Sytstra giet om de grammatikale beoefening fan de taal 'in hare volle uitgebreidheid', dêr't it eigentiidske sprutsen Frysk noch in rest fan is. Dat soe ris neier ûndersocht wurde moatte.

Breuker konstatearret yn 1994 fierder mei rjocht dat Halbertsma grutte bewûndering foar Grimm hie, wylst er beswier hie tsjin de 'meganyske' wurkwize fan de Deenske taalkundige Rask, mar as Breuker even fierderop ornearret dat Halbertsma syn bewûndering foar Bilderdijk sa fier gie dat er him 'een groot etymologist' neamde, dan berêst dat op ferkeard lêzen fan syn boarne.[40] Dy karakteristyk slacht dêr op L.C. Valckenaer (1715-1785), de opfolger fan Hemsterhuis.

Wumkes.nl

Breuker makket yn 1993 hiel prinsipiële en fierrikkende opmerkingen sûnder dêr in boarne of in neiere argumintaasje by te jaan.[41] Yn de rige 'Fryske klassiken', dêr't de *Rimen en Teltsjes* yn útjûn binne, steane (spitigernôch) gjin fuotnoaten, mar 'nije' ideeën hiene likegoed wol even taljochte wurde kinnen, of oars bewarre foar in aparte behanneling. No komt it my wat oer it mad dat neffens Breuker feroaringen yn de taalstúdzje fan nei 1830 (yn 'e selde snuorje dat Halbertsma yn 'e kunde komt mei it nije ljocht en de dêrby hearrende 'lûdwetten' en dêr tige optein op réagearret) en de nije geleardheid fan nei 1840 meitsje dat Halbertsma in man fan de âlde tiid wurdt.

Der is my neat bekend fan in oar soarte fan histoaryske taalstúdzje om 1830 hinne as dy fan Grimm (en Halbertsma), dat it is my net dúdlik wêr't Breuker krekt op doelt as er yn it ramt fan syn ferskil tusken âld en nij Halbertsma by de âlde taalkunde ûnderbringt. Inkeld Halbertsma syn earste taalkundige publikaasje fan 1822 soe dan noch by de tiid wêze yn 'e âlde trant.[42] Dat der yn algemiene globale oersjoggen skiedingen lizze by 1830 en 1840, is mooglik, mar as Breuker dêr gelyk oan hat, dan wit ik noch altyd net hoe abrupt oft dy skiedingen binne en wêr't se krekt op slagge. Dêr kin in eventuele feroaring fan nasjonaal besef yn steatsnasjonalisme dy't Breuker postulearret, net it measte oan ôf of ta dwaan.

Sels soe ik feroaringen yn de taalstúdzje net om 1830-1840 hinne sette, mar yn de twadde helte fan de ieu. Yn 'e jierren santich komt de neogrammatyske rjochting op: dan earst komme de 'echte' lûdwetten, de 'ausnahmslose Lautgesetze', yn it plak fan de regels/'lûdwetten' à la Grimm en Halbertsma.

It oare soarte fan histoaryske taalstúdzje, dat neffens Breuker nei 1830 opkomt, soe yn Nederlânske ferhâldingen slaan moatte op de 'nije skoalle' fan M. de Vries (1820-1892) en W.J.A. Jonckbloet (1817-1885), dy't yn it taalkundige oanhingers wiene fan Jacob Grimm en syn histoarysk-ferlykjende oanpak. Mar dy jongere generaasje taalkundigen wie om 1830 hinne noch net yn aksje, dêrfoar wiene se te let berne, en Halbertsma hat yn dy tiid aardich op 'e slach past. In oare fraach is oft se letter, doe't se wol yn aksje kamen, sa folle nijs brocht ha yn ferliking mei de tritich jier âldere Halbertsma.[43]

Dy 'nije skoalle' hat him, yngeander as de 'âlde skoalle', mei útjefte en ferklearring fan Middelnederlânske teksten dwaande hoden, benammen yn de 'Vereeniging ter bevordering der oude Nederlandsche letterkunde' (1843- 1848). Dy ferlening hood – lykas de 'âlde skoalle', mar yn tsjinstelling ta de Dútske, op de klassike filology ynspirearre, 'krityske' skoalle fan Lachmann (1793-1851) en Grimm – fêst oan de diplomatyske wize fan útjaan (wêrby't de tekst fan in hânskrift sekuer werjûn wurdt), ek al gie Jonckbloet al ridlik gau syn eigen krityske wei en ek al hat dêrnei de krityske útjeftetechnyk (wêrby't besocht wurdt de 'goede tekst' fêst te stellen) it wûn.[44] As Buitenrust Hettema oan de ein fan de ieu op 'e nij de diplomatyske útjefte foarstiet, is dat wer in fernijing.[45]

Halbertsma, dy't – nettsjinsteande syn bearen oer it ferskaat yn de taal – yn syn útjefte fan de *Suwnerlinge Forhânlinge* út 1827 Gysbert Japicx syn tekst aardich normalisearre hat, brûkt yn de *Friessche Tjerne* (1840) in diplomatyske wize fan útjaan: hy wol de ferskillende staveringen fan Gysbert yn har wearde litte.[46] It ferskaat yn taalgebrûk fan de ferskillende skriuwers en dialekten is ek ien fan de argumінten dy't De Vries bybringt foar de diplomatyske en tsjin de krityske edysjemetoade.[47] De diplomatyske edysje-metoade wie dus mienskiplik foar Halbertsma en de 'Vereeniging' fan de fjirtiger jierren. De minsken fan de 'Vereeniging' ha yn

Wumkes.nl

1843 'de studie van het litteraire verleden gezien als een nationale wetenschap, als een dienstbetoon aan de Nederlandse natie.'[48] In kombinaasje fan nije filology en nasjonale motivaasje dus. Dat komt aardich oerien mei Halbertsma syn posysje, dy't al syn dagen tagelyk it Frysk en de 'lûdwetten' beoefene hat.

It nije taalkundige ljocht fan de histoarysk-ferlykjende metoade begjint yn de neerlandistyk earst goed te skinen mei De Vries syn ynaugurele rede fan 1853 yn Leien oer 'De Nederlandsche taalkunde in haren aard en hare strekking.'[49] De Vries syn learling Kluyver (1858-1938) seit dat de tinkbylden fan de histoaryske taalwittenskip yn 1849 noch net sa bekend wiene dat De Vries dêr doe yn syn ynaugurele rede yn Grins al mei oankomme koe.[50] It kin ek wêze dat De Vries (ek mei it each op it besteande klimaat yn Grins?) dêr yn 1849 de tsjinstellingen net te bot oanskerpje woe.[51]

As de omstannichheden sa west ha – en dêr liket it in soad op –, dan soe Halbertsma mei syn opteine tapassing fan de histoaryske taalwittenskip yn de jierren tritich en fjirtich op syn minst apart en nei alle gedachten sels provosearjend west ha en yn alle gefallen foarop rûn ha by de yntroduksje fan de nije ideeën. Yn dy sitewaasje soe ek goed passe de suver misjonearjende toan dy't er bytiden oanslacht oer de nije etymology.[52] Hy hie nei 1830 de nije prinsipes à la Grimm al gau-eftich tapast en syn stik oer Frysk en Angelsaksysk yn Bosworth syn boek jout yn koart bestek in oersjoch oer syn taalkundige ideeën, dy't in einhinne oerienkomme mei dy fan de nije skoalle fan De Vries letter.[53]

It liket bytiden wol as hat dy nije skoalle alhiel gjin erch yn it wurk fan Halbertsma hân, mar Halbertsma korrespondearre wol mei De Vries en yn 1846 ek mei Jonckbloet,[54] wylst W.L. van Helten (1849-1917) yn ferbân mei it troch de nije skoalle wekker makke nije libben skriuwt: 'Ook Halbertsma, de geestige beoefenaar van het Friesch, wijdt aan het Dietsch een deel zijner krachten en zendt in 1852 de resultaten van dien arbeid als aanteekeningen op de IVde Partie van den *Spiegel Historiael* in 't licht.'[55]

Yn ferbân mei it taalkundige klimaat fan dy tiid is it fierder fan belang om te konstatearjen dat de motivaasje foar de taalkunde by Halbertsma net in soad oars west hat as by Grimm. By allebeide hie de taalkunde in grutte kultuerhistoaryske komponint. Neffens Denecke leine it begjin en it haadaksint by Grimm net by de grammatika mar by de 'Altertumskunde', en hy hat him syn libben lang net allinne yn, mar ek bûten de taalkunde beweegd.[56] Op dat punt komme Grimm en Halbertsma oerien en ha se op likense foet diel oan it geastlik klimaat fan har tiid.

Wie Halbertsma min op 'e hichte mei de literatuer oer de Lautverschiebung?

Wat de 'lûdwetten' oangiet: de ynterpretaasje fan Breuker yn 1994 dat Halbertsma syn fersyk yn 1847 om literatuer oer de *Lautverschiebung* in bewiis is fan in net goed op 'e hichte wêzen mei de literatuer datoangeande, wol my min oan.[57] Dat leit op himsels al net yn 'e reden: as ik in boek keapje of nei literatuer fernim, dan is dat faker omdat ik fan in ûnderwerp en de literatuer dêroer al wat ôfwit en deryn ynteressearre bin as oarsom. Mar wy hoege it net by sokke algemienheden te litten: yn 1847 hie Halbertsma de ûnderskate dielen en printingen fan Grimm syn grammatika al aardich troch west, oan syn eksimplaren fan dy boeken en oan syn brieven te sjen; hy hie it Aldheechdútske wurdboek fan Graff, de bestrider fan Grimm syn Heechdútske lûdferskowing, yn syn bibleteek en gie yn 1836 yn op guon fan dy syn etymologyen yn it earste diel fan dat boek (1834).[58] Ut in hânskrift fan Hal-

Wumkes.nl

bertsma út 1846 docht bliken dat er doe begûn is te twiveljen oan de Heechdútske lûdferskowing[59]; in letter hânskrift (dat yn 1851 al klear lei) giet dêr djipper op yn,[60] en yn publikaasjes fan 1851 en 1867 brocht er it ûnderwerp nochris op it aljemint.[61]

Halbertsma uteret him yn 1843 optein oer 'de nieuwe ontdekkingen en grondbeginselen, volgens welke de Germaansche etymologie in het gebied der vaste wetenschappen overging'.[62] Undertusken hie Halbertsma yn 1835 en 1841 al de Germaanske en yn 1836 de Heechdútske lûdferskowing tapast.[63] Ek yn it *Lexicon Frisicum* (1874) wurdt de regel fan de lûdferskowing gauris brûkt, sa't Buma al opmurken hat.[64] Dat binne allegear dúdlike oanwizingen foar Halbertsma syn kunde oan de lûdferskowing en syn motivaasje foar taalkundich wurk as sadanich, dy't Breuker allebeide net sa heech hat.

Noaten

* Jan Noordegraaf hat my wiisd op nuttige neerlandistyske literatuer.

1. Ph.H. Breuker, 'Oer skriuwers, boek en útjeften' yn: *Bruorren Halbertsma, Rimen en Teltsjes* (Drachten 1993) 587-613. Breuker, 'De vriendschap tussen Bilderdijk en Halbertsma', *Het Bilderdijk-Museum* 11 (1994) 1-14.
2. Sjoch A. Feitsma, 'Joast Halbertsma und Jacob Grimm II: Zur wissenschaftlichen und ideologischen Auseinandersetzung über die Lautverschiebung', *Us Wurk* 46 (1997), 49-53.
3. J.H. Halbertsma, 'Inleiding' op *Aanteekeningen op het vierde deel van den Spiegel Historiael van Jacop van Maerlant* (Deventer 1851) 6, 11.
4. *Ibidem*, 18.
5. *Ibidem*, 5.
6. *Ibidem*, 4.
7. J.D. Michaelis, *Prysverhandeling over den wederkeerigen invloed van de aangenoomen begrippen onder een volk op de nationaale taal, en van de taal op de nationaale wyze van denken* [vertaling van Cornelius van Engelen] (Harlingen 1771) (Bibleteek Halbertsma, Provinsjale Biblioteek fan Fryslân).
8. Sjoch Feitsma, 'Democratie en Etymologie bij J.D. Michaelis en J.H. Halbertsma', *Taal en Tongval* 47 (1995) 116, 114.
9. Sjoch Feitsma, 'De analogy fon de Schola Hemsterhusiana en de frysisten Wassenbergh, Halbertsma en Sytstra', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 9 (1994) 91 en Feitsma 'Democratie', 115, 117.
10. Sjoch Feitsma, 'Taalkundig reisplan voor een gezelschap Hollanders. J.H. Halbertsma als taalideoloog en taalkundige', *Tijdschrift voor Nederlandse Taal- en Letterkunde* 113 (1997) 126.
11. Halbertsma, 'Inleiding', 41.
12. Halbertsma, 'De vertaling des Euangeliums van Mattheus in het Land-Friesch', *De Vrije Fries* 10 (1865) 8.
13. Halbertsma, ['Kommentaar op Hemsterhusius, Lectio publica'] yn: J.H. Halbertsma, *Letterkundige Naoogst* II (Deventer 1845) 398.
14. Lambert ten Kate, *Aenleiding tot de Kennisse van het Verhevene Deel der Nederduitsche Sprake* (2dln.; Amsterdam 1723) II, 18.
15. Halbertsma, 'Friesic. Ancient and Modern Friesic compared with Anglo- Saxon' yn: J. Bosworth, *The Origin of the Germanic and Scandinavian Languages, and Nations: with a Sketch of their Literature* (London 1836) 37.
16. Sjoch Feitsma, 'Taalkundig reisplan', 129.
17. A. Verwer, *Linguæ Belgicæ Idea Grammatica, Poetica, Rhetorica; depromta ex Adversariis Anonymi Batavi: In Usum Proximi Amici* (Amstelædami 1707) (Bibleteek Halbertsma, Provinsjale Biblioteek fan Fryslân) 54, 83, 82; ek yn Verwer, *Schets van de Nederlandse taal. Grammatica, poëtica en retorica*. Naar de editie van E. van Driel vertaald door J.

Wumkes.nl

Knol. Met een fotomechanische herdruk van Anonymus Batavus Idea Linguae Belgicae grammatica, poetica et rhetorica bezorgd door Everhardus van Driel, Leiden 1783 (Amsterdam/Münster 1996) 86, 130, 127.
18. Verwer, *Brief aen den Heere Adriaen Reland, professor der Oostersche talen in de Academie tot Utregt, vanden Schryver der Linguae Belgicae Idea Grammatica* (Utrecht 1709), 17; ek yn D. van Hoogstraten, *Lyst der gebruikelykste zelfstandige naemwoorden, betekent door hunne geslachten* (Amsterdam 1723).
19. Sjoch Feitsma, 'Taalkundig reisplan', 126-129.
20. Sjoch Feitsma, 'Joast Halbertsma', 54-56 en Feitsma, 'Taalkundig reisplan', 132.
21. Sjoch Feitsma, 'De eerste taalkundige publicatie van Joast Halbertsma (1822)' yn: *Taal in tijd en ruimte* (Leiden 1997) 143-152.
22. H. Kern, '[resinsje fan] Lexicon A-Feer', *De Taal- en Letterbode* V (1874), 82-84.
23. Halbertsma, *Lexicon Frisicum. A-Feer* (Hagæ Comitis 1874, Ex Typographeo Jani de Lange Daventriensis) (Sûnder útjouwer en sûnder jier [1872]. Ek 1876).
24. H.T.J. Miedema, *Paedwizers fan de Fryske Filology* (Ljouwert/Leeuwarden 1961), 47.
25. J. Huizinga, 'Kern en de taalwetenschap', *Pallas Leidensis* MCMXXV (Leiden 1925) 95; ek yn: Huizinga, *Verzamelde werken* (9 dln.; Haarlem 1948-1953) VIII, 371.
26. B. Sijmons (ed.). 'Briefwechsel zwischen Jacob Grimm und J.H. Halbertsma', *Zeitschrift für deutsche Philologie* XVII (1885) 259.
27. L. Denecke, *Jacob Grimm und sein Bruder Wilhelm* (Stuttgart 1971) 5.
28. Ms. Staatsbibliothek Berlin: Preussischer Kulturbesitz, Grimm-Schrank 1098 (1-3) en Nachl. Grimm 336, Bl. 3-4.
29. H. de Buck, *De studie van het Middelnederlandsch tot in het midden der negentiende eeuw* (Den Haag 1931) 206, 199, 204.
30. P.A. Jongsma, *Dr. J.H. Halbertsma, een bijdrage tot de kennis van zijn persoon, zijn denkbeelden en zijn arbeid* (Sneek 1933) 50, 90, 96.
31. J.H. Brouwer, *Joost Hiddes Halbertsma Fries taalkundige (1789-1869)* (Assen 1941) 23, 11.
32. J.J. Kalma (ed.), 'Briefwisseling J.H. Halbertsma - L.C. Luzac (1843-'47)', *De Vrije Fries* 48 (1968) 138-155; sjoch Feitsma, 'De analogy', 82-83.
33. W.J. Buma, 'Priuwke fan in Frysk ôfliedkundich wurdboek', *Us Wurk* 18 (1969) 1.
34. Buma, 'Dr. J.H. Halbertsma as wurdboekman' yn: *Joast Hiddes Halbertsma 1789-1869. Brekker en bouwer* (Drachten 1969) 105.
35. G.R.W. Dibbets, 'Etymologie en Filologie' yn: A. Moerdijk e.a. (eds.), *Honderd jaar etymologisch woordenboek van het Nederlands* ('s-Gravenhage 1990) 256-257.
36. Breuker, 'Oer skriuwers', 589-590.
37. Breuker, 'De vriendschap', 7.
38. Breuker, 'Een schets van J.H. Behrns (1803-1883) als taalkundige omstreeks 1840 yn: *Taal in tijd en ruimte* (Leiden 1997) 153-161; J.H. Behrns, 'Over de Twenthsche vocalen en klankwijzigingen', *Taalkundig magazijn* 3 (1840) 329-390.
39. Breuker, 'Een schets' 153.
40. Breuker, 'De vriendschap', 7.
41. Breuker, 'Oer skriuwers', 589-590.
42. Halbertsma, 'Ontwikkeling der gronden van mijn gevoelen nopens een paar regels uit Giisbert Japiks, voorkomende in eene redevoering van den hooggeleerden R. Koopmans over dien dichter', *Vaderlandsche Letteroefeningen*. Tweede Stuk voor 1822. Mengelwerk, 526-534; 582-593; 625-633.
43. Ferlykje De Buck, *De studie*, 199.
44. Sjoch G. Karsten, *Honderd jaar Nederlandse Philologie. M. de Vries en zijn school* (Leiden 1949) 68; W.P. Gerritsen, 'De lust voor dezen studietak. De medioneerlandicus en zijn publiek' yn: F.P. van Oostrom e.a. (eds.), *Misselike tonghe. De Middelnederlandse letterkunde in interdisciplinair verband* (Amsterdam 1991) 180; D. Colenbrander, 'Vereeniging ter bevordering der oude Nederlandsche Letterkunde' yn: M.M.H. Bax e.a. (eds.), *Wie veel leest heeft veel te verantwoorden ... Opstellen over filologie en historische letterkunde aangeboden aan prof. dr. F. Lulofs* (Groningen 1980) 226-228.
45. Sjoch Feitsma, *Oud en nieuw in de frisistiek* (Ljouwert/Leeuwarden 1993), 13.

Wumkes.nl

46. Halbertsma, 'Excellent discours de la vie et de la mort / Ien suwnerlinge forhânlinge fen it libben in fenn'e deade' yn: J.H. Halbertsma, *Hulde aan Gysbert Japiks II* (Leeuwarden 1827) 1-125; Halbertsma, 'Gysbert Japix' yn: J.H. Halbertsma, *Letterkundige Naoogst* I (Deventer 1840) 96-298; 131, ferlykje Halbertsma, 'Friesic', 35 ff.
47. Sjoch Karsten, *Honderd jaar*, 74-75; E. van Boven, 'Lulofs en Siegenbeek contra Jonckbloet en De Vries een wedstrijd in 'scholen'?' yn: M.M.H. Bax e.a. (eds.), *Wie veel leest heeft veel te verantwoorden ... Opstellen over filologie en historische letterkunde aangeboden aan prof. dr. F. Lulofs* (Groningen 1980) 206.
48. Gerritsen, 'De lust', 182.
49. M. de Vries, *De Nederlandsche taalkunde in haren aard en hare strekking* (Haarlem 1853).
50. A. Kluyver, *Eenheid en verscheidenheid in de taal* (Leiden 1911) 1; cf. Kluyver, 'Levensbericht van Matthias de Vries', *Levensberichten der afgestorven medeleden van de Maatschappij der Nederlandsche Letterkunde* (Leiden 1893) 70, ek yn: Kluyver, *Verspreide Opstellen* (Groningen/ Den Haag 1929), 24.
51. J. Huizinga, 'Geschiedenis der universiteit gedurende de derde eeuw van haar bestaan 1814-1914' yn: *Academia Groningana MDCXIV-MCMXIV* (Groningen 1914) 167, ek yn Huizinga, *Verzamelde werken* VIII, 251.
52. Sjoch bygelyks Halbertsma, 'Brief aan den Weledelen Heere Willem de Clercq, lid van het Koninkl. Nederl. Instituut', *De Gids* VII 2 (1843) 469.
53. Halbertsma, 'Friesic'.
54. Ferlykje Gerritsen, 'De lust', 171-172.
55. W.L. van Helten, *Bijdrage tot een pragmatische Geschiedenis der Vaderlandsche-Taalstudie in Nederland* (Groningen 1882) 32.
56. Denecke, *Jacob Grimm*, 87.
57. Breuker, 'De vriendschap', 7. It fersyk wie rjochte oan Halbertsma syn soan Hidde, dy't doe yn Berlyn studearre, 20 maart 1847; FLMD, argyf Halbertsma-stichting 4a, Brievenboek 6, 18.
58. E.G. Graff, *Althochdeutscher Sprachschatz oder Wörterbuch der althochdeutschen Sprache ... etymologisch und grammatisch bearbeitet.* Erster, Zweiter und Dritter Theil (Berlin 1834, 1836, 1837) (Bibleteek Halbertsma, Provinsjale Biblioteek fan Fryslân); Halbertsma, 'Woordenboekje van het Overijsselsch. Proeve', *Overijsselsche Almanak voor oudheid en letteren* I (1836), 184-256.
59. J.H. Halbertsma, *Reis van Dr. J.H. Halbertsma in September en October 1846 na Frankfurt aan de Mein ter bijwoning der Germanisten- Versammlung* (Provinsjale Bbiblioteek fan Fryslân 288 hs.) 72; ek yn: J.J. Kalma, *'Kent gij Halbertsma van Deventer?' In tal net útjowne hânskriften fan Dr. J.H. Halbertsma* (Drachten 1969) 126.
60. J.H. Halbertsma, 'Ontaarding van het gehoor der Duitschers ten opzichte van het onderscheid van tenues, mediæ en aspiratæ' (1852), Provinsjale Biblioteek fan Fryslân, 108 hs.
61. Halbertsma, 'Inleiding', 71-73; Halbertsma, 'Over de uitspraak van het Landfriesch', *De Taalgids* IX (1867) 3.
62. Halbertsma, 'Brief', 469.
63. Halbertsma, 'De overblijfselen der Gothische taal, zoo verre zij tegenwoordig bekend zijn', *Vaderlandsche Letteroefeningen* (1835) II 178; Halbertsma, 'Avoort; een grenspunt tusschen de marken Notter en Noetzele', *Overijsselsche almanak voor oudheid en letteren* VI (1841) 3; Halbertsma, 'Friesic', 43.
64. Buma, 'Dr. J.H. Halbertsma', 105.

Wumkes.nl

Wumkes.nl

Feitsma fan replyk tsjinne oer Halbertsma

Ph.H. Breuker

Hoewol't ik lid fan de redaksje fan *De vrije Fries* bin, ha ik as partij fansels net dielnimme wollen oan it redaksjewurk foar boppesteand stik. Wol foldoch ik graach oan it fersyk fan de kollega-redakteuren om in neiskrift te skriuwen.

Feitsma har stik hat in lange skiednis. It begjin leit, sa docht wol bliken, yn myn útlieding op de *Rimen en Teltsjes* (1993), en grif hat ek it stik yn *De Pompeblêden* (1994/5), dat sy yn typoskript al koe, har reden jûn om my ta ynset fan in wittenskiplik artikel te meitsjen. De earste ferzy stjoerde se my mear as twa jier lyn in kopy fan. Se hie it doe oanbean oan de redaksje fan *It Beaken*. By dat stik ferlike is de ferzy dy't hjir no publisearre wurdt, gâns mylder wurden. Wat lykwols amper feroare is, is de titel, en dochs dekt dy de lading net. De line fan it betooch is in analyze fan myn betrouberheid as wittenskipper bleaun.

De titel is ek yn in oar opsicht net to the point. It stik giet net oer etymology, mar oer kennis en tapassing fan lûdregels, soe dêr alteast oer gean moatte. Dat hat it ek west wat ik oan de oarder steld ha, neat mear en neat minder. Dy lykje my in goed middel om Halbertsma syn plak yn de nije taalwittenskip te bepalen. It gong my net om syn taalkundige fertsjinsten.

Ik sil fierder net yngean op dingen dy't sûnder taljochting ek wol as ûnlogysk of ûnsaaklik te werkennen binne, mar my bepale ta in reaksje op de taalkundige kant fan de saak. Wêr't ik noch al op wize wol, is in ferskil yn oanpak tusken har en my. Sy redenearret oer de tiid hinne, ik sil altyd begjinne mei de fraach: wêrom barde dat doe?, mei oare wurden, ik set in stúdzje yn it ramt fan syn tiid fan ûntstean. Dêrom hie ik ek leaver hân dat Feitsma it hân hie oer Behrns, en net lykas no oer Verwer en Ten Kate. Behrns komt se no allinnich even op troch myn resinte stúdzje oer him. Dat it Behrns mear as Halbertsma om grammatikale stúdzje gong, sa't sy nei foaren bringt, is no krekt wat ik altyd tocht ha.

As Feitsma har stik oer etymology gongen hie, dan hie ik har graach nochris wiisd op Halbertsma syn behanneling fan Ned. 'zoo' en 'zulk' yn de *Aanteekeningen* (1851; bls. 469-470), sa't ik dat mûnling ek al dien ha. Dy behanneling liket my yllustratyf foar Halbertsma syn oanpak. Fia de betsjutting stelt hy ferlykjend mei oare wurden fêst dat de 'z/s' yn dy wurden al 'in de vroegste tijden' wiksele mei 't' of 'd.' Dat is in wize fan redenearjen dy't Rask en Grimm no krekt ûnmooglik makke hawwe. Dat hie ik yn 'e holle doe't ik yn myn publikaasjes fan 1993 en 1994 de fraach oan de oarder stelde yn hoefier't Halbertsma niget hie oan de nije taalkunde, sa't dy mei Rask en Grimm yn de jierren tweintich foarme wie en sûnt yn de jierren tritich in hege flecht nommen hie, en ek, yn hoefier't er him dêr sels yn ferdjippe. It wie my opfallen hoe'n bytsje oft er by syn etymologisearjen wurke mei lûdwetten en -regels. Feitsma hat ûnderwilens in oersjoch jûn fan plakken wêr't er dat wol docht, mar dat blike ek wier net safolle te wêzen.

Mar it is net allinnich de titel dy't net to the point is. Yn de kwestje dêr't it hjir om giet, sil in taalhistoarikus, dy't goed thús is yn de histoaryske taalkunde, útkomst bringe moatte. It giet net om oardielen fan oaren of algemiene útspraken fan Halbertsma sels, it giet om in analyze fan syn wize fan wurkjen, en dy is oant no ta net makke.

Wumkes.nl

Ofb. 1. J.H. Behrns (1861; foto: Provinsjale Biblioteek fan Fryslân)

It wie my al lang opfallen hoe't wakker pocht waard oer Halbertsma syn kennis fan lûdregels en -wetten, mar dat gjin arguminten jûn waarden om dat oardiel oannimlik te meitsjen. Ik hie my net yn it *ûnderwerp ferdjippe*, dat ik koe allinnich mar de oardielen fan Fryske auteurs. Oars waard dat doe't Dibbets yn 1990 ek al fiergeande útspraken oer Halbertsma's kennis en tapassing fan lûdregels *die*, ek sûnder dat er dy wiermakke. Sa't út de stikken sels ek wol bliken docht, hat it stik fan Dibbets foar my dan ek de oanlieding west om yn 1993 yn de werútjefte fan de *Rimen en Teltsjes en yn myn lêzing* foar de Bilderdijkferiening Halbertsma's plak yn de nije taalwittenskip te problematisearjen.

No steane by Feitsma dy oardielen (alteast de measten) moai op in rychje. Oars as har bliuw ik fan miening dat de Friezen op Buma yn syn *Priuwke* nei, de saak amper of net ûndersocht hawwe, en har yn dizige *neiskriuwerij* ferbergje. Oan de my yndertiid ûnbekende oardielen fan Kern en oare njoggentjinde-ieuwers dy't sy ek opneamt, hechtsje ik gâns mear wearde. Ik mis yn it rychje de oardielen út de *tiid fan Halbertsma* sels. Soenen de *Aanteekeningen* op Maerlant bygelyks net besprutsen wêze? Ik mis ek in reaksje op myn al lang mûnling oan har diene meidieling dat Halbertsma's posysje foar de jongere generaasje oer ferdúdlike wurde kin

Wumkes.nl

mei in stik oer ferlytsingswurden fan Matthias de Vries yn de *Verslagen en Mededeelingen der KAvW* (ôfd. Letterkunde III, 1858).

Ik mis ek lykwichtichheid yn de werjefte fan it oardiel fan De Buck (1931). Ik sitearje wat dy ynstimmend fan Eekhoff oanhellet as it tekoart fan Halbertsma: "t Was, dat hij soms verzuimde kennis te nemen van hetgeen er over zijne studievakken door anderen was en werd geschreven. Zoo gaf hij bv. in den Maerlant (1851) verklaringen van woorden of uitdrukkingen, die reeds sedert 1844 in de Werken der vereeniging ter bevordering van Oude Nederl. Letterkunde verklaard en toegelicht waren.' De Buck heakket dêroan ta dat de jongerein lyk om lyk mei him docht: 'Het lijvige boekdeel van de bovengenoemde Aanteekeningen op het vierde deel van den Spiegel historiael [fan Maerlant], dat in 1851 verscheen, is door De Vries, in zijn Inleiding op de nieuwe uitgave [1858/1863], maar terloops en eenigszins uit de hoogte besproken, eigenlijk alleen om er enkele aanmerkingen op te maken. Zijn voornaamste waren, dat Halbertsma niet altijd voldoende critiek op door het handschrift overgeleverde woordvormen had toegepast en zijn betekenisverklaringen nog te dikwijls stonden onder den bedriegelijken invloed der thans levende taalvormen.'

Oant safier wat myn yndruk fan it oardiel fan tiidgenoaten en oaren wie. Ik fûn lykwols it byld dat Tony Feitsma fan Halbertsma as taalkundige joech, yn oar opsicht al langer problematysk. Dêr siet my te min ferliking mei de stân fan de wittenskip fan syn tiid yn. It wie net wier dat hy allinnich foar de folkstaal opkaam, sels net yn Fryslân. Dat dienen ek Behrns, en de bûtenfries Bruining. Ik hie my dan ek fuort by ferskinen (ik leau, ek al by it hearren) fernuvere oer it beslút fan har breed opsette stúdzje nei de Fryske taalideology yn it begjin fan de njoggentjinde ieu, dy't publisearre waard yn *Philologia Frisica anno 1978*. Dêr hjit it: 'De iennichste dy't, yn oerienstimming mei de geast fan de Romantyk, tsjin de bisteande regels fan de hearskjende klassen yngiet, de iennichste révolusjonair yn dit selskip, is Joast Halbertsma.' Oer Bruining syn ideeën ha ik yn 1980 yn in lêzing foar it Nederlands Filologencongres in opmerking makke (dy lêzing is publisearre yn de *Handelingen* (1981) en mei noaten yn *It Beaken*, 1990), wylst ik koartby yn de huldebondel foar Van Bree (1997) yngeand omtinken jûn ha oan it foaroansteande plak dat de oant dan ta amper ûndersochte Frjentsjerter Behrns al sûnt 1836 yn de moderne histoaryske taalwittenskip fan syn tiid ynnommen hat. It wachtsjen wie wier net op de Neogrammatici, sa't Feitsma mient as se de ûntjouwing fan de histoaryske taalwittenskip sketst. Halbertsma wie al yn 1840 passearre troch Behrns.

Yn de lêzing út 1980 hie ik ek 1830 as in jier fan feroarjen yn it tinken oer nasjonalisme nei foaren brocht en de gefolgen foar de wurdearring foar Fryslân en it Frysk sinjalearre. De wat isolearre posysje fan Joast Halbertsma binnen de Nederlânske ferhâldingen fan neitiid, sa't ik mien dat dy west hat, ferklearje ik foar in belangryk part út syn fêsthâlden oan de politike en maatskiplike opfettingen fan foar 1830. Dat ha ik yn de troch Feitsma oanhelle stikken nei foaren brocht, en neier útwurke yn it stik yn it al oantsjutte stik yn *De Pompeblêden,* 'Nasjonaal-Fryske aspekten fan de Fryske skiednis oant 1900'. Yn dat stik lis ik ferbân tusken de ideeën fan Halbertma en syn freon, de Utrechtse platonist Ph.W. van Heusde (1778-1839), en wiis ik as har mienskiplike ynspiraasjeboarnen Hemsterhuis en Valckenaer oan. Yn it kommentaar by de tsiende útjefte fan de *Rimen en Teltsjes* (1993) hie 'k har nammen ek al neamd. Feitsma har ûndersyk hat letter de krektens fan dy waarnimming befestige.

In oar foarbyld fan ien dy't him op Van Heusde oriïntearre is L.Ph.C. van den Bergh (1805-1887), en dy koe dêrom neffens De Buck nei 1840 de ûntjouwingen

Wumkes.nl

op filologysk gebiet net mear byhâlde (sjoch myn stik oer it *Oera Linda Boek* yn *It Beaken* 1997). Halbertsma hat wol fan him. Op ûnderskate gebieten fan benammen de folkskunde (ien fan de mêden ek fan Van den Bergh) ha ik Halbertsma syn posysje beljochte yn it ynliedende haadstik 'Beelden' dat ik tegearre mei Antheun Janse skreaun ha by it boek *Negen eeuwen Friesland-Holland*, dat al ferskynd is as dit stik útkomt. Dêr komt goed yn út hoe't Halbertsma mei syn oanstriid ta spekulatyf tinken hieltyd wer feiten negearret of sterk kleuret.

Foar neiere ynformaasje oer myn opfettingen ferwiis ik nei de publikaasjes dy't ik hjir neamd ha. Mocht ik wer ris in fraach oer Halbertsma stelle wolle, dan sil ik dat dwaan. In eventuele fuortsetting fan de diskusje fan de kant fan Feitsma oer myn wittenskiplikheid sil ik lykwols net op yn gean. Dat liket my gjin fruchtber tema ta foar de saak dêr't it hjir om giet.

Wumkes.nl

Panorama fan Fryslân

Fryske Kultuer

Geart de Vries

Is der yn Fryslân wol genôch kulturele ambysje? Dy fraach waard yn 1996 nochal ris nei foaren brocht en guon kulturele saakkundigen woene ha dat sawol de provinsje as de Fryske haadstêd yn alle gefallen wol wat mear lef toane koene as it giet om in oansprekkend kultuerbelied. Nim bygelyks it advys dat de 'Raad voor Cultuur' yn maaie oan steatssekretaris Nuis fan Underwiis, Kultuer en Wittenskippen (UKW) útbrocht. Dêrút die bliken dat fan de 58 miljoen gûne ekstra dy't lanlik foar kultuer bepleite waard, de Fryske kulturele ynstellings amper wat te ferwachtsjen hiene. En dat hie neffens kritikasters benammen te krijen mei it kultuerbelied fan haadplak en provinsje dat te min útstrieling fertoant. Selskippen en festivals yn oare provinsjes kamen der in stik better foarwei. De stêd Ljouwert seach sels net iens de mooglikheid om har kultuerbelied foar de kommende jierren yn in nota fêst te lizzen, om't der gjin jild fûn wurde koe om sa'n ferhaal fatsoenlik op papier te setten.

Nettsjinsteande dat ûnderstelde tekoart oan fisy waarden der troch dyselde provinsje yn 1996 wol deeglik grutte plannen nei foaren brocht foar in grut feest yn 1998. 'Fryslân 500' – it bestean fan 500 jier sintraal gesach – moat yn dat jier grutskalich fierd wurde. Net elkenien rint sa waarm foar de festiviteiten as kommissaris Loek Hermans, foarsitter fan it feestkomitee. Want, sa fregen hiel wat kritisy har ôf, hoe kin der in grut feest fierd wurde mei in jier as útgongspunt dat foar Fryslân yn hiel wat opsichten net sa feestlik wie. It soe better wêze om it jier 2000 oan te gripen foar in grutte feestlike manifestaasje yn Fryslân dy't net fan boppen oplein wurdt, mar fan ûnder op komt. 'Simmer 2000' moat yn kombinaasje mei it Frysk Festival fan dat jier tsientûzenen Friezen om utens nei it Heitelân ta bringe. Ien grutte reüny dêr't alle doarpen oan meiwurkje en dy't opset wurdt troch in grutte kliber frijwilligers. Sa'n feest – ek mei in protte kultuer – soe better kâns fan slagjen hawwe.

Der wiene lykwols yn 1996 wol wer genôch kulturele uteringen yn Fryslân dy't yn alle gefallen no al slagge neamd wurde kinne.

Teater en muzyk

In man as Joop Mulder fan Skylge bygelyks wit al jierren it grutste kulturele barren fan Fryslân op poaten te hâlden en ek yn 1996 bleau it Oerol-festival in festival fol ferrassingen. De 40.000 besikers hiene diskear de opjefte om navigearjend harren paad te finen troch it festival dat dizze kear as tema hie 'Het magnetisme van de noordpool'. De 750 artysten makken fan it waadeilân wer ien grut poadium, ek al wie it dit jier fanwegen it jild wat lytsskaliger as oars. Yn de takomst kin it wer grutter fan opset wurde: de steatssekretaris fan Kultuer beleanne safolle ambysje mei de tasizzing om de kommende jierren oardel ton yn 't jier beskikber te stellen.

Ljouwert mocht dan wachtsje op in kultuernota, de poadiumkeunstners lutsen mear besikers as ea. It tal besikers de foarstelling fan stedsskouboarch 'De

Wumkes.nl

Harmonie' groeide sels it sterkst fan hiel Nederlân. Benammen hie 'De Harmonie' nochal wat súkses om ek de jongerein yn it teater te krijen. Dêrom wie 't teloarstellend dat de ambisjeuze teaterdirekteur Gerard Tonen yn novimber bekend makke dat er nei Enschede ta gie om't dêr sa'n ryk kultureel libben wêze soe 'waar veel budget voor is'. It die bliken dat it lêste foargoed ôffoel en Tonen kaam begjin april 1997 nei in moanne echt yn funksje west te hawwen yn Twinte, al wer werom nei Ljouwert.

'De Harmonie' wie ek ien fan de inisjatyfnimmers om Ljouwert in stêd foar dûns yn it noarden wurde te litten. Nei it beslút fan steatssekretaris Nuis om de subsydzje foar it Grinzer selskip 'Reflex' stop te setten, like it Ljouwert wol wat ta om hjir in produksjekearn yn it libben te roppen. It útstel levere benammen in protte argewaasje fan de stêd Grins op.

'Amicitia' yn Snits drige as teater te ferdwinen. De ferliezen rûnen te heech op; de foarstellingen lutsen al jierrenlang te min besikers. It Snitser gemeentebestjoer sei in lytse seis ton ta om it teater foarearst oerein te hâlden.

Beropstoanielselskip 'Tryater' brocht in tal súksesfolle produksjes. 'Matilde' nei it boek fan Roald Dahl wie in grut súkses by de jeugd; it projekt 'Twa' dat oan board spile waard fan 'De Verwondering' troch Klaasje Postma en Jan Arendz wie in grutte publykslûker en 'Hamlet' fan Shakespeare waard brocht as teaterspektakel. De ambysjes dy't it selskip fan artistyk lieder Jos Thie hat, waarden beleanne mei ien ton mear yn 't jier fan de steatssekretaris, foar ûnder oaren de ynset fan gastakteurs om sa de 'metaalmoeheid' tefoaren te kommen.

De iepenloftspullen lykje fan dat lêste alhiel noch gjin lêst te hawwen. Yn Jorwert – dêr't fan 't jier 'In Sinterske opera' spile waard nei Brecht syn 'Dreigroschenoper' – wiene yn twa dagen al 7700 kaartsjes ferkocht. It ferhaal fan de bidlers en dieven yn Soho brocht wer hiel wat spektakel yn de notaristún. Der wie fan 't jier foar 't earst sûnt jierren wer in iepenloftspul yn Rys: in muzykfoarstelling yn de teatertún fan arsjitekt Bart van der Wal. En yn Friens die sawat de helte fan it doarp mei oan 'pretinsjeleas simmerfermeits' mei de opfiering fan in histoarysk stik. Yn Menameradiel waard in stik fan de Nederlânske skriuwer Wim de Knegt spile. Burgum brocht 'Romulus de Grutte' fan Friedrich Dürrenmatt en Opsterlân makke in sjongspul fan it bêst ferkochte Frysktalige boek fan nei de oarloch 'Durk Snoad' fan Rink van der Velde.

In oar ferneamd en poerbêst ferkocht Frysk boek waard ferfilme en benammen yn doarpshuzen en -sealen mei in bulte súkses fertoand. Steven de Jong regissearre en spile sels – en mei him ûnder oaren Rense Westra – yn 'De gouden swipe' nei it boek fan Abe Brouwer.

De meast teatrale popgroep fan Fryslân, 'Reboelje', brocht de multy-mediale foarstelling 'De Brulloft' dy't tolve kear opfierd waard yn útferkochte sealen. Multidissiplinêr wie ek in hiel bysûndere foarstelling dy't yn septimber oan de waadkust by 'Zwarte Haan' brocht waard: 'De Waddennacht' dêr't ferskate groepen en solisten oan meidiene.

En fansels wiene der de alle jierren weromkommende muzikale barrens dêr't elk dy't sjongt of spilet yn Fryslân him of har manifestearje koe. De 16de Nederlânske brassband-kampioenskippen, ein novimber yn Sutfen, wiene wer in hast folslein Fryske oangelegenheid. 'De Bazuin' fan Oentsjerk soarge foar in steande ovaasje en waard earste foar 'De Wâldsang' fan Bûtenpost en 'Soli Deo Gloria' fan Ljouwert.

Liet '96 waard wûn troch de Grinzer popgroep mei Friezen om utens 'Some like it not'. Sy brochten it nûmer 'Te deun' dêr't ôfrekkene waard mei de steile, wat

Wumkes.nl

stive kanten fan Fryslân en dêr't in bea yn troch klonk... om wat mear ambysje:

> Fryslân, do bist sa'n deune frijer
> Ja do bist goed en bêst, mar do wynst my net op
> Ik wol bûnter, ik wol gekker, ik wol nijer!
> Begrypst der wier gjin donder fan, myn âlde pop.

Popfestivals wiene der by de rûs: Aaipop dat al tsien jier in tradysje hat fan súksesfolle Frysktalige popmuzyk en in protte bier, fierde har jubileum yn in grôtfolle 'De Mande' yn Nijlân. Der ferskynde in hiel nijsgjirrige dûbel CD fan de muzyk dy't hjir yn dy tsien jier nei foaren brocht is. Fan de Frysktalige CD's dy't der fierders dit jier útkamen moatte twa neamd wurde: Piter Wilkens, dy't yn 1996 as beropsmuzikant út ein sette, presintearre op in jûn dêr't sawat de hiele Fryske popmuzykwrâld oan meidie, syn CD 'Timmermantsjoender'. En Leny Dijkstra-de Vries koe begjin novimber har earste CD mei de moaiste lietsjes fan de ôfrûne 20 jier presintearje. 'Mei alle leafde' waard oanbean oan steatssekretaris Nuis.

De Fryske Anjer 1996 wie foar dûnsgroep 'Duende' en dan yn it bysûnder foar koreografe en artistyk liedster Grietine Molenbuur dy't hieltyd wer mei faak beheinde middels, mar mei grutte fêsthâldendheid, ta in eigentiidske werjefte fan moderne dûns yn Fryslân wit te kommen.

De earste Jan Jansz. Starterprijs fan de stêd Ljouwert, ornearre foar ynstellings dy't wat bysûnders dien ha op it mêd fan de poadiumkeunsten of film, wie foar de jeugdteaterskoalle ûnder lieding fan Hilde Mulder.

Musea en byldzjende keunst

Sa stadichoan like de grutte ferbouwing fan it Fries Museum klear te kommen. Yn 1996 waard in permaninte útstalling ynrjochte oer de meast ferneamde dochter fan Ljouwert, Margaretha Zelle. Twa plakboeken mei knipsels út de karrière fan de dûnseres en as spionne fusillearre Mata Hari, tsjinnen foar de keunstners Tilly Buij en Gerard Groenewoud basismateriaal foar in museumke yn in museum. De ferwachting is dat der nochal wat publyk op ôf komme sil en dat is foar it Fries Museum as gehiel dan ek wer moai meinommen.

As it museum ôfgryslik wiis wêze moat mei de grutte kolleksje ynternasjonale grafyk dy't se kado krige fan de samlers Tijen en Hellen Knecht- Drenth is net alhiel dúdlik. Moai fansels dy 4052 printen mei in wearde fan twa miljoen gûne, mar de rynske grafyksamlers stelden nochal wat betingsten by de oerdracht en op termyn kin sa'n kolleksje in twangbuis wurde foar in konservator dy't in eigen belied ûntwikkelje moat foar de moderne keunst yn in fernijd museum. Dat nije belied sil yn alle gefallen net mear ûnder it bewâld fan direkteur Rik Vos ûntwikkele wurde, want hy waard mei yngong fan 1 novimber beneamd ta direkteur fan it 'Nederlands Instituut voor Cultuurbehoud' yn Amsterdam. Lykas it – tydlike – fertrek fan Gerard Tonen fan 'De Harmonie' kaam Vos syn oankundiging nochal as in ferrassing. Under him kaam de yntegraasje mei it Verzetsmuseum ta stân, waard de romte fan it Fries Museum nochal útwreide (De Kânselarij) en waard der wurke oan efterstallich ûnderhâld fan de kolleksje. Mar dochs is der, no't it museumgebou fernijd is, in bulte lizzen bleaun as jo sjogge nei fernijend belied – wat moat it Fries Museum no krekt wêze, bygelyks op it mêd fan moderne keunst. Ek sil de yn 1996 oankundige fúzjy op termyn mei it Ljouwerter museum It Princessehof syn beslach krije moatte ûnder in nije direkteur. In ûndersyk nei dy fúzje waard dien om te sjen oft dêrmei ekstra besikers en mear sponsors te heljen binne foar beide musea.

Wumkes.nl

Nijsgjirrige eksposysjes wiene der yn de Fryske musea genôch, mar foar in tal opfallende eksposysjes fan Fryske keunstners moast men yn 1996 bûten Ljouwert (en Fryslân) wêze. Yn it Van Gogh Museum yn Amsterdam wie in grutte oersjoch-útstalling fan de yn Dronryp berne 19de ieuske Sir Lawrence Alma Tadema, yn syn tiid ien fan de ferneamdste en bêst betelle skilders. Sûnt de jierren santich is der wer in tanimmende belangstelling foar syn libben en benammen wurken.

Yn it Singer Museum yn Laren wie der in yndrukwekkende oersjoch-eksposysje fan Sjoerd de Vries ('het naakt, het landschap, het portret') dêr't de minsken yn it westen fan it lân fannijs yn 'e kunde komme koene mei De Vries syn keunstwurken. Sjoerd de Vries wie fierders yn it nijs as oprjochter fan in twadde Vrije Akademie, yn Dokkum diskear en as ûnderdiel fan de stichting Kalamiteit fan Ramon van de Werken.

Beetstersweach waard hieltyd mear in echt sintrum foar byldzjende keunst. Yn koarte tiid kamen der trije galerys; njonken de Ooggetuige en galery Hellinga waard yn it âld gemeentehûs fan Opsterlân keunstromte Wagemans iepene dêr't keunst brocht wurdt fan ynternasjonale alluere.

Aiko van Hulsen, sûnt de jierren fyftich de bekendste galeryhâlder fan Ljouwert, kundige oan dat er der sels om reden fan sûnens mei ophâlde woe. Syn galery wurdt ûnder de namme 'Kunstzaal' tenei troch in stichting eksploitearre yn gear-wurking mei teater Romein.

De grutste publykslûker ûnder de Fryske musea bleau it 'Jopie Huisman Museum' yn Warkum. Dat museum fierde syn tsien jierrich jubileum en it die bliken dat der noch altyd in wachtlist bestiet foar de groep frijwilligers dy't de baly en it fierdere museum beminskje.

It 'Fries Scheepvaartmuseum' yn Snits krige trije ton tasein foar in grutte ferbouwing.

Museum 'Willem van Haren' op It Hearrenfean sil útwreide wurde mei it 'Domela Nieuwenhuis Museum' dat hjir nei alle gedachten better syn gerak krije sil as yn Amsterdam dêr't it oant no ûnderbrocht wie.

Ta beslút

1996 wie it jier fan it ferstjerren fan de fotograaf-dichter Johannes Doedes de Jong. Hy waard 83 jier en hy fotografearre net allinne foar it 'Fries Landbouwblad', de 'Friese Koerier' en de 'Leeuwarder Courant', mar hy makke ek de earste Fryske spylfilm 'Kar út twa' (1937). Letter makke er films oer farren en silen yn Fryslân en oer de yndustrialisaasje yn de Wâlden.

Klaas Westra ferstoar ein augustus. Dizze 'lêste Fryske humorist' (Pieter de Groot) sette typen op it toaniel del dy't út it Fryske, meast agraryske libben fan syn tiid, helle wiene. Hy stie mear as in heale ieu op de planken mei ûnder oaren Tetman en Jarich de Vries en letter ek noch mei Leny (Dijkstra)-de Vries.

Wumkes.nl

Fryske taal- en letterkunde

Tineke Steenmeijer-Wielenga

Oanrin

'Nei it feest' hie de redaksje fan it *Frysk Skriuwers-kalinderboek* de dichters en prozaïsten as tema meijûn foar it jier 1996 en dat wie yn al syn dûbelsinnigens in passend motto. De feesten om de 50ste befrijingsdei hinne leine efter ús (al dripke it noch wat nei mei de boeken en boekjes oer oarloch, ferset en finzenskip), it Frysk Festival 1995 wie oan kant, al waard ek dêr noch oer neipraat en ûnderwilens waarden der alwer plannen makke om op te gean 'nei it (folgjende) feest' yn 1998. Hoe't dy betinking fan de politike ûntjouwingen yn 1498, dêr't yn it foar al in protte krityske lûden oer te hearren binne, beteare sil, moat ôfwachte wurde. Dat feesten ek wolris wat in rare neismaak jaan kinne, wie dúdlik te sjen oan de portretsjes fan feestfierders dy't Gerrit Breteler skildere hie foar de kalinder.

Tusken al sokke feesten yn wie 1996 op it mêd fan de Fryske taal- en letterkunde in rêstich jier. 1996 wie it Menno-jier, dêr't yn betocht waard, dat Menno Simons, de grûnlizzer fan de nei him neamde Minniste tsjerke, 500 jier lyn berne wie. En de 100ste bertedei fan Douwe Kalma waard fierd mei de útjefte fan syn *Samle fersen*, in skriuwersprinteboek en in útstalling.

Wat de Provinsjale prizen oangie, wiene de dr. Obe Postma-priis foar oersetters en de Fedde Schurer-priis foar debutanten oan bar. Mei't de útrikking dêrfan yn it Provinsjehûs plak fynt, is dat dochs altyd in wat soberder barren as de literêre 'feesten' yn Boalsert en Grou. De nijbeneamde heechleararen Frysk, Ph.H. Breuker en D. Gorter, holden har ynaugurele redes foar de Universiteit van Amsterdam en de 25ste sutelaksje waard mei in omset fan *f* 435.000 in grut súkses, mar oare jubilea wiene der op it mêd fan de Fryske taal- en letterkunde net yn 1996.

Aktiviteiten wiene der lykwols genôch, sawol de SLAL yn Ljouwert as de SLAH op It Hearrenfean organisearren literêre jûnen en itselde diene de Freonen fan de Iepenbiere Biblioteek en fan de Provinsjale en ek literêre stiftingen yn lytsere plakken setten gâns op priemmen. In bysûnder barren wie de nachtlike bustocht oer de Ofslútdyk, dy't de SLAL betocht hie. Op de 'Frisian Queen' dy't yn 'e omkriten fan Grou foer, waard offisjeel it lêsbefoarderings- platform 'Taalryk Fryslân' presintearre. It kongres fan it IBBY (International Board on Books for Young People) waard dit jier yn Grins hâlden en op de wurklist stie ek in gearkomste yn Dokkum, dêr't de dielnimmers yn 'e kunde komme koene mei Frysk toaniel en mei Fryske berneboeken. De stifting 'It Fryske Berneboek' joech ta dy gelegenheid yn fjouwer talen (Nederlânsk, Spaansk, Dútsk en Ingelsk) in moaie brosjuere út fol mei ynformaasje oer de posysje fan it berneboek yn in minderheidstaal ûnder de titel *Een land vol verhalen*. Keunstwurk en FLMD rjochten foar dy gelegenheid in útstalling yn oer de yllustratoaren fan Fryske berne- en jongereinboeken.

Tsjêbbe Hettinga hat ek yn dit jier wer in belangrike rol spile yn it útdragen fan de Fryske literatuer. Hy droech (soms ek mei oaren) foar yn Laren, De Haach, Swansea, Listowel, Amsterdam, Antwerpen en Leuven. Dat it ûnderhâlden fan ynternasjonale kontakten fertuten dwaan kin, die ek bliken by de Japanske oersetting fan Mindert Wynstra syn *It hûs fol ferhalen*, dy't dit jier ferskynde. Tichterby hûs en dêrtroch minder spektakulêr, mar likegoed it neamen wurdich binne de oersetting yn it Drintsk fan Rink van der Velde syn *Feroaring fan lucht* en de bewurking

Wumkes.nl

yn it Stellingwerfsk troch Benny Holtrop fan syn eigen roman *In appel foar ûnderweis*. Fan Akky van der Veer ferskynde *Gezworen woorden*, de oarspronklike Nederlânske ferzy fan *Grutte wurden*. Op inisjatyf fan de Gordykster boekhanneler Thom Broekema kaam der yn de Spuistrjitte yn Amsterdam in 'Fryske ambassade', in (lytse) boekwinkel, dêr't ek keunst út Fryslân yn ferkocht wurdt.

In memoriam

Fan in tal skriuwers moast ôfskie nommen wurde. Kees Jongsma, Martinus Bakker en Hendrik Ype de Vries leine de pinne foargoed del, mar ek oaren, dy't op har eigen wize in bydrage levere hawwe oan de Frisistyk of in eigen plakje hiene yn it kultureel fermidden, ûntfoelen ús. Sûnder de fertsjinsten fan de net by namme neamden lyts te achtsjen tink ik oan: J.J. Spahr van der Hoek, Gerrit Visser, M.J. de Haan, Cor Hoekstra, Goasse Groustra, Johan Lichthart en Marinus de Boer. Hja wurde net allinne yn eigen rûnten mist.

Prizen en priisfragen

De Fedde Schurer-priis waard yn 1996 takend oan Wilco Berga foar syn proaza-debút *Hauk en hazze*; de dr. Obe Postma-priis gie nei de kreative oersetters fan Bommelferhalen en oare strips: Jarich Hoekstra en Harke Bremer. Yn de Stellingwerven wie de H.J. Bergveld-pries oan bar dy't Fokke Middendorp yn ûntfangst nimme mocht, wylst de Skylger Lutine-priis fertsjinne waard troch Pieter van Leunen. Foar de kulturele priis fan Gaasterlân-Sleat waard net in kandidaat fûn; de gemeente It Bilt eare redaksje en meiwurkers fan it *Woordeboek fan 't Bildts*. De Harnzer Anton Wachter-prijs ta beslút wie foar Nanne Tepper. Mei de romanpriisfraach fan de Kristlik Fryske Folksbibleteek wol it de lêste jierren net mear. Fan de fiif ynstjoerde manuskripten waard net ien gaadlik achte foar útjefte. Yn de priisfragen fan it Rely Jorritsma Founs dêrfoaroer waard yn 1996 it maksimale tal fan fiif prizen takend foar ferhalen. Sybout Hartog, Benny Holtrop, Jehannes Kramer, Eelco Salverda en Oene Spoelstra wiene de lokkigen fan wa't it wurk (út 45 ynstjoerings) útkeazen waard, wylst fan de 41 fersen dy fan Jan Kooistra, Albertina Soepboer en Gryt Witbraad in priis wurdich achte waarden. Berber van der Geest har ferline jier al mei de Simke Kloosterman-priis bekroande berneboek *De Kilekanen,* waard yn 1996 op de 'honourlist' fan it IBBY pleatst.

Boeken

Oer it tal titels dat foar 1996 op de list fan Frysktalige útjeften stiet, dy't it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum byhâlden hat, hoege wy net ûntefreden te wêzen. 107 boeken is in moaie skoare. Ferline jier wie it tal 114, mar dat wie doe flattearre troch in grut tal gelegenheidsútjeften. Yn 1994 stiene der 95 op 'e list en yn 1993 mar 87. De ferdieling oer de skiften wie yn 1996: belletry 26, poëzy 29, berneboeken 28 en ferskaat 24. Lûke wy de oersettingen dêrof – 8 yn it skift belletry, 3 by poëzy, 12 by berneboeken en 1 by ferskaat – dan wiist it justjes minder, mar dat wurdt wer goedmakke trochdat yn it Nederlânsk en yn oare talen ek in tal boeken útkommen binne, dy't fan belang binne foar de Fryske taal- en letterkunde. In tal twa- of meartalige útjeften befoarderet boppedat de fersteanberens fan it Frysk. Nije skriuwers oppenearren har minder as yn 1995, mar mei Lieuwe Pietersen, dy't nei twa Hollânske romans mei *De Fal* as Frysk skriuwer

Wumkes.nl

debutearre, mei Janny Vledder-van der Knoop, dy't har nei in tal berneboeken yn *Meinte... in bysûndere freonskip* foar it earst ta mear folwoeksen lêzers rjochte en mei trije echte debutantes yn de persoanen fan Albertina Soepboer, Eelkje Tuma en Sietske de Jong wiist it, wat de trochstreaming oangiet, dochs net min.

Belletry

Leafste lea, de debútroman fan Eelkje Tuma oer in jongfaam op 'e syk nei har identiteit is in eigentiidske psychologyske roman. It boek kipt derút troch it taalgebrûk en waard sa oanlieding ta in diskusje oer it brûken fan 'geef' Frysk yn moderne literatuer en de frage oft taalwarders mei har korrizjearjend optreden nuttich (en nedich) binne of de oarspronklikens fan de skriuwer oantaaste. In dúdlike konklúzje smiet it debat net op. Dat oer sokke punten praat wurde moat, is op himsels in faai teken, omdat it bewiist, dat sels guon autochtoane Fryske skriuwers har net mear wis fiele yn it brûken fan de memmetaal. Yn *Ikaros baarnende soan* sketst Sietske de Jong de problemen dy't in anty-autoritêre mem hat by de opfang fan in ferslave soan. De titel ferwiist fansels nei in ferhaal út de Grykske mytology: Ikaros, in oermoedige soan, wol te heech fleane en jaget himsels de dea yn. De skriuwster hat dúdlikernôch besocht har ferhaal in bredere betsjutting te jaan, mar har persoanen binne net sa sterk delset, dat it dy funksje ek krige. Yn *De fal* hat de fan hûs út net Frysktalige learaar en taalsosjolooch Lieuwe Pietersen mei help fan Jan de Jong in Fryske roman levere, dy't by alle kwaliteiten (lykas in flotte ferteltrant en in aardige karakterisearring fan de persoanen) dochs net alhiel oertsjûget, omdat der te folle ûnwierskynlikheden oan it ferhaal klibje. De Dokkumer âld-learaar Jacobus Knol publisearre mei *In earsten dragonder* syn earste roman ûnder eigen namme. It is in ferhaal oer histoaryske persoanen dy't de skriuwer ta romanpersonaazjes makke hat. De auteur hat dat net dien, omdat har libbensskiednis sa bûtengewoan wie, mar krekt omdat er har brûke koe om it libben fan gewoane minsken yn de 19de ieu te sketsen. Faaks troch dat lêste is it wol in tige lêsbere, mar dochs wat flakke roman wurden.

Hoewol't de earste rige 'Fryske Klassiken' yn 1995 ôfsletten waard en der yn 1996 wol oerlein waard oer in ferfolch, mar noch gjin begjin makke wurde koe mei útjeften yn in twadde rige, binne op de list ek dit jier werprintingen fan in tal âlde bekenden te finen. De histoaryske roman *De boumaster fan de Aldehou* fan Douwe Tamminga belibbe de tredde printinge, Rink van der Velde syn *Pake Sytse* alwer de 6de, wêrby't de skriuwer by it omstaverjen yn ien muoite troch ek it ferhaal wat eigentiidsker makke hat. Fan Durk van der Ploeg kaam de twadde printinge út fan *De jacht* út 1988, destiids it earste diel fan syn monumintale 'Dongeradiel-syklus'. Mei de ferhalebondel *Gjin plak op ierde* en in nije roman oer in wat wrâldfrjemde biblioteekamtner makket dy werprintinge, dat de Feanwâldster skriuwer dit jier fannijs as de meast produktive nei foaren komt. Trinus Riemersma makke ûnder de titel *In fearnhûndert ferhalen* in seleksje út syn eardere bondels. Nije ferhalen waarden skreaun foar in bondel *Fakânsjeferhalen* dy't Friese Pers Boekerij-redaktrise Jelma Knol gearstalde, wylst Jetske Bilker *De moaiste krystferhalen* sammele. It Fries Museum skreau in wedstriid út foar ferhalen oer de 'fabelbisten' fan Tilly Buy en Gerard Groenewoud dy't de nijbou fersiere en ûnder de titel *De bok, it gouden aai en de sân ravens* waarden de bekroande ynstjoerings publisearre yn it Frysk, it Nederlânsk, it Ingelsk en it Dútsk. Yn *It Heerema Kristal* liet Riek Landman fannijs har 'detektives' Anke en Sigrid in misdriuw oplosse, wêrby't se dizze kear net foar in lokaasje yn it bûtenlân keazen hie, mar yn haadsaak tichteby hûs yn

Wumkes.nl

Snits en omkriten bleau. Troch it ûnwierskynlike fan de plot, waard it eins it minste boek yn de rige fan fiif speurdersferhalen en betsjutte dit boek in stap tebek yn fergeliking mei Riek Landman har psychologyske roman *In sterke frou* út 1995. Utjouwerij *Le chat mort* yn Ketlik (Kat-lijk) koe tanksij Harke Bremer en Jarich Hoekstra de rige oersettingen fan strips fuortsette mei aventoeren fan kapitein Rob en Bommelferhalen.

Poëzy

De wichtichste útjefte op it mêd fan de Fryske poëzy wie yn 1996 sûnder mis dy fan de *Samle fersen* fan Douwe Kalma, besoarge troch en mei in nijsgjirrige ynlieding fan de hân fan Jelle Krol. Kalma hat wat de omfang oangiet in yndrukwekkend poëtysk oeuvre neilitten, mar hoewol't der prachtige strofen en rigels yn fûn wurde kinne, sprekke lang net al dy fersen de poëzylêzer fan hjoed-de-dei noch oan. Sa binne de *Samle fersen* net in boek wurden om hielendal te lêzen, mar mear in neislachwurk en in boek om út en troch ris wat yn om te blêdzjen. In bysûndere ynfalshoeke hie Meindert Bijlsma foar syn nije bondel keazen: in jier lang hat de dichter alle sneinen op 'e selde tiid op itselde plakje by de Brakepiip 'in âld stee op 'e romte tusken Arum, Kimswert en Penjum' sitten om ynspiraasje op te dwaan. Dat hat resultearre yn in bondel mei moaie natoerympresjes, mar ek mei gedichten oer de minske en syn bestean. It boek ferskynde by de Koperative Utjowerij, dy't yn 1996 net minder as 9 dichtbondels (fan Benny Holtrop, Jelle de Jong, Jelle Kaspersma, Marten Brouwer, Josse de Haan, Bartle Laverman, Meindert Bijlsma en Trinus Riemersma) útbrocht, dy't omtrint allegearre mei stipe fan it Nederlands Literair Produktie- en Vertalingenfonds útjûn waarden. It Fonds, dat ek de beide Fryske literêre tydskriften subsidiearret, levere sadwaande in wichtige bydrage oan de Fryske literatuer. De troch har tydskriftepublikaasjes al opfallen jonge dichteres Albertina Soepboer (Holwert, 1969) debutearre yn boekfoarm mei de bondel *Gearslach* by útjouwerij Frysk en Frij, mar likegoed troch it Produktiefonds subsidiearre. Hja skriuwt geheimsinnige, fitale poëzy oer de leafde en it libben mei ferrassende natoerbylden. Albertine Soepboer is ien fan de jonge Fryske auteurs dy't yn Grins wenje en har dêr yn literêre fermiddens bewege. In oare debutant is Tsjisse Hettema dy't syn earste bondel *Tsi tsi* yn eigen behear útbrocht. Trinus Riemersma bondele syn earder dichtwurk yn *Argewaasje fûn – argewaasje jûn* en naam dêrmei gâns argewaasje wei, omdat de fersen foarhinne min te finen wiene en troch de eigensinnige stavering ek min te lêzen. It falt op, dat mear âldere dichters yn 1996 de balâns opmakken en de poëtyske rispinge fan nei har heechtijdagen yn de fyftiger en sechstiger jierren sammele hawwe. Fan dy bondels fan Jelle de Jong, Marten Brouwer en Bartle Laverman bliuwt it gefoel oer, dat it moai is, dat har wurk no fêstlein is, mar dat de 'spirit' der wol wat út is. Sawol Harmen Wind (mei *Plak*) as Wilco Berga (mei *De flamingo's fan earder*) bewiisden, dat hja it nivo fan har eardere bondels fêsthâlde koene. Meartalige bondels wiene *Botschaften im Wind* fan Hugo Ernst Käufer mei oersettingen yn it Frysk en it Nederlânsk, Binne Lútsen Boarnstra syn *Levensboom der lage landen*, dat as spesjaal nûmer fan *Hjir* útkaam mei in Fryske en in Ingelske oersetting, *Wetter/water* en *Stilte*, twa poëzybondels yn gearhing mei útstallingen yn it FLMD dêr't njonken de Fryske teksten oersettingen yn it Nederlânsk yn jûn waarden. It COS (sintrum foar ynternasjonale gearwurking) organisearre in poëzyprojekt oer it tema 'Fryslân as multykulturele mienskip'. Ut de bêste fan de 136 ynstjoerings stalde in meartalige sjuery de bondel *Holland*

Wumkes.nl

heeft mooi weer op zondag gear mei fersen yn it Nederlânsk, Frysk, Ingelsk, Frânsk en Stellingwerfsk.

Berneboeken

Fan de 28 titels yn dit skift wiene 12 oersettingen en 16 oarspronklik Fryske boeken. It aksjeboek foar bern, *De reizen fan Tsjam*, fan Willem Tjerkstra (tekst) en Luuk Klazenga (tekeningen) wie it earste oarspronklik Fryske stripboek, dat folslein yn kleur útbrocht waard. Mei't it ek – hoewol net al te serieus – de skiednis fan Fryslân behannelet, is it in echte oanwinst. Fan Josse de Haan syn begjin jierren santich yn 'e mande mei in tal learlingen makke boek *It geheim fan de 7 moskeflappers* kaam in twadde printinge út. De iepenbiere skoalle yn Hjerbeam, dêr't de skriuwer doedestiids ûnderwizer wie, hat no de namme 'De moskeflap' krigen. It is de earste kear, dat in skoalle neamd wurdt nei in Frysk boek. Foar lytse bern binne wer trije 'Stip'-boekjes en twa dieltsje yn de 'Jentsje'-rige útkommen. Nij wie fierder *De stikelbarchjes* fan Rymke Wiersma yn oersetting fan Yolande de Kok en *Do en ik, lytse bear* fan Martin Waddell, dat Clara de Boer-de Jong oerset hat. Oarspronklik wurk wie der foar dy kategory fan de hân fan Diet Huber dy't mei *It telboekje fan Boukje* in ferfolch skreau en tekene op har suksesfolle *It abie fan Boukje*, fan Hubertus de Jong (*Jurre en Burre*) en Riemkje Hoogland-Pitstra (*De Bisteboat*). De Afûk joech foar justjes gruttere bern, de begjinnende lêzers, dit jier trije dieltsjes út dy't skreaun waarden troch Jikkie Ruiter, Syts Thijssen en Mindert Wiynstra. Foar foardragers makke Jurjen van der Meer *Freedtemiddei frij*, foar bern mei nocht oan skiednis kaam behalven *Poehei om in skilderij* fan Popke Popma en Reinder H. Postma *De skat fan jonker Jan* fan Lida Dykstra út. Hanneke de Jong, Anny de Jong en Auck Peanstra soargen ek wer foar nij lêsmateriaal.

Ferskaat

Yn dizze rubryk dêr't fan alles yn gearswile wurdt, treffe wy yn 1996 fjouwer boeken oan dy't mei muzyk te krijen hawwe. It populêre lieteboekje *Fryslân Sjongt* belibbe de 10de printinge, wylst tagelyk in bondel mei deselde lieten foarsjoen fan begelieding útkaam ûnder de titel *Fryslân sjongt en spilet*. Yn *Sjongerderwize* krige it keunstliet syn gerak en yn *Muzyk yn Fryslân* behannelen ûnderskate auteurs aspekten fan it muzyklibben yn it ferline en hjoed- de-dei. Op it mêd fan de nammekunde ferskynde ûnder de titel *Friezen* in bondel stúdzjes oer persoansnammen as nûmer 10 yn de rige 'Fryske Nammen' fan de Fryske Akademy en boppedat as resultaat fan de warberens fan de stúdzjerûnte It Sudertrimdiel *Huzumer nammen* fan Rients Faber. Volkert F. Faltings publisearre *Nordfriesische Grabhügelnamen mit anthroponymen Erstglied*. Op leksikografysk gebiet wiene der ek nije útjeften. Alderearst diel 13 fan it *WFT* (fan 'lofts' oant 'mud') mar ek it *Woordeboek fan 't Bildts* troch H.S. Buwalda, S.H. Buwalda en A.C.B. van der Burg 'met metwerking fan ânderen' en fan W.J. Buma it *Vollständiges Wörterbuch zum westerlauwersschen Jus Municipale Frisonum*. De stúdzje fan it Aldfrysk waard ek ferrike mei *A concise grammar of the Old Frisian dialect of the first Riustring manuscript* fan de hân fan D. Boutkan. Under redaksje fan Ph.H. Breuker kaam it troch in Leidske wurkgroep besoarge *Landrecht der Vriesne* út; it giet hjirby om in transkripsje fan in midsieuske oersetting fan it Lânrjucht (Skeltarjucht) dêr troch N.E. Algra in 'ensyklopedy'.fan it Aldfrysk rjucht oan tafoege is.

Wumkes.nl

Afb. 1. Yn 1996 waard foar de 25ste kear de sutelaksje organisearre

T.B. Hoekema kaam mei in *Beknopte Friese Vormleer* foar it eigentiidske Frysk, dy't earder al yn it Dútsk (fan Claas Riecken) ferskynd wie as *Kurze Formenlehre des Westerlauwersk Frysk*. Foar de grutte groep minsken mei belangstelling foar genealogy yn Fryslân ferskynde it *Frysk Kertiersteateboek* ûnder redaksje fan Melle Koopmans, Andries Koornstra en Reid van der Leij. M.H.H. Engels soarge foar ynventarislisten op guon ek foar de literatuerhistoarisy wichtige kolleksjes, lykas dy op de brieven oan W. Eekhoff, de brievekolleksje fan it Fries Genootschap en hânskriften fan it Fries Genootschap. De Fryske Akademy joech de beide redes dy't har meiwurkers D. Gorter en Ph. H. Breuker by it oanfurdigjen fan harren amt as bysûnder heechlearaar oan de Universiteit van Amsterdam út, respektivelik *Het Fries als kleine Europese taal* en *Obe Postma als auteur van het sublieme*. Yn de huldebondel dy't professor Nils Århammar oanbean krige by syn 65ste jierdei hawwe gâns in rige Fryske akademisy in bydrage levere. Breuker skreau ek dêryn oer Obe Postma, Tony Feitsma behannele de relaasje tusken Joast Halbertsma en Jacob Grimm, wylst Rolf Bremmer, Pieter Breuker, Siebren Dyk, Anne Dykstra, Karin Ebert & Jarich Hoekstra, Karel Gildemacher, Germen de Haan, Pyt Kramer, Arjen Versloot en Oebele Vries ûnderskate ûnderwerpen út de (histoaryske) taalkunde, dialektology, nammekunde en leksikografy behannelen.

Fierders neam ik noch dat yn 1996 it moanneblêd *De Strikel* syn fuortsetting fûn as jierboek ûnder de titel *Nei slutingstiid*, dat Hylke Speerstra by syn ôfskie as haadredakteur fan de *Leeuwarder Courant* ûnder de titel *De Ferteller* in bondel opstellen oanbean krige, dat alve fraachpetearen dy't Henk te Biesebeek foar de radio yn de rin fan de jierren holden hie mei Fryske skriuwers publisearre ûnder de titel *Dea en wille*, dat alwer de twadde printinge fan *De fjouwer evangeeljes op 'e nij ferfryske* út kaam, dat Auke Kok soarge yn *Efkes lins* foar in wurd by in liet foar elke dei' (meditaasjes), mar ik wol, omdat it dochs net slagget en neam alle nijsgjirrige boeken en boekjes dy't der dit jier yn it Frysk en oangeande de Fryske taal- en letterkunde útkommen binne, mar einigje mei trije útjeften fan it FLMD:

Wumkes.nl

diel 5 fan de rige 'Skriuwers yn byld' wijd oan Douwe Kalma, de lêzingen fan it sympoasium oer *Trije Jongfriezen* en in boekje mei ynformaasje oer 24 sutelaksjes gearstald by gelegenheid fan de 25ste.

Beslút

Ut *Friese Boeken Nader Bekeken*, in ûndersyksrapport, dat yn 1996 útbrocht is oan de Stichting It Fryske Boek docht bliken, dat 15% fan de ferkeap fan Fryske boeken yn de sutelaksje plak fynt. Dat is in folle lytser persintaazje as foarhinne wol tocht waard. Fierders docht út it rapport bliken dat yn 1996 29.2% fan de sutelenderwize ferkochte boeken, berneboeken wiene, dêr't it aksjeboek foar bern mei 12.9% dan winliken noch by opteld wurde moat. De ferkeap yn it skift belletry wie 21.3% fan it totaal; poëzy mar 1.3%. It meast ferkocht waard it *Skriuwerskalinderboek* mei 4843 eksimplaren, folge fan it *Bûsboekje* mei 2540 en it berne-aksjeboek mei 2350. Under de 20 meast ferkochte titels binne 10 berneboeken, twa romans fan Riek Landman en twa fan Rink van der Velde en fierders binne de nije printinge fan *Fryslân sjongt* en boeken mei 'stikjes', meditaasjes en koarte ferhalen goed ferkocht. Foar it mear literêre boek wie de belangstelling net grut, mar faaks meie wy der fan útgean, dat de keapers mei nocht oan literatuer de sutelkroade net ôfwachtsje en it hiele jier troch it paad nei de boekhannel wol witte te finen. Auteurs foar folwoeksenen, fan wa't mear as hûndert eksimplaren oan de man/frou brocht binne yn de sutelaksje wiene – njonken de al neamde Riek Landman (2 titels, 1020 ferkochte eksimplaren) en Rink van der Velde (7 titels, 1226) –: Froukje Annema, Hendrik Bijsterveld, Marten de Boer, Abe Brouwer, Rients Gratama, Joke Keizer, Lieuwe Pietersen, Durk van der Ploeg (5 titels, 198 ferkochte eksimplaren), Hylke Speerstra en J. Vledder-Van der Knoop. De bêst ferkochte dichtbondel (41 eksimplaren) wie Swaantsje Duursma har *It gers dat bloeit*, folge fan Bartle Laverman syn *Boerefersen*. De debútbondel fan Albertina Soepboer fûn tidens de boeke-aksje mar 13 keapers. Ek yn dat skift waard it mear populêre dus better ferkocht as it 'dregere' wurk. De wearde fan literêr wurk fan heech nivo, fan fernijende en eksperimintele boeken wurdt fan net ien yn 'e kiif steld, mar om fan sokke útjeften ek in kommersjeel sukses te meitsjen (en sadwaande de mooglikheid te behâlden om sok wurk út te jaan) sil der mear dien wurde moatte oan literatuerûnderwiis, oan foarljochting oer boeken en skriuwers, oan begelieding fan lêzers om belangstelling te ûntwikkeljen. De literêre tydskriften kinne dêr in belangrike rol by spylje, mar ek fan omtinken foar boeken yn kranten, yn populêre radio-en tv-programma's en by lêzingen foar in grutter publyk mei in geunstich effekt ferwachte wurde. De trochsneed Nederlânske lêzer begjint ek net mei Mulisch, Margriet de Moor of A.F.Th. van der Heijden.

Monumintesoarch

S. ten Hoeve

It is gjin spoek dat troch de Fryske monuminten waret, mar de bûnte kjifkrobbe. De Stichting Stuurgroep Bonte Knaagkever te Ljouwert hat yn in rapport oanjûn dat bestriding fan de krobbe en it oanpakken fan de fernielings dy't er oanrjochte hat 38 miljoen gûne kostje moat. De neamde stichting siket mei oare Fryske organisaasjes op it mêd fan monumintesoarch en mei it provinsjaal bestjoer nei mooglikheden de

Wumkes.nl

krêften te bondeljen om in Frysk stipepunt foar monumintesoarch ta stân te bringen en in mienskiplike húsfesting te finen.

De Stichting Karakteristiek Boarnsterhim is oprjochte om yn dy gemeente in advysfunksje te ferfoljen foar monuminte-eigeners.

De gemeente Snits hat in gemeentlike monumintelist ynsteld en wol der likernôch 74 bouwurken út it tiidrek 1850-1940 op pleatst ha. Yn 't earstoan is de proseduere om 10 bouwurken te beskermjen op gong brocht.

Efter de skermen is der tusken oerheden hiel wat te rêden oer de oan gemeenten tawiisde ryksbudzjetten fan restauraasjesubsydzjes. It ryk wol allinne de gemeenten mei in protte monuminten sels noch oer de besteging fan har budzjet kedize litte. Earst like it derop dat dit yn Fryslân allinne de gemeenten Ljouwert en Harns wêze soene. Letter hat steatssiktaris A. Nuis besletten dat gemeenten mei mear as hûndert ryksmonuminten it foech oer de bestimming fan de budzjetten hâlde. Dat binne bûten Harns en Ljouwert de gemeenten Amelân, Littenseradiel, Boarnsterhim, Dongeradiel, Frjentsjeradiel, Gaasterlân-Sleat, Nijefurd, Wûnseradiel, Wymbritseradiel en faaks ek noch Skylge en Tytsjerksteradiel. De provinsje sil oer de besteging fan de budzjetten fan oare gemeenten gean. Sneu foar guon gemeenten is dat it 'Monumenten Selectie Project' foar monuminten út it tiidrek 1850-1940 noch net klear is, want dat sil har monumintetal grif boppe de 100 bringe.

De Nationale Open Monumentendag op 14 septimber hie wer in protte dielnimmers. As alle jierren wie it nijsgjirrichste programma yn Ljouwert dêr't de monuminten fan Lekkum, Miedum en Snakkerbuorren omtinken krigen. It stribjen om op 'e dei yndustriële monuminten ekstra nei foaren te bringen slagge net bot.

Oerheidsgebouwen

Ien fan de wichtichste Fryske monuminten, de Kânselarij te Ljouwert, is restaurearre en geskikt makke foar gebrûk troch it Fries Museum. De ymposante sealen hawwe in ynrjochting krigen dy't se fertsjinje. De eleminten dy't ûnder de balkesolderings hongen binne om de technyske ynstallaasjes yn ûnder te bringen, dogge de romten gjin ûnderstek.

It hout- en natuerstienwurk oan it stedhûs fan Ljouwert hat by ûnderhâldswurk de 18de-ieuske kleuren werom krigen. It oansjen fan it gebou is der libbener fan wurden, mar der is by it haadgebou fan 1715 wol sprake fan in anakronisme no't dizze kleuren kombinearre binne mei de yn empirestyl útfierde roedeferdieling fan de finsters út 1816.

Ien fan de geefste stylkeamers, dy't yn Fryslân bewarre bleauwen, waard foar safier dat koe yn âlde gloarje werombrocht: de fâdekeamer fan it Sint Antoany-gasthús te Boalsert út 1783. Alde kleuren waarden werombrocht op de betimmerings en it snijwurk fan Hermanus Berkebijl en it skildere behang fan Chr.F.F. Franck ûndergiene in restauraasje. Spitich is it dat in nijsgjirrige betegeling fan it Harnzer bedriuw fan J. van Hulst út 1920 ferlern gie.

Klokhuzen, tuorren, tsjerken, oargels

Oer klokhuzen is wat 1996 oanbelanget neat te melden. Tsjerketuorren wiene yn it nijs troch it proefproses dat op inisjatyf fan de Stichting Behoud Kerkelijke Gebouwen en mei meiwurking fan de Afdeling Friesland van de Vereniging van Kerkvoogdijen in de Nederlandse Hervormde Kerk oer de eigendomssitewaasje fan dy tuorren fierd waard troch tsjerkfâdijen fan Dearsum, Tersoal, Mullum, Miedum en

Wumkes.nl

Goutum tsjin de gemeenten Boarnsterhim, Harns en Ljouwert. De tsjerkfâdijen waarden troch de Ljouwerter rjochtbank net yn it gelyk steld yn har eask dat de gemeenten it eigendom fan dy tuorren erkenne moatte op grûn fan de út 1798 datearjende Additionele Artikelen tot de Staatsregeling. De tsjerkfâdijen binne op fan de útspraak fan de rjochtbank yn heger berop gien.

De gemeente Gaasterlân-Sleat wol fan de *f* 350.000,- dy't foar monumintesoarch beskikber steld is in grut part besteegje foar ûnderhâld fan tsjerketuorren dy't de gemeente yn behear hat. Yn Ljouwert wurdt de restauraasje fan de Aldehou taret. De restauraasje fan de toer fan de RK St. Werenfridustsjerke liket fuortset wurde te kinnen neidat it wurk stûke troch in protte skeel oer de finansiering fan ôffallers. De toer fan in oare RK tsjerke, dy fan Wâldsein út 1927, waard yngeand opknapt. Ynboude tuorren by de Herfoarme tsjerken fan Heech, Lippenhuzen en Wolsum ûndergiene in restauraasje. Yn Wolsum kaam noch wat midsieusk mitselwurk foar it ljocht. De frij jonge tsjerketoer te Surch út 1913 waard yngeand restaurearre. Hieltiten bringe tsjerkebestjoeren fan aloan lytser wurdende mienskippen it noch op har tuorren en tsjerken op te knappen, mar bytiden moatte se it opjaan. Dat de yn 1907 boude Herfoarme tsjerke fan De Tynje in wenning waard joech gjin opskuor. Dy wie der al by de sloop fan de meniste fermanje fan Harns. De 117 leden fan de meniste gemeente seagen gjin kâns harren tsjerkegebou yn stân te hâlden. It út 1857 datearjende gebou wie in nijsgjirrige neifolging fan de herfoarme tsjerke fan Harns út 1775. It is tige spitich dat it monumint ferlern gien is, mar it falt de meniste tsjerkerie fan Harns net te ferwiten. As wy as mienskip wolle dat monuminten yn stân holden wurde, moatte der ek mienskipsjilden en -soarch oan jûn wurde.

De 144 leden fan de meniste gemeente fan Snits slagge it har monumintale fermanje al restaurearre te krijen. It neoklassisistyske bouwurk is fan 1842 en Pieter Jentjes Rollema makke der it ûntwerp foar. It gebou wie yn de rin fan 'e jierren skeind mar hat no wer oansjen wûn, ûnder oaren troch de rekonstruksje fan in grut rút yn 'e foargevel en it wer pleatsen fan in stek op it foarplein. De Stichting Alde Fryske Tsjerken naam de midsieuske tsjerke fan Olterterp oer fan de tsjerkfâdij dêre, mar de stichting kin net ûnbeheind tsjerkegebouwen oernimme en alhiel net as dy gjin of in lytse monumintale wearde ha. Der is troch de tsjerkfâdij in sloopfergunning oanfrege foar de yn 1886 boude tsjerke fan Jislum, wol byldbepalend foar it doarp mar net fan monumintale wearde. De Stichting Vrienden van het Roodkerkje makke ferskate plannen dy't tsjinstber wêze moatte oan it yn stân hâlden fan de tsjerke fan Readtsjerk. De tsjerke fan Swichum, sa is tasein, kin yn eigendom oernommen wurde troch de Stichting Alde Fryske Tsjerken, mar oft dat nedich wêze sil moat noch bliken dwaan. De stichting dy't it gebou no foar goed in miljoen gûne restaurearje lit, buorket goed en hâldt it gebou faaks ek wol op 'e noed.

In yngeande restauraasje wie dy fan de tsjerke fan Ie, dy't wer in pronkstik wurden is yn it beskerme doarpsgesicht. It ynterieur hat wûn troch de mahoanjebeskildering fan it meubilêr en it ferguldzjen fan houtsnijwurk. De tsjerke fan De Knipe is fan binnen en bûten ek alhiel opknapt en de werom brochte âlde kleuren hawwe it eartiids neatsizzende ynterieur alluere jûn. Fan de tsjerken fan Hylpen, Lippenhuzen en Ljussens en fan de RK Bonifatiustsjerke te Ljouwert waard it eksterieur ûnder hannen nommen. Der is begûn mei de tariedings foar de restauraasje fan de tige wichtige, foar in part romaanske tsjerke fan Kimswert mei syn weardefolle 17de-ieuske ynterieur. Fanwegen jildkrapte is de restauraasje fan de tsjerke fan Wytmarsum stillein. It gebou hat slim te lijen fan de bûnte kjifkrobbe.

Wumkes.nl

Fan in pear tsjerkegebouwen is it ynterieur alhiel opknapt: dy fan Ryptsjerk, Ternaard en Wjelsryp. Yn de earstneamde tsjerken is it meubilêr yngeand ûnder hannen nommen en binne de grêfstiennen wer yn 't sicht brocht.

Yn 1955 waard yn de tsjerke fan Wjelsryp it houtwurk mei it swierige Loadewyk XV-snijwurk út 1759 blaugriis en wyt ferve omdat de tiidgeast om in ljochtere tsjerke-ynrjochting frege. Lykas yn mear plakken krige men yn Wjelsryp der no spyt fan dat men eartiids de histoaryske kleuren oerferve hie. Jild om de oarspronklike mahoanjebeskildering werom te bringen wie der net, mar wol is in dekkende beskildering in mahoanje kleur oanbrocht, wylst it snijwurk wyt litten is mei op 'e preekstoel aksinten fan blêdgoud.

In grut, skildere memoarjeboerd út 1690 foar de woldwaner fan de Luterske tsjerke yn Ljouwert, Andreas Möller, is restaurearre en ferhuze fan efter it oargel wei nei in plak foar yn tsjerke. De hear Leo Ritsma, dy't al mear roukassen opknapte, naam as frijwilliger no dy út 'e tsjerke fan Bûtenpost ûnder hannen. Yn Warkum wurdt der wurk fan makke parten fan it koarhek út 1569 en fan it doophek út 1718 wer in plak te jaan yn de St. Gertrudistsjerke. De weardefolle ynterieurstikken waarden by de tsjerkerestauraasje tusken 1939 en 1951 opromme om it gebou nei de útgongspunten fan de doetiidske liturgyske beweging ynrjochtsje te kinnen. Fan in koetshús ferhuzen se nei de toer en doe nei in loads fan it gasfabryk, mar yn 1982 kamen se yn in opslachromte by de tsjerke werom.

By restauraasje giet it net altiten krekt om en ta. Sa koe – it is skandlik – yn 1989 út de Boalserter Martinitsjerke in muorreskildering foar Wytske Heerma út 1573 by fersin fernield wurde. Jan Murk de Vries makke no in frije neifolging fan de skildering.

Tagelyk mei it opkreazjen fan it tsjerkhôf fan Skillaard waard dêr de mitsele tagong kreas fernijd. De eartiids sa rike tsjerkfâdij fan Mantgum liet yn 1863 troch B.E. Mohrman fan Ljouwert yn yndrukwekkend izeren tsjerkhôfstek meitsje. Dat is no restaurearre foar mar leafst *f* 362.000,-. It stek hat syn âlde karakter beholden yn tsjinstelling ta guon oare Fryske tsjerkhôfstekken dy't de ôfrûne jierren ûnder it mom fan restauraasje alhiel ferfongen binne troch nije, út België ôfkomstige, yn searjeproduksje makke stekken.

It wichtige tsjerke-oargel te Reduzum, yn 1785 boud troch Albertus van Gruisen, ûndergie in yngeande restauraasje. Dêrtroch waard it wer goed bespylber, mar wûn ek de majestueuze klank fan it ynstrumint noch oan glâns. It nijsgjirrige oargeltsje fan likernôch 1675 yn de tsjerke fan Ried mei syn bysûndere skyn-rêchposityf kin nei in restauraasje foar it earst nei 10 jier ek wer klinke. It oargel yn de tsjerke fan Haskerhoarne ûndergie ek in restauraasje. It ynstrumint, dat yn 1873 yn de tsjerke pleatst waard, kaam doe út de tsjerke fan De Jouwer en moat om 1750 hinne boud wêze mei gebrûk meitsjen fan 17de-ieusk piipwurk. In bysûnder elemint yn it Fryske oargellânskip is it romantyske oargel yn de RK St. Vituststjerke te Blauhûs. Dat ynstrumint, dat yn 1924 levere waard troch Firma Rohlfing te Osnabrück, waard ek folslein restaurearre.

Huzen, bedriuwsgebouwen en wettersteatswurken

It wichtichste hûs fan Fryslân wie it Steedhâlderlik Hôf (yn de 19de ieu Keninklik Paleis) te Ljouwert. Yn 1972 droech keninginne Juliana it oer oan de stêd Ljouwert en dy droech it okkerjiers oer oan de Stichting Kultuer en Toerisme yn Fryslân. Dy Stichting brocht der stedsloazjeminten en oare hoarekafunksjes yn. Fan it slim ferfallen gebou is de technyske steat no alhiel ferbettere. Oan de efterkant binnen

Wumkes.nl

tafoegings yn hjoeddeiske styl komd om de brûkberheid te ferbetterjen. Weardefolle yntérieurûnderdielen yn de monumintale sealen binne restaurearre. Yn Ljouwert dêr't men in protte docht oan kleur op monuminten, moasten de bepleistere muorren fansels ek kleur krije en terjochte, mar wol spitich dat dit in kleur rôze wurden is, dy't – tinkt my – op histoaryske grûnen net te ferdigenjen is. Bij it oare Ljouwerter paleis, It Princessehof, is it stek dat it foarplein ôfslút, restaurearre.

It unike, yn oarsprong 15de-ieuske Dekemastate te Jelsum is foar it earst yn syn bestean ferkocht. De famylje Van Wageningen, dy't it hûs langer as twa ieuwen bewenne, hat it oerdroegen oan de Stichting Old Burger Weeshuis te Ljouwert. Dy sil in aparte stichting oprjochtsje foar it restaurearjen en behearen fan de state, dy't slim ferfallen is. It koe net oars, mar it is wol spitich dat de ieuwenlang bestien hawwende trije-ienheid fan hûs, ynventaris en bewenners no ferbrutsen is. In oar aadlik wenhûs, Oenemastate op It Hearrenfean, hat it tige nijsgjirrich beskildere plafond dat yn 1663 makke is troch de Amsterdammer Matthias van Pellecom. Ta restauraasje waard in oanset dien, mar it wurk stûke letter fanwegen hege kosten: *f* 150.000,-.

Hieltiten geane der noch wer monumintale boerepleatsen ferlern, no bygelyks yn Oranjewâld dêr't de Prinsenhoeve, in 19de-ieuske kop-hals-romp-pleats útbaarnde.

De gemeente Ljouwert wol de restanten fan de yn 1994 útbaarnde mole oan it Skieppedykje dêre nei Burchwert ta ha foar de Aylvapolder. By it Otterpark Aqua Lutra is in spinnekopsmole wer opboud. Dy mole waard yn 1860 boud foar de Himrikpolder by Huzum. Yn 1951 kaam er by de Grutte Wielen te stean. In stoarm yn 1972 en letter in brân makke der in boufal fan, mar no is it wer in pronkje. De gemeente Littenseradiel besiket trije molen oer te dwaan oan de Stichting De Fryske Mole: de Van der Meer's Mole te Winsum, de spinnekopsmole by Wieuwens ûnder Easterlittens en de Rispensermole by Easterein. De gemeente Nijefurd draacht de mole De Vlijt te Koudum oer oan de Workumer Molestichting dy't de namme Molestichting Nijefurd krije sil. Twa grutte wettermolen waarden restaurearre: de Bullemole by Lekkum en de Kievit tusken Menaam en Berltsum. De Boarnsweachster Mole út 1782 kin foar it earst sûnt 1926 wer mealle. Oan de rekonstruksje fan de bysûndere, achtkante spinnekop 'Doris Mooltsje' te Aldegea (W) waard trochwurke. Der is in ûndersyk op gong brocht om te besjen oft der mooglikheden binne ta restauraasje te kommen fan de weetmole yn De Blesse. De gemeente Amelân joech subsydzje foar it ta stân bringen fan bygebouwen by de weetmole De Verwachting te Hollum en De Phenix te Nes. Mear as tsien 'Amerikaanske' wynmotors yn Fryslân meitsje kâns om op de list fan beskerme ryksmonuminten te kommen. Yn it begjin fan de 20ste ieu makke de Dryltser firma Gebroeders Bakker der in protte fan. De gruttere eksimplaren fan it merk Herkules komme út Dresden, sa ek dy te Weidum dy't no restaurearre is. De gemeente Wûnseradiel naam de Jousterpster mole oer fan it wetterskip It Marnelân en dat mei restauraasje as doel. Der wurdt war dien de wynmotors yn it Heidenskip en by Teroele ek opknapt te krijen.

In apart bedriuwsgebou wie it út 1849 datearjende tolhûs oan de Grinzer Strjitwei te Boerum. It is ôfbrutsen en sil wer opboud wurde yn it plakje Holland yn Michigan yn Amearika. Dêr sil it út 1880 datearjende skoaltsje fan Rottum ek hinne. De karakteristike Boalserter Suvelskoalle út 1904 en 1916 is ferkocht oan in partikulier, dy't hooplik de monumintale wearde fan it kompleks noedzje sil. Foar restauraasje fan fabryksgebouwen út 1820 en 1900 fan it 400 jier âlde ierdewurkbedriuw Koninklijke Tichelaar te Makkum binne plannen makke. It eardere RK

Wumkes.nl

Verenigingsgebouw te Frentsjer liket no restaurearre wurde te kinnen. It is wol skande dat troch fandalen de sa rike jugendstildekoraasje skeind is fan dit monumintale bouwurk dêr't architekt Nicolaas Adema yn 1909 it ûntwerp foar makke. It meast monumintale wettersteatswurk fan Fryslân, de Slachtedyk, ferlear nei in ieuwenâlde skiednis syn funksje as slieperdyk fan Raerd troch Westergoa nei Roptasyl ta. De needwetterkearing by Kiestersyl yn it Van Harinxmakanaal is opromme en no hat it fansels gjin doel mear en hâld de wetterkearings by de oare silen yn stân. De sylsbalken dy't oeral noch klear leine om se yn gefal fan need yn sluven yn de silen sakje te litten, sille aanst wol opromme wurde en sa ferdwine histoaryske eleminten út it lânskip. De karakteristike flapbrêge oer de Swette by de Laatste Stuiver te Snits is foar *f* 400.000.- opknapt. Yn Nij Beets stribbet men der nei it yn 1925 boude Sudergemaal by de Nije Feart wer gongber te meitsjen.

Literatuer

De rispinge oan literatuer oer Fryske Monuminten wie foar 1996 lyts. Der kamen net mear fiif mar fjouwer Monument van de Maand-boekjes út: *Doopsgezind Friesland – Het land van Menno Simons* troch Beno Hofman, *Friese Nassaus uit de schaduw* troch Hugo Kingmans, *Leeuwarden marktstad door de eeuwen heen* troch Harm Nijboer en *Malen om het peil – enkele gemalen in Friesland en hun achtergrond* troch Elizabeth de Groot. Foar in breed publyk ornearre is in boekje *Franeker weerspiegeld*, dat Geale Groen en Joan van de Brug skreaun ha oer monumintale gebouwen yn de Akedemystêd. Yn de *Nieuwsbrief van de Studiegroep Geschiedenis Leeuwarden* (nr. 31, juny 1996) is in artikel opnommen fan A.J. Veeman, 'Historische en bouwkundige beschrijving van een Leeuwarder poortgebouw' en dat is de Wurdumerpoarte.

